



**Stichting Afûk**

Jierferslach 2019



**ANBI dokumint Stichting Afûk (RSIN/fiscaal nûmer ANBI 3304334)**

De stichting Afûk hat as doel de kennis en it brûken fan de Fryske taal, de belangstelling foar Fryslân en de kultuer fan Fryslân te befoarderjen. De Afûk hat in ANBI-status. In ANBI is in Algemeen Nut Beogende Instelling. Op basis dêrfan kinne minsken dy't in legaat neilitte of in skinking dwaan wolle oan in ANBI, gebrûk meitsje fan beskate belestingfoardielen.

**ANBI document Stichting Afûk (RSIN/fiscaal nummer ANBI 3304334)**

De doelstelling van de stichting Afûk is het bevorderen van de kennis en het gebruik van de Friese taal, de belangstelling voor Friesland en de cultuur van Friesland. De Afûk heeft een ANBI-status. Een ANBI is een Algemeen Nut Beogende Instelling. Op basis daarvan kunnen mensen die aan een ANBI een legaat willen nalaten of een schenking willen doen, gebruikmaken van bepaalde belastingvoordelen.

**Naam**

Stichting Algemiene Fryske Underrjocht Kommisje Afûk

**Bezoekadres**

Bûterhoeke 3, 8911 DH Ljouwert

**Postadres**

Postbus 53, 8900 AB Ljouwert

**Telefoon**

+31 (0)58 234 30 70

**E-mail**

[ynfo@afuk.frl](mailto:ynfo@afuk.frl)

**Websites**

[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)

[www.websjop.afuk.frl](http://www.websjop.afuk.frl)

[www.kursus.afuk.frl](http://www.kursus.afuk.frl)

[www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl)

[www.tomke.nl](http://www.tomke.nl)

[www.praatmarfrysk.nl](http://www.praatmarfrysk.nl)

## Ynhâldsopjefte

<a href="#">Foaropwurd</a> .....	5
<a href="#">Oer de Afûk</a> .....	6
<a href="#">Ynhâldlik ferslach</a> .....	8
<a href="#">Jierrekken</a> .....	57

## Foaropwurd

Yn dit jierferslach leit de Afûk ynhâldlik en finansjeel ferantwurdig ôf oer harren wurksumheden yn 2019. Nei in útsûnderlik jier yn 2018, doe't Ljouwert Fryslân Kulturele Haadstêd wie, wie 2019 wer in 'gewoan' jier foar de Afûk. Mar wa't dit ferslach lêst, sjocht dat ek in gewoan jier by de Afûk bysûnder is!

Sa hawwe der wer mear as tûzen minsken yn Fryslân in kursus by de Afûk folge. Der binne der in soad materialen makke foar lytse bern en harren opfieders. De metoaden Spoar 8 en Searje 36 dy't yn it primêr en fuortset ûnderwiis brûkt wurde binne trochûntwikkele, krekt as it evaluaasjesysteem Grip. Ek yn it middelber beropsûnderwiis is in grutte slach makke om it Frysk in goed plak te jaan. Sa hawwe wy wer in hiel soad bern en folwoeksenen mei it Frysk yn oanrekking brocht. Der is, yn gearwurking mei Cedin, NHL Stenden en de provinsje, ek al praat oer de ynfolling fan de ambysjes út it Taalplan Frysk 2030.

By Taalpromoasje is der in soad wurk ferset, bygelyks yn oparbeidzjen mei de Fryske gemeenten en yn de soarch, en mei de PraatmarFrysk-kampanje. Fanwegen it 10-jierrich bestean fan heit&mem binne der yn 2019 net allinne twa nûmers fan heit&mem útkaam, mar is der ek noch in spesjale kado-edysje makke. Foar de gearwurking mei oare taalgebieten wurdt der út de Afûk wei hieltyd mear ynternasjonale gearwurking socht.

By ús útjouwerij binne 30 Fryske boeken útjûn, mear as de helte dêrfan binne berneboeken. Der wienen prizen foar guon skriuwers dy't harren boeken by de Afûk útjûn hawwe. De Tomkeboekjes krigen de Simke Kloostermanpriis takend, Baukje Zijlstra krige de Douwe Tammingapriis en Aggie van der Meer de Gysbert Japicxpriis. Der binne wy fansels ek grutsk op.

De boekwinkel hat in goed jier draaid en de winkel wurdt ek hieltyd faker brûkt foar boek- en produktpresintaasjes. Mei Boeken fan Fryslân is mei sukses besocht om de ferkeap en it lêzen fan Fryske boeken te befoarderjen mei tal fan aktiviteiten. En yn de rin fan 2019 binne de plannen útwurke om as ûnderdiel fan de legacy fan Lân fan Taal te sjen of Ljouwert UNESCO City of Literature wurde kin. Yn oktober is bekend wurde dat dat slagge is en de Afûk sil as pinfierder optrede.

Op al dizze saken, en noch folle mear, sjogge wy werom yn it jierferslach. En dat ferslach ferskynt yn in perioade dêr't de Afûk ek yn nei de takomst sjocht. Begjin 2020 is it nije beliedsplan fan de Afûk foar de kommende fjouwer jier publisearre. Koart dêrnei waard ek it wurk by de Afûk troffen troch de lanlike maatregels fanwegen it koroanafirus. Dêrom moast de Afûk-winkel tydlik ticht en leinen ek de kursussen stil. De measte meiwurkers fan de Afûk wurkje noch thús. Doch sjogge wy optimistysk nei de takomst: mei de grutte linen dy't wy dellein hawwe yn ús beliedsplan en de konkrete útwurking dêrfan is de Afûk klear foar de takomst.

Ik winskje eltsenien in soad lêswille ta mei dit ferslach.

Alex de Jager,

direkteur

## Oer de Afûk

De stichting Afûk hat as doel de kennis en it brûken fan de Fryske taal, de belangstelling foar Fryslân en de kultuer fan Fryslân te befoarderjen.

### It belied dêr't de doelstelling mei neistribbe wurdt

De stichting besiket dat doel te berikken troch:

- It organisearjen fan kursussen en eksamens
- It gearstallen en útjaan fan learmiddels, boeken en oare publikaasjes
- It taryeden en útfieren fan projekten
- It befoarderjen fan it Frysk yn besteande en nije media
- It fersoargjen fan foarljochting en it jaan fan advys
- It oparbeidzjen mei oare ynstânsjes op it mêd fan de befoarderding fan it Fryske taalgebrûk
- Alle oare middels dy't ta it doel tsjinje kinne.

De Afûk wol it Frysk ticht by de minsken bringe. Taal is it meast wêzentlike skaaimerke fan de minske. Mei taal kin in minske syn tinden en gefoelens ûnder wurden bringe, mei oaren yn kontakt komme en him uterje yn ekspresjefoarmen lykas sjongen, toanielspyljen en skriuwen. Troch de taal is de minske in sosjaal wêzen en in kultuerdrager. Dy beide aspekten binne fansels ek wichtich as it om de Fryske taal giet: taal as middel foar kommunikaasje en kultueroerdracht.

Taal ticht by de minsken bringe betsjut dan ek dat wy beide aspekten fan de taal brûke wolle. By it learen fan de taal giet it net allinnich om de feardichheden ferstean, lêzen, praten en skriuwen, mar ek om it belibjen fan de taal yn muzyk, toaniel, ferhalen en poëzy. En om it perspektyf noch wat breder te lûken: de ferbining fan de taal yn de sosjale kontekst, it lânskip en de skiednis, as wichtige aspekten fan de Fryske identiteit.

## Us haaddoelen

Oanslutend op ús doelen en ús belied binne alle aktiviteiten fan de Afûk keppele oan trije spearpunten: taalpromoasje, taaloerdracht en kultueroerdracht.



## Taaloerdracht

Yn it ûnderwiis wurdt mei de basis lein foar in positive attitude foar it Frysk oer en dêr moatte de basisfeardichheden ferstean, praten, lêzen en skriuwen oanleard wurde. De Afûk set yn op in trochgeande learline foar alle doelgroepen: foarskoalsk, primêr en fuortset ûnderwiis, mbû, heger en folwoekseneûnderwiis.

## Taalpromoasje

Taalpromoasje bliwt needsaaklik yn ús meartalige provinsje. It brûken fan it Frysk yn 'nije' media en op oare plakken, lykas publike romten, de deistige wurkflier of rûnom yn winkels – altyd op in kreative wize – soarget foar in fierdere emansipaasje fan de taal, wurket statusferheegjend en makket dat der in positive hâlding ûntstiet foar it Frysk oer. It Frysk moat dêrom ek yn in bredere, sosjaal-maatskiplike kontekst op in oansprekkende wize te sjen en te hearren wêze. Dêrby is it belangryk dat taalpromoasje him foar in grut part rjochtet op jongeren en jongfolwoeksenen, op in wize dy't dy groep oansprekt, mei de media dy't dy groep brûkt en op de plakken dêr't dy groep te finen is.

## Kultueroerdracht

Foar de takomst fan it Frysk is it wichtich dat der op in beskaat nivo skreaun en lêzen wurdt. Sintraal by de kultueroerdracht stiet de útjouwerij. Dy hat de ôfrûne desennia in folweardich fûns opboud mei literatuer en non-fiksje foar jong en âld. Ek Boeken fan Fryslân, in gearwurkingsferbân fan Fryske útjouwers, is ûnderdiel fan de kultueroerdracht. Yn ús boekwinkel en yn ús websjop kinne minsken alle boeken dy't yn it Frysk ferskine oanskaffe.

## Bestjoer

### Gearstalling bestjoer en direksje

It bestjoer bestie yn 2019 út:

- Erik ter Keurs (oant 28 febrewaris), Jeroen Gebben (fan 28 febrewaris ôf) – foarsitter
- Nathan Hornstra – ponghâlder
- Geesje Duursma (oant 28 febrewaris), Anje Wester (fan 28 febrewaris ôf) – skriuwer
- Annigje Toering – bestjoerslid
- Tjalling van der Goot – bestjoerslid

Alex de Jager wie de direkteur.

### Wichtige stellige bestjoerlike foarnimmens

Wichtige stellige bestjoerlike foarnimmens en wilens yn it nije jier nommen besluten hawwe der yn 2019 en 2020 net west.

### It belied oangeande de omfang en funksje fan it frij te besteegjen fermogen

De Afûk hat in posityf eigen fermogen op it net-subsidiearre diel fan de organisaasje en in negatyf eigen fermogen op it subsidiearre diel. Per saldo is it eigen fermogen posityf en frij te besteegjen. De Afûk is in organisaasje dy't foar syn ynkomen foar in wichtich part ôfhinklik is fan subsydzjes dy't net struktureel binne. Guon subsydzjes wurde ôfjûn foar in tal jierren, oaren moatte alle jierren op 'e nij oanfrege wurde. De fêste kosten foar de Afûk (personeel, húsfêsting ensfh.) rinne troch en dêrfoar is in buffer nedich. It belied op it frij te besteegjen fermogen bliwt dêrom yn de kommende tiid itselde. As der mear dúdlikheid is oer de nije ôfspraken mei de provinsje oangeande de wurksumheden fan de Afûk yn de nije beliedsperioade (2021-2025) en de finansjele konsekwinsjes dêrfan foar de Afûk, sille wy wat dat oanbelanget in takomstrjochte kar meitsje.

### Wichtige wizigingen yn de doelstelling yn de karbrief

Wichtige wizigingen yn de doelstelling yn de karbrief hawwe der yn 2019 en 2020 net west.

## Ynhâldlik ferslach

Yn it ynhâldlik ferslach beneame wy de resultaten per aktiviteit.



# 1. TAALOERDRACHT

De Afûk hâldt him al mear as njoggentich jier dwaande mei taaloerdracht. Fryske taalkursussen foar folwoeksenen foarmen desennialang de wichtichste poat fan de Afûk. Dêrby kaam letter it ûntwikkeljen en útjaan fan lesmaterialen foar it reguliere ûnderwiis. Benammen de lêste tsien jier hat troch de ûntwikkelingen op it stik fan ynternet it produsearjen fan digitaal lesmateriaal in hege flecht nommen. It provinsjaal programma *Boppeslach* hat dêr de earste oanset ta jûn en it *Deltaplan Frysk* makke it mooglik dat dêr ek yn de jierren dêrnei in ferfolch oan jûn wurde koe. Dit ferslach jout in oersjoch fan de trochgeande learline dy't dêr oant no ta foar ûntwikkele is. Njonken dat digitale oanbod hat de edukaasje foar folwoeksenen syn eigen jierprogramma mei sa'n fjirtich aktive lesjouters yn 'e provinsje. Sy meitsje gebrûk fan de bybehearrende learmiddels: kursusboeken en dêrby it oanbieden fan taallearen mei it digitale learplatoarm eduFrysk.

## 1.1. Kursussen foar folwoeksenen

Yn 2019 wie it totale tal kursisten reedlik stabyl. It totale tal kursisten lei yn 2019 wer boppe de tûzen dielnimmers. De measte kursisten hawwe meidien oan in basiskursus Frysk skriuwen, dat komt foar in grut part troch it tal saaklike kursussen. It is ek moai om te sjen dat it tal selsstúdzjekursisten dat ús reguliere kursussen – LearmarFrysk en SkriuwmFrysk – folget, dit jier tanommen is.

### Kursusprogramma

It folsleine kursusprogramma bestie yn 2019 út twa blokken mei groepskursussen (partikulier), kursussen op maat (saaklik: oerheden, bedriuwen, organisaasjes en ferieningen) en selsstúdzjekursussen.

### Frysk ferstean, lêzen en praten

LearmarFrysk 1 en 2; PraatmarFrysk 1 en 2; Spoedkursus Fries; PraatmarRaak; Priveekursus; Kursus op maat; Zelfstudie Fries Verstaan en Lezen mei kursusboeken en/of eduFrysk; Frisian MOOC; Ingelsk-Frysk 'Learning Frisian Home Study'; Dútsk-Frysk 'Friesischer Sprachkurs'.

### Frysk skriuwen; taal, skiednis en kultuer; Literatuer; foech Frysk

SkriuwmFrysk 1 en 2; Frysk & Fryslân 1 en 2; Literatuer; Skiednis & Literatuer; Kursus op maat 'Frysk yn it offisjele ferkear'; Kursussen op maat; Akte&Didaktyk-oplieding; Selsstúdzje Frysk Skriuwen mei kursusboeken en/of eduFrysk; Opfryskkursus; Workshop Frysk Skriuwen.

### Startmominten kursusseizoen

It reguliere kursusseizoen hat twa startmominten: oktober en febrewaris. Op oanfraach wurdt in kursus Frysk op in oar momint yn it jier organisearre. De lessen fan de kursussen binne wykliks, mei útsûndering fan de skoalfakânsjes. De lessen duorje twa oeren en wurde benammen jûns holden fan 19.30-21.30 oere. De kursussen Frysk wurde meastentiids yn de gruttere plakken yn Fryslân organisearre, b.g. Ljouwert, It Hearrenfean, Drachten, Snits, Dokkum en Frjentsjer.

### Ofsluten kursus

By alle groepskursussen wurdt troch in diplomearre dosint lesjûn. Nei ôfrin fan de kursus ûntfange kursisten in sertifikaat foar it dielnimmen. De noarm is 80 prosint oanwêzichheid en it suksesfol folge hawwen fan de kursus. Dêrneist kinne kursisten dy't de kursussen Skriuwmars Frysk 2 folge hawwe meidwaan oan it basiseksamen foar it Frysk skriuwen, it *Fryslân A-eksamen*, dat twa kear yn it jier plakfynt, ein jannewaris en ein april. Studinten fan de PABO dogge ek mei oan it A-eksamen foar it heljen fan harren foech Frysk basisûnderwiis.

Dit jier wie der in ekstra wereksamen foar de stavering yn septimber.

### Taalnivotsjek

Minsken dy't in kursus Frysk folgje wolle, kinne foarôfgeand oan de kursus harren nivo teste en sa bepale hokker kursus oft it bêste by harren past. Dêrneist kin elkenien dy't witte wol hoe't it mei syn/har nivo fan it Frysk stiet dy tsjek ek dwaan. Der binne twa testen: ien foar net-Frysktaligen, foar it ferstean, lêzen en praten en ien foar Frysktaligen, foar it skriuwen. De taalnivotsjek slút oan op it rRF, it referinsjeramt Frysk.

Op de kursuswebside kin in proefles oanfrege wurde. Foar wa't dat op priis stelt, is der boppedat de mooglikheid om in earste les by te wenjen, om te ûnderfinen oft de kursus oanslút by de learwinsken.

## **1.1.1. Toetsing en evaluaasje**

### Fryslân A-eksamen

It A-eksamen is yn jannewaris en april 2019 ôfnommen. De ôfnamemominten binne fuort nei it ôfsluten fan de kursus *Skriuwmars Frysk – module 2*. Foar de stavering wie der in ekstra wereksamen yn septimber 2019.

It totaal oantal (wer)eksamenkandidaten wie dit jier 96. Fan de dielnimmers koene 48 minsken it A-diploma yn ûntfangst nimme.

De eksamenkommisje hat in oantal eksamenûnderdielen oanpast. Der wurdt no noch sjoen nei in bettere beoardieling fan de skriuwoopdrachten.

### Learnars Frysk-toets

Dizze toets kin makke wurde nei it folgen fan de kursussen *Learnars Frysk 1 en 2*. It is in koarte toets dy't kursisten meitsje kinne tusken les 9 en les 10, om te sjen wat se leard hawwe. It is net in offisjeel eksamen. De ûnderfining is dat sawat de helte fan de kursisten de toets makket.

## **1.1.2. Untwikkeling en begelieding**

### **Learnmiddels en kursussen**

#### Frysk yn it offisjele ferkear

It materiaal dat brûkt is as pilot by de gemeente Noardeast-Fryslân is opnij besjoen. Troch lesjouwers binne suggestjes jûn foar it oanpassen en ferbetterjen fan it materiaal. Yn 2020 sil ien en oar fierder útwurke wurde.

#### Skriuwmars Frysk 1 en 2

Der is in begjin makke mei it oanpassen fan de beide modules fan Skriuwmars Frysk. De lesstof wurdt better ferdield oer beide modules, in part fan de opdrachten sil opnij skreaun wurde.

### Omrop Fryslân

Alle meiwurkers fan de Omrop hawwe in oanbod krigen foar in Opfryskkursus. Foar harren is in programma op maat makke dat foaral rjochte wie op de stavering en ynterferinsjes. Yn totaal hawwe 105 minsken meidien oan dizze kursus. In oantal fan harren hat ek meidien oan it A-eksamen of sil dat noch dwaan.

### Provinsje Fryslân

Nei oanlieding fan in intaketoets dy't ûntwikkele is foar it praten hawwe fjouwer minsken fan it KCC in priveekursus Frysk praten folge.

Foar trainees en wurknimmers fan de Provinsje is der foar it earst in kombinaasjekursus ferstean, lêzen en praten jûn. By de kursus PraatmarFrysk sil in ekstra hantlieding skreaun wurde foar de kombinaasjekursus, sadat it makliker wurdt om te differinsjearjen binnen ien groep.

### Workshops

Yn 2019 binne der in oantal workshops ûntwikkele en holden foar ferskillende doelgroepen. Under oaren foar learlingen fuortset ûnderwiis yn it ramt fan in projektlike kultuer.

### Selsstúdzje

Yn gearwurking mei Tresoar is sjoen oft it mooglik is om in kursus Skiednis as selsstúdzje oan te bieden. De útwurking dêrfan sil yn 2020 dien wurde.

De lesplannen Frysk en Fryslân 1 en 2 binne geskikt makke foar selsstúdzje, de pakketten wurde fan maart 2020 ôf oanbean.

## **Begelieding**

### Kursisten akte en didaktysk foech

Yn gearwurking mei de eksamenkommissje is in dúdliker protokol ûntwikkele foar it leartrajekt akte en didaktysk foech.

Dêrneist is mear tiid stutsen yn it begelieden en oanstjoeren fan de stazjêres en stazjebegelieders.

### Lesjouters

Der is in begjin makke mei it útwikseljen fan ûnderfiningen. Lesjouters hawwe ideeën mei-inoar dield. Yn 2020 wolle wy dêr in ferfolch oan jaan.

Fierder wurdt sjoen hoe't de kennis fan de âldere garde oerdroegen wurde kin oan de nije lesjouters. Foar 2020 steane dêr in tal bylearmiddeis foar ynpland.

## **Kursusorganisaasje**

Yn septimber 2019 is úteinset mei it nije kursussysteem. Underwilens wurkje sawol de lesjouters as de kursusadministraasje mei it systeem en dat giet goed. Der binne noch wol in tal lytse tûkelteammen, mar dy sille yn 2020 safolle as mooglik oplost wurde.

### 1.1.3. Oersjoch kursisten

<b>1.1 net-Frysktaligen</b>	<b>2019</b>	<b>2018</b>	<b>2017</b>	<b>2016</b>	<b>2015</b>
learmarFrysk - module 1	179	202	165	170	146
learmarFrysk - module 2	37	54	36	45	82
praatmarFrysk - module 1	132	115	92	47	nft
praatmarFrysk - module 2	45	9	21	35	nft
praatmarRaak - conversatiecursus	0	19	28	7	10
priveekursus Frysk	8	6	11		
spoedcursus - Fries verstaan, lezen en/of spreken	14	19	14	5	20
kursus op maat   trainingsdei			10		
kursus op maat   ferstean, lêzen, praten, skriuwen	15	9	9		
ferfolchkursus Fries spreken	nft	nft	nft	nft	5
basiskursus Frysk op it wurk	nft	nft	nft	nft	8
<i>subtotaal 1.1</i>	<i>430</i>	<i>433</i>	<i>386</i>	<i>353</i>	<i>306</i>
<b>1.2 Frysktaligen</b>					
skriuwarFrysk - module 1	216	160	134	153	105
skriuwarFrysk - module 2	71	50	79	63	70
skriuwarFrysk - module 3	nft	nft	nft	5	22
Frysk & Fryslân - module 1	10	22	14	nft	nft
Frysk & Fryslân - module 2	6	8	5	15	nft
kursus op maat   Frysk & Fryslân - module 3	nft	nft	8		
kursus op maat   Frysk yn it offisjele ferkear		11			
kursus op maat   Frysk skriuwen (Provinsjehûs, sfbo)		9			
workshop Frysk Skriuwen	11	73	57	5	
opfryskkursus	114	7	37	79	27
literatuer	9	11	10	17	18
skiednis/literatuer	12	12	13	16	15
akte&didaktyk oplieding   foech Frysk	7	10	10	6	4
skriuwkursus pedagogysk meiwurkers foarskoalsk (SFBO)		9	15	21	38
leargong C					5
didaktyk en eardere Afûk-akte					4
skriuwkursus redaksjeleden doarpskranten				24	
sjoernalistyk skriuwen					4
<i>subtotaal 1.2</i>	<i>456</i>	<i>382</i>	<i>382</i>	<i>404</i>	<i>308</i>
<i>subtotaal 1</i>	<i>886</i>	<i>815</i>	<i>768</i>	<i>757</i>	<i>614</i>
<b>2. Kursussen Selsstúdzje</b>					
learmarFrysk - module 1 verstaan en lezen	112	69	57	52	
learmarFrysk - module 2	5	7	16	5	
skriuwarFrysk - module 1 skriuwen	49	36	39	38	
skriuwarFrysk - module 2	7	7	7	7	
leargong C				1	
jierabonnemint digitale learplatfoarm eduFrysk (NL en Frys)	28	68	43	31	
<b>2.2. Taalreis troch Europa – online Frysk skriuwen</b>					
jierabonnemint foar Fryske stavering en grammatika		2	3	45	
<b>2.3 Oare talen en Frysk</b>					
Ingelsk-Frysk 'Learning Frisian' 10 lessen	10	1			
Dútsk-Frysk 'Friesischer Sprachkurs' 10 lessen	2	9			
<i>subtotaal 2</i>	<i>201</i>	<i>199</i>	<i>165</i>	<i>179</i>	
<b>Totaal oantal kursisten yn 2019 (ynklusyf 3)</b>	<b>1087</b>	<b>1014</b>	<b>933</b>	<b>936</b>	
Frisian MOOC, Afûk & Fryske Akademy (4 lessen online)	206	398			
Fries in de zorg (6 lessen online)	2412				
<b>Totaal ynklusyf MOOC Frisian en Fries in de Zorg</b>	<b>1534</b>	<b>1412</b>			

tal kursisten (ferfolch)

<b>3. Bedriuwen, oerheden, organisaasjes en ferieningen</b>	<b>2019</b>	<b>2018</b>	<b>2017</b>	<b>2016</b>	<b>2015</b>
Afûk   bedriuwskursus foar Fryslân A-eksamen (4 lessen)			11		
Arrondissementsparket Noord-Nederland				17	
CBS De Wizebeam, Minnertsgea   workshops (3) stavering			7		
FNP-fraksje gemeente Tytsjerksteradiel		9			
Fryske Akademy	7		8	8	
Gemeente Achtkarspelen			15	3+6+8	
Gemeente Dantumadiel		8+7+7+12		3	5
Gemeente Dongeradiel		11	8	1+5+6	
Gemeente De Fryske Marren	16	8		28+9+26+12	
Gemeente Ferwerderadiel				2	
Gemeente Frjentsjerteradiel (Waadhoeke)		12			
Gemeente it Hearrenfean	13+14+23				
Gemeente Kollumerlân (DDFK-gemeenten)			13		10
Gemeente Littenseradiel			19		
Gemeente Ljouwert	8				25
Gemeente Opsterlân			2		
Gemeente Tytsjerksteradiel; sjoch by Achtkarspelen				3	
Gemeente Littenseradiel					10
Gemeente Smellingerlân					
Gemeente Súdwest-Fryslân	8+6+8+9+5+6 +9	10+6+7+2+8	18	10	23
Gemeente Waadhoeke	14+12				
Lân fan taal   trainingsdei		nft	10		
Nederlands Letterenfonds				5	
Omrop Fryslân	13+14+13+14 13+14+11+ 13	3	1	8	
Provinsje Fryslân	8+16+17+9+ 12+13+15	9	36	12	
Wetterskip Fryslân   ferstean, praten en skriuwen		9+10+28			
Kursus op maat (bedriuwskursussen, û.o. bûten Fryslân)		13			59
<b>Underwiis</b>					
NHL Stenden Hogeschool   skriuwen (pabû) mei eksamen		10 + 9	32		
SFBO   skriuwen foar pedagogysk meiwurkers		9+12	15	21	
Universiteit van Amsterdam ferstean/lêzen/praten/skriuwen		9	9	7	
Workshop Frysk   basisworkshop	15	80			
<i>totaal 3</i>	<i>368</i>	<i>331</i>	<i>204</i>	<i>200</i>	<i>132</i>
Opjeften foar eksamens: Fryslân A-eksamen en C-eksamen e	96	58	62	63	99

### 1.1.4. Oersjoch eksamens

#### Fryslân-diploma's

De neifolgjende eksamens binne ôfnommen, mei dêrefter it tal slagge en tusken heakjes it tal sakke kandidaten:

	2015	2016	2017	2018	2019
NF	13 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
<b>A / Frysk skriuwen</b>	<b>59 (20)</b>	<b>44 (15)</b>	<b>44 (10)</b>	<b>48 (7)</b>	<b>48 (48)</b>
B	5 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
C	3 (2)	4 (1)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
Frysk yn it					
offisjele ferkear	0 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
Akte	2 (0)	0 (0)	1 (0)	0 (0)	4 (0)
Didaktysk foech	0 (0)	0 (0)	3 (0)	0 (0)	3 (1)
-----					
	82 (22)	48 (16)	48 (10)	48 (7)	51 (49)

It tal A+- en NF 1-sertifikaten dat útrikt waard, wie:

	2015	2016	2017	2018	2019
NF 1	4	-	-	-	-
A+	-	-	-	-	-

#### Skoaleksamens primêr ûnderwiis

Hjirûnder de resultaten fan de lêste fiif jier:

	2015	2016	2017	2018	2019
skoallen	69	65	54	65	52
learlingen	1304	1142	929	1207	951
A-diploma's	703	486	382	871	710
B-diploma's	564	494	420	349	241

## 1.2. De trochgeande learline

De Afûk hat tal fan aktiviteiten en produkten (mei) ûntwikkele foar de trochgeande learline Frysk yn in meartalige kontekst, dy't sawol in plak hawwe yn it reguliere ûnderwiis, de foarskoalske edukaasje as dêrbûten, te witten:

- Taalkado
- Tematydkriften *heit&mem*
- Tomke
- Foarskoalsk ûnderwiis
- Primêr ûnderwiis: Spoar 8
- Fuortset ûnderwiis: Searje 36
- Grip: Toetsing en evaluaasje Frysk

Hjirnei wurdt in oersjoch jûn fan hoe't dy in plak krigen hawwe yn de trochgeande learline.

### 1.2.1. Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade

It produktplan 'Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade' hat trije doelen:

1. Alle âlden en professionals yn Fryslân dy't te krijen hawwe mei bern yn de foarskoalske perioade (VVE = Voor- en Vroegschoolse Educatie) ynformearje oer meartalich grutbringen.
2. Professionals stimulearje om aktyf mei taalbelied dwaande te bliuwen.
3. Brûkber en oantreklik materiaal oanbiede om in goede taalomjouwing te stimulearjen, sawol thús as op pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen.

Om dy doelen te berikken wurket de Afûk gear mei oare partners, lykas Fers (oant maaie hjitte Fers Bibliotheekservice Fryslân), Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO), Cedin, GGD Fryslân, de Tomke-wurkgroep en Omrop Fryslân. Alle produkten en aktiviteiten wurde ûntwikkele yn ôfstimming mei oare projekten binnen de Afûk, lykas *heit&mem*, Taalkado, GemeentenenFrysk, it primêr ûnderwiis, útjouwerij Afûk, winkel Afûk en de PraatmarFrysk-kampanje.

#### Utfiering aktiviteiten yn 2019

De aktiviteiten út it produktplan binne opdield yn trije ûnderdielen, dy't oanslute op de earder neamde doelen:

1. Foarljochtjings- en stypjende aktiviteiten/materialen op it mêd fan meartalich grutbringen;
2. Ynformaasje en edukatyf materiaal foar professionals (pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen);
3. (Multymedia)materiaal foar bern/opfieders/professionals.

#### Foarljochtjings- en stypjende aktiviteiten/materialen op it mêd fan meartalich grutbringen

##### Taalkado (sjoch ek 2.7)

It Taalkado is in kadootsje fan de provinsje Fryslân foar nije âlden by de oanjefte fan in berte, en hat as doel om harren te ynformearjen oer de foardielen fan it opgroeien yn in meartalige situaasje en om it brûken fan de Fryske taal yn it bysûnder te stimulearjen. Fanút it projekt Foarskoalsk wurdt foar it Taalkado de foarljochtjingsfolder 'Talen kleuren je leven' fersoarge. Ek is der in yntinsive gearwurking mei it Stipepunt fan de Afûk oangeande de ynhâld en ûntwikkeling fan materialen, lykas cd's en boeken. De projektlieding en útfiering fan it ûnderdiel Taalkado wurdt dien fanút it Stipepunt fan de Afûk. Yn 2019 waarden wer 6.290 kado's fia de gemeenten ferspraat.

### Folder: Talen kleuren je leven

Fersprieding fan dizze folder, mei ynformaasje oer meartalich grutbringen, fynt plak fia it Taalkado, mar ek fia foarljochting by sikehuzen, it SFBO en fia mailingen. De folder is yn 2019 op 'e nij drukt yn in oplaach fan 10.000 stiks.

### Foarlêsgids en Fryske apps foar bern

Dizze gids foar âlden befettet ynformaasje en tips oer meartalichheid, taal- en lêsbefoarding. Foar de werkenberheid en in grut berik hat de folder de namme '*heit&mem* foarlêsgids' en slút er oan by dat projekt. Yn 2019 is der in nije oplaach (6.000 stiks) printe. De gids wurdt by ferskate gelegenheden presintearre en wurdt aktyf troch de biblioteken ferspraat. Ek is der in aparte flyer makke mei alle Fryske apps foar bern, dy is yn 2019 drukt yn in oplaach fan 3.000 stiks.

### Panel jonge âlden (sjoch ek 2.7)

Om âlden te stypjen by de (mear)talige ûntwikkeling fan harren bern is it wichtich om de goede ynformaasje te hawwen. De ynformaasjeoarsjenning oangeande meartalige opfieding is op dit stuit nammentlik foar in grut part basearre op ynternasjonale ûndersiken. Om te soargjen dat der (noch) mear relevante ynformaasje foarhannen is, organisearje wy yn 'e mande mei it SFBO in *heit&mem*-panel. Alden helpe, fia in boartlik ûndersykje mei harren bern, mei oan noch mear gegevens oer de taalûntwikkeling yn in meartalige kontekst.

De projektlieding en útfiering fan it ûnderdiel *heit&mem*-panel wurdt dien fanút it SFBO yn gearwurking mei it projekt Foarskoalsk fan de Afûk. Yn 2019 diene âlden fan goed 750 bern mei oan it panel. Sy beäntwurden in jierlikse fragelist en testen taalaktiviteiten út.

### *Heit&mem* tydskrift en website (sjoch ek 2.7)

It tydskrift *heit&mem* is in fergees twatalich tydskrift foar âlden yn Fryslân mei bern fan 0 oant 12 jier. *Heit&mem* hat as doel om (oansteande) âlden bewust te meitsjen fan de meartalige omjouwing en de kânsen fan in meartalige ûntwikkeling, en harren te stimulearjen om bern meartalich grut te bringen, mear Frysk te lêzen én foar te lêzen. Dêrby wol it tydskrift de lêzers ynformaasje jaan oer tema's dy't te krijen hawwe mei it grutbringen fan bern.

It tydskrift *heit&mem* ferskynt twa kear jiers yn in oplaach fan 40.000 eksimplaren en wurdt op mear as 700 plakken yn Fryslân ferspraat, ûnder oaren by biblioteken, sikehuzen, basisskoallen en bernedeiferbliuwen. Dêrneist wurdt alle jierren in Lytse *heit&mem* makke, spesjaal foar (takomstige) âlden mei jonge bern fan 0 oant 2 jier. De Lytse *heit&mem* is yn 2019 fergees ferspraat yn in oplaach fan 6.000 eksimplaren fia it Taalkado.

Fanwegen it 10-jierrich bestean fan *heit&mem* yn 2019 is in spesjale kado-edysje makke yn in oplaach fan 3.000 eksimplaren, dy't ûnder oaren by de biblioteken fan Fryslân te krijen wie. Ek wie op 9 novimber in jubileumfeest foar heiten en memmen, mei nijsgjirrige standsjes en workshops oer û.o. foarlêzen. Der wiene sa'n 150 besikers op it jubileumfeest, dy't allegear in 'goodybag' meikrigen mei ynformaasjemateriaal en fansels de spesjale kado-edysje fan *heit&mem*.

Foarljochting wurdt ek jûn fia websites en social media. Sa is der de website fan *heit&mem*, in Facebook-, in Instagram- en in Pinterestpagina. In part fan dy communities wurdt fia de mailnetwurken ek fan in digitale nijsbrief foarsjoen.

### Oare materiaalfoarsjenning en stimulearring foar opfieders

De ferskate materialen dy't makke wurde om opfieders te ynformearjen oer it meartalich grutbringen fan bern wurde ferspraat fia ferskillende gelegenheden:

- In oantal kearen yn it jier wurde kreammerken holden yn bygelyks sikehuzen. By it MCL en Nij Smellinghe wurde foarljochtingstaskes útparte troch meiwurkers fan de sikehuzen. Yn guon gefallen oan oansteande âlden, mar ek oan âlden dy't krekt in lytse poppe krigen hawwe.



De Afûk leveret kreamtaske mei ynformaasje oer (meartalige) opfieding, dy't útdield wurde oan de oanwêzigen. Yn de taske sit ynformaasje oer meartalich grutbringen en materiaal dat dêrfoar brûkt wurde kin, lykas de brosjure 'Talen kleuren je leven', in nûmer fan *heit&mem* en in Tomke-boekje. Yn 2019 binne 1.240 taske mei ynformaasjemateriaal ynpakt en ferspraat op kreammerken fan it MCL en Nij Smellinghe.

- Yn 2019 binne trije foarlêsmoarnen organisearre yn de Afûkwinkel. By ferskate tema's troch it jier hinne (Nationale Voorleesdagen, Sinteklaas) waarden ferhalen foarlêzen, ferskes songen en nifelwurkjes makke. Der wiene hieltyd sa'n 30 bern mei âlden oanwêzich. Sy krigen allegear in taske mei ynformaasje- en promoasjemateriaal mei nei hûs.

### **Ynformaasjefoarsjenning en materialen foar professionals (pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen)**

#### Doch mear mei Tomke

Yn de 'Doch mear mei Tomke'-aktiviteitemap sitte tolve temakaternen mei suggestjes foar aktiviteiten oan liedsters, sadat sy op in ienfâldige wize mei de bern mei it Frysk oan 'e slach kinne. Handich dêrby is dat de tema's en aktiviteiten oanslute by de Nederlânske metoaden 'Uk en Puk' en 'Piramide'. Al pratende-, lêzende-, sjongende-, dûnsjende-, boartsjende- en nifeljendewei wurdt oan 'e hân fan de tema's de taalûntwikkeling fan bern stimulearre. Mar likegoed de emosjonele, sosjale en motoaryske ûntwikkeling. By alle tema's is in apart ûnderdiel opnommen foar poppen en krobben (bern fan 0-2 jier). De aktiviteitemap kin fergees ophelle wurde by de Afûk of kin troch de Afûk foar in lyts bedrach opstjoerd wurde. De aktiviteitemap is oant ein 2019 ta 398 kear besteld.

#### Digitaal platfoarm

Yn de saneamde 'Tomketeek' is al it Frysk materiaal foar pjutten sammele, lykas ferhaaltsjes, ferskes, filmkes, gedichtsjes, kleurplaten, nifelwurkjes, praatplaten, deiritmekaarten en gean sa mar troch. Professionals dy't wurkje mei pjutten kinne fergees in ynlochkoade oanfreegje. De Tomketeek slút oan op it digitale platfoarm dat foar it primêr ûnderwiis brûkt wurdt en bestiet út deselde tema's as dy fan de 'Doch mear mei Tomke-map'. Ek kin mei in sykterm socht wurde nei spesifyk materiaal, dat de brûkers dêrnei sammelje kinne yn in eigen 'leske'. De Tomketeek wurdt hieltyd oanfolle mei nij materiaal. Yn 2019 binne sa'n 160 ynlochkoades oanfrege.

#### Frysk yn de beropstekst

Foar it projekt Frysk yn it mbû is socht nei fierdere gearwurking mei de ferskate mbû-opliedingen, om it Frysk in fêst plak te jaan yn de opliedingen ta pedagogysk meiwurker en ûnderwiisassistint. Yn maaie 2020 sil in pilot dien wurde by it Friesland College yn Ljouwert, ferskate gearwurkingspartners sille dan mei-inoar fiif lessen fersoargje oer de (meartalige) taalûntwikkeling fan jonge bern, de meartalige situaasje yn Fryslân, taalstimulearring, lêsbefoarding en it beskikbere aanbod yn it Frysk.

#### Tomke-nijsbrief

Alle jierren krije professionals dy't wurkje mei pjutten in spesjale Tomke-nijsbrief, mei aktuele aktiviteiten, nije materialen en oare saken oangeande Tomke en oare foarskoalske ûnderwerpen. De nijsbrief foar professionals ferskynde yn 2019 trije kear. Hy waard yn in oplaach fan 550 stiks ferstjoerd, nei alle pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en de jeugdkonsulinten fan de biblioteken.

### Oare materiaalfoarsjenning en stimulearring foar professionals

Om pedagogysk meiwurkers geregeld nije prikels en stimulânsen te bieden, wurde der hieltyd nije materialen ûntwikkele en tastjoerd. De materialen slute oan by besteande aktiviteiten, sawol op Frysk as Nederlânsk mêd.

De bernsintra dy't meidogge oan de Fryske Foarlêswike hawwe yn 2019 wer in moaie úttearposter krigen dy't oanslút by it fergeze Tomke-temaboekje.

Yn 2019 is der yn ferbân mei de earstfolgjende 'Nationale Voorleesdagen', dy't alle jierren yn de moanne jannewaris holden wurde, wer in lesbrief makke, diskear mei de titel 'Prottelein'. By de 'Nationale Voorleesdagen' fan 2020 stie nammentlik it boek 'Moppereend' sintraal. Spesjaal foar dy gelegenheid is dêrom it printeboek oersetten yn it Frysk ('Prottelein') en is der in moaie lesbrief by makke mei suggestjes foar (taal)aktiviteiten om it printeboek hinne.

Ek binne der in fiiftal lesbrieven ûntwikkele om it Tomke-tema fan 2019 hinne: 'Sintugen'. Elke lesbrief bestiet út trije siden en befettet in moai ferhaal en ferskate (taal)aktiviteiten om ien fan de fiif sintugen hinne. Op de foarside is it ferhaal yn grutte ôfbyldingen te besjen, sadat liedsters fan bernsintra it ferhaal foarlêze kinne wylst de bern tagelyk de platen besjogge. De fiif lesbrieven binne yn 2019 troch it jier hinne ferspraat ûnder professionals dy't mei pjutten wurkje, hieltyd yn in oplaach fan 550 stiks.

### **(Multimedia-) materiaal foar bern/opfieders/professionals**

#### Tomke-website

Yn jannewaris 2019 is de nije Tomke-website lansearre, tagelyk mei in nije Tomke-app en it digitale platfoarm foar professionals (de Tomketeek). De nije site, dy't in stik frisser, oansprekkender en oersichtliker wurden is, bestiet út trije ûnderdielen:

- Oer Tomke: mei ynformaasje oer Tomke en it Tomke-projekt.
- Tomke foar thús: mei ynformaasje oer it meartalich grutbringen fan bern, en ferhaaltsjes, ferskes, filmkes, spultsjes en printmateriaal om thús te brûken.
- Tomke foar professionals: mei ynformaasje oer it materiaal foar bernsintra en in link nei de Tomketeek.

De nije Tomke-site hie yn 2019 sa'n 4.500 unike besikers yn 'e moanne. De útstrieling en ynhâld fan de nije site wurdt geregeld oanpast oan tema's dy't passe by de tiid fan it jier en hat in streekrjochte ferbining mei de nije Tomke-app. Ek wurde fia de website digitale nijsbrieven mei nijs oer Tomke ferstjoerd nei sa'n 525 e-mailadressen. Fia Tomke-Facebook krije goed 2.600 minsken geregeld nije berjochten fan Tomke. De Pinterest-site fan Tomke hat 250 folgers.

#### Tomke-app

Yn 2019 is de Tomke-app, geskikt foar telefoans en tablets, alhiel fernijd. De Tomke-app is fergees en beskikber foar iOS en Android. Bern fan 2 o/m 6 jier kinne fia de app sels ferhaaltsjes lêze, spultsjes dwaan, meisjonge mei ferskes en Tomke-filmkes besjen. Ek kin fia de app nei Tomke Radio lústere wurde. De app is yn 2019 855 kear delladen foar iOS en 803 kear foar Android.

#### Apps foar lytskes

De app fan 'It Grutte Foarlêsboek' bestiet út ferhaaltsjes, gedichtsjes en spultsjes mei animaasjes. De app is yn 2019 145 kear delladen foar Android en 102 kear foar iOS. Yn 'Hantsjes yn 'e hichte' kinne bern in spultsje dwaan mei sykplaten en Fryske berneferskes belústerje. Yn 2019 is dy app 406 kear delladen foar Android en 218 kear foar iOS. Op de app 'Lytskes' steane njoggen animearre Fryske berneferskes. Dy app is yn 2019 174 kear delladen foar Android en 119 kear foar iOS.

### Oare materialen foar pjutten

It oanbod oan Tomke-materialen foar bern, opfieders en professionals wurdt hieltyd oanfolle mei moaie nije materialen dy't foar in rike Fryske taalomjouwing soargje moatte.

- Yn 2019 binne nije ferhaaltsjes, ferskes, gedichtsjes, deirimkearten en nifelwurkjes makke foar op 'e webside, foar yn de nijsbrieven en foar yn de Tomketeeke.
- Ek binne der Tomke-taskes, Tomke-beurskes en Tomke-rútstikers makke en nije hânpoppen fan Kornelia, Yana Yu en Romke (in hânpop fan Tomke wie der al). Ek binne yn gearwurking mei de biblioteken yn Fryslân grutte poppen makke fan Tomke en syn freontsjes.
- Yn 2019 is in twadde diel fan it Grutte Foarlêsbok makke, mei mear as sechstich ferhaaltsjes, ferskes en gedichten foar bern fan 2 oant en mei 6 jier. Ferskate (begjinnende) auteurs en yllustrators hawwe meiwurke oan it boek en krigen dêrby begelieding fan Lida Dykstra en Marijke Buurlage.
- By it Grutte Foarlêsbok diel II wurdt ek in update fan de besteande app fan it Grutte Foarlêsbok makke, mei in tafoeging fan 10 ferhaaltsjes en gedichtsjes en mei de 10 ferskes út It Grutte Foarlêsbok diel I en II. De ûntwikkeling fan de app, it opnimmen fan de ferskes en it animearjen fan de ferhaaltsjes en gedichtsjes is yn 2019 úteinsetten.
- Op Spotify binne alle besteande Fryske berneferskes foar jonge bern sammele op de ôfspyllist 'Fryske berneferskes'. De list hat yntusken sa'n 112 folgers.

### Aktiviteiten en materialen Tomke-projekt

It Tomke-projekt is it foarlê- en taalstimulearringsprogramma yn it Frysk foar pjutten. In tal Fryske organisaasjes foarmje mei-inoar de Tomke-wurkgroep (Fers, SFBO, Cedin, Afûk, Omrop Fryslân) en koördinearje de aktiviteiten om Tomke hinne. Fanút it Tomke-projekt wurde jierliks in tal fêste aktiviteiten organisearre. In oantal aktiviteiten dy't fanút it projekt 'Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade' fan de Afûk ûndernommen wurde, brûke ek de namme Tomke en foarmje in wêzentlik ûnderdiel fan wat ûnder de namme Tomke-projekt ferskynt en dien wurdt. Yn ûndersteand oersjoch wurde alle aktiviteiten fan it Tomke-projekt yn 2019 neamd. De aktiviteiten dy't útfierd wurde yn it ramt fan 'Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade' binne oanjûn mei in stjerke (\*).

It tema foar 2019 wie 'Sintugen'. Dat betsjut dat de sintugen as kapstôk brûkt binne foar de ferhalen yn de Tomke-boekjes en alle oare aktiviteiten.

Krekt lykas yn foargeande jierren binne der binnen it Tomke-projekt trije ynfalshoeken te ûnderskieden, nammentlik aktiviteiten foar en mei pjutten, ynformaasjefoarsjenning en materialen foar professionals, en materiaal foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade. In wiidweidich ferslach fan ûndersteande aktiviteiten is te besjen yn it jierferslach fan it Tomke-projekt op [www.tomke.nl](http://www.tomke.nl).

- *Aktiviteiten foar en mei pjutten*
  - De Fryske Foarlêswike\*
  - Tomke yn de biblioteken
    - o Nationale Voorleesdagen
    - o Fairtradewike
    - o Tomke-Toer: poppekast
    - o Mei Tomke op de foto
  - Tomke op de telefyzje
  - Tomke-radio
  - Tomke-app\*
  - Tomke-site\*

- *Ynformaasjefoarsjenning en materialen foar professionals*
  - 'Doch mear mei Tomke'-aktiviteitemap mei oanjuljende digitale materialen\*
  - Tomke-nijsbrieven\*
  - Tomke-site\*
  - Tomke-deskundigensbefoarding
- *Materialen foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade*
  - Tomke-boekje 'It nije broerke fan Yana Yu'\*
  - Tomke-boekje 'Belibje it mei Tomke'\*
  - Tomke-poster\*

## 1.2.2. Primêr ûnderwiis

Yn de ôfrûne jierren is Spoar 8, de digitale metoade Frysk foar it primêr ûnderwiis, útgroeid ta in kompleet pakket dat alle groepen fan it basisûnderwiis betsjinnet. Ek yn 2019 is de ûntwikkeling fan de digitale metoade dien yn gearwurking mei ferskate partijen, lykas Cedin, de learare-opliedingen, taalkoördinatoaren, dosinten en skoalbestjoeren, yn de foarm fan wurkgroepen. De útkomsten út dy wurkgroepen hawwe de basis foarme foar de ûnderskate farianten sa't dy no brûkt wurde. De farianten mei-inoar foarmje de metoade Spoar 8.

De kontinuë wurksumheden besteane út it aktueel en útdaagjend hâlden fan it oanbod en it bieden fan begelieding. Skoallen kinne alle dagen by de Afûk terjochte mei harren fragen en opmerkingen oangeande *Spoar 8*. Wy fersoargje de administraasje en soargje derfoar dat alle dosinte- en learlingakcounts oanmakke wurde. Boppedat krije alle skoallen in workshop op maat foar it hiele team.

Foardat yngien wurdt op de ferskillende doelgroepen en dêrmei dielprojekten út it Deltaplan sil earst mear sein wurde oer de wurksumheden oangeande de 2030-ambysje dy't steld is troch de provinsje en it redesign fan ús systeem eduFrysk. Dy beide grutte projekten wiene yn 2019 hiel urgint en hawwe dêrom, yn oerlis mei de provinsje, in soad oandacht krigen.

### Taalplan Frysk

Skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis binne ferplicht om it Frysk oan te bieden. It Taalplan Frysk hat yn it rapport 'It is mei sizzen net te dwaan' nochris sjen litten dat it oanbod lang net altyd op it winske nivo sit. De ambysje dy't troch Ryk en Provinsje yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023 fêstlein is, is dat op alle skoallen yn it Fryske taalgebiet uterlik yn 2030 alle keardoelen foar it Frysk op in foldwaande nivo oanbean wurde. Fierder wurdt wurke oan in fernijing fan de keardoelen Frysk.

De Afûk hat mei it lektoraat fan NHL Stenden Hegeskoalle en Cedin in plan ûntwikkele om de ambysje fan de provinsje om alle learlingen fan it basis- en fuortset ûnderwiis in kompleet oanbod Frysk te garandearjen, yn it jier 2030 te realisearjen. De kern fan de gearwurking is de krêften bondelje en folhâlde, fol oertsjûging en net frijbliuwend. Alle oanbelangjende partijen, skoallen, alle organisaasjes dy't harren stypje kinne by it realisearjen fan de Fryske taalambysjes, en de provinsje as opdrachtjouwer wurkje steech en doelfêst mei-inoar gear, tsien jier lang. Mei-inoar soargje wy derfoar dat yn 2030 elke learling op elke skoalle yn it Fryske taalgebiet profitearje kin fan in kompleet taaloanbod wêryn't gjin nee te keap is.

Trije pylders drage WOW Frysk: bewustwurding, materiaal en begelieding & skoalling. In ynspirearjend oanbod oan materialen, metoaden en wurkfoarmen stelt alle skoallen yn steat om oan 'e slach te gean en stap foar stap fierder te bouwen.

Wêr't dat nedich is, is der begelieding en kinne (takomstige) learkrêften in oplieding krije. Sa wurdt planmjittich en resultaatrjochte tawurke nei it realisearjen fan de ambysje.

De 2030-ambysje rjochtet him yn it foarste plak op basis- en fuortset ûnderwiis, mar de trochrinnende learline Frysk is dêryn wichtich. Dêrom is der ek omtinken foar de oansluting op it foarskoalske oanbod en de ferbining mei it ferfolchûnderwiis op mbû- en hbû-nivo.

### Redesign eduFrysk

We stribje konstant nei in aktueel les oanbod; de ynhâld moat passe by de tiid, de opset moat oanslute by de nijste ûnderwiisynsjoggen en it systeem moat brûkersfreonlik holden wurde. Wy binne yn petear mei skoallen dy't ús metoaden brûke, om fan harren te hearren hoe't it noch better kin. Fragen dy't dêrby sintraal stean sille, binne: slút de ynhâld noch altyd oan by de doelgroep, is al it lesmateriaal nei 4 jier noch aktueel en oansprekkend, kinne we troch nije mooglikheden âlde foarmen fan oefeningen ferfange, steane der genôch/tefolle materialen yn alle tema's ensfh. Skoallen dy't ús metoaden noch net brûke, geane wy bydel om harren de mooglikheden fan ús metoade sjen te litten.

Yn 'e mande mei ús automatisearingspartner Taal en Digitaal hawwe wy, neist de trochûntwikkeling, tiid ynromme om goed nei ús systeem eduFrysk te sjen. Alles moat sa simpel, sa yntuïtyf en fansels sa fluch as mooglik wurkje om de brûkersfreonlikheid fierder te fergrutsjen. Troch it groeiende tal brûkers en it útwreidzjen fan it metoademateriaal en alle bykommende funksjonaliteiten is it systeem yn de ôfrûne jierren tige kompleks wurden (sawol oan de achterkant as by guon ûnderdielen yn it gebrûk). Om dy reden sil it ûnderwiisteam al yn 2020 oparbeidzje mei it folsleine team fan Taal en Digitaal om de interface te fersimpeljen en de foarmjouwing te optimalisearjen. De útstrieling fan de ferskillende metoaden wolle wy oanslute litte by de doelgroepen. Yn de fierdere ûntwikkeling fan nije ûnderdielen sille wy dêr ek rekken mei hâlde.

Yn it ramt fan it ferbetterjen fan de performance (snelheid/wurking fan it systeem) is der yn 2019 ek yntinsyf gearwurke mei Bloomwise. Der is besletten dat de ûntwikkeling fan nije funksjonaliteiten yn de foarm fan sprints earst efkes trochskood wurdt. De folle fokus lei by performance en de tarieding foar it redesign dat yn 2020 plakfine sil. Sa is alle data oersetten nei in nije server, is it ynladen fan gegevens effisjinter makke (wêrtroch't de lessen sneller toand wurde), lade de resultaatpagina's flugger (wêrtroch't dosinten better ynsjen kinne wat learlingen dien hawwe yn de metoade) en is it ynloggen en klearsetten fan lessen fersimpele.

Mei de punten dy't dien binne is dúdlik resultaat boek. It systeem wurket in hiel stik flugger en der binne gjin klachten fan skoallen kaam. Troch de Afûk is in mail de doar út dien nei alle skoallen dy't gebrûk meitsje fan ús systeem. Dêryn is de situaasje om de performance hinne útlein. Nei oanlieding dêrfan ek gjin opfallende reaksjes, wol oanfragen foar workshops.

Om de maksimale winst te beheljen kwa performance, wurking en útstrieling fan de metoade(n) sil it redesign ek yn 2020 de folsleine oandacht krije; minder knopkes, minder ûnnedige skermen, mear oansprekkende bylden, in passende werjefte per doelgroep (banners/achtergrûn). Oftewol in fersimpele user interface en user experience.

### Spoar 8 ûnderbou

Spoar 8 foar de ûnderbou is geskikt foar learlingen út groep 1, 2 (en 3). Dizze fariant wurket tematysk en slút oan by de oanpak en yndieling fan oare bekende ûnderboumetoaden. In learkrêft dy't siket nei in tema yn Spoar 8 kriget in hiel soad materialen, dy't op in oersichtlike manier presintearre wurde. Om ta in goeie tematyske yndieling te kommen, is sjoen nei de opbou en oanpak fan oare (Nederlânske) beukermetoaden, sa as Schatkist en Kleuterplein. Der sitte yn totaal 48 tema's yn Spoar 8 foar de ûnderbou, ferdielt oer fjouwer haadtema's: Ik en myn omjouwing, Seizoenen en natuer, Feest en fiering en Frije tiid en ferbylding.

De learkrêft siket sels in tema dêr't hy/sy mei wurkje wol. Faak bart dat op basis fan wat der spilet yn de klasse en hokker tema oft sintraal stiet, ek by oare fakken. Sa kin mei it Frysk sûnder problemen oansletten wurde by oare fakken en aktiviteiten dy't yn de ûnderbou oan bod komme.

Yn Spoar 8 ûnderbou steane by elk tema in hiel soad materialen klear. Per tema kin it tal materialen ferskille (it iene tema is no ienkear grutter as it oare), mar elk tema hat deselde opbou mei itselde type materialen, yndield yn kategoryen. Dy kategoryen binne: Berneferskes, Ferhaaltsjes, Filmkes, Opsiferskes en gedichten, Praatplaten, Printeboeken en Wurdlisten. Binnen in tema kin de dosint sels syn/har les gearstalle mei materialen út de ferskillende kategoryen. Dy lesmaterialen wurde hieltyd oanfolle mei nije/oare input, troch it digitalisearjen fan bygelyks oare teksten of it tafoegjen fan nije ferskes en útstjoeringen fan *SkoalTV*. Sa binne der it ôfrûne jier nije ferhaaltsjes, filmkes en wurdlisten mei audio en foto's tafoege. Mar ek de sykplaten fan Keimpe de Krokodil binne in grut ûnderdiel fan dizze metoadefariant. Yn 2019 binne der sa'n 18 ynteraktive sykplaten tafoege oan de temateek. De sykplaten binne tekene troch Aart Cornelissen en programmearre troch Grendel Games.

Mei dy sykplaten kinne learlingen wurkje oan harren Fryske wurdskat. De platen binne ynteraktyf trochdat se de opdracht jouwe om in wurd (objekt) op de plaat te sykjen en oan te klikken. Yn de sykplaat sit feedback ferwurke. Docht in learling it goed, dan kriget hy/sy positive feedback. As in learling it ferkearde objekt oanklikt of te lang wachtet, kriget de learling in hint (omskriuwing) om him/har te helpen it goede wurd te finen. Dêrneist binne der ek oare effekten oan de plaat tafoege. Sa binne der per plaat in tal animaasjes opnaam, dy't starte mei bewegen as it goede wurd fûn is, en sitte der ek lûdeffekten ferwurke yn de plaat.

De haadpersoan yn dy ynteraktive sykplaten is Keimpe de Krokodil. Keimpe jout de learlingen de opdrachten en feedback. De ynteraktive sykplaten wurde foarmjûn op basis fan besteande wurdlisten út Spoar 8. Yn totaal komme der 34 sykplaten beskikber yn Spoar 8, foar sawol de ûnderbou as groep 3/4.

Neist losse lesmaterialen stiet/steane der no by alle tema's (in) taalaktiviteit(en) yn it systeem. In taalaktiviteit is in oerkoepeljende aktiviteit, passend by it tema. De aktiviteit is keppele oan it referinsjeramt Frysk en wurket oan taaldoenen dy't de bern behannelje moatte/kinne.

Losse lesmaterialen kinne yn tsjinst stean fan de taalaktiviteit.

De taalsuggestjes jouwe de learkrêft in soad stipe. Der wurdt in beskriuwing fan in taalaktiviteit jûn en dy wurdt ferbûn mei it referinsjeramt Frysk. Ek is opnommen wat de spesifike doelen binne en hoe't der differinsjearre wurde kin (b.g. tusken Frysktalige en net-Frysktalige bern). Behalve dat in dosint binnen in tema kieze kin foar in taalaktiviteit, kin der no ek út it referinsjeramt Frysk wei keazen wurde foar in taalaktiviteit. De dosint kiest dan net fanút in tema, mar fanút de doelen dêr't hy/sy oan wurkje wol. De keppeling fan de taalaktiviteiten mei it referinsjeramt Frysk is optimalisearre; it is dúdliker oan watfoar doelen oft dosinten wurke hawwe, mar ek watfoar aktiviteiten oft der per doel beskikber binne. Fanút it ramt kinne de 82 taalaktiviteiten dy't no beskikber binne, keazen wurde op basis fan profyl en taalbelied en maklik klearsetten wurde.

#### Spoar 8 foar groep 3 en 4

Yn de praktyk die bliken dat yn de groepen 3 en 4 ferlet is fan in aparte metoadefariant dy't rjocht docht oan it nivo fan de learlingen út dy groepen. Net allinnich moatte de lesmaterialen (teksten, filmkes, ferskes) geskikt wêze, ek begjinne de bern fan groep 3 mei lêzen. Skoallen dy't mei Frysk lêzen begjinne wolle, hawwe learmiddels en learlinen nedich dy't ôfstimd binne op de situaasje fan de skoallen.

Wy hawwe, mei in wurkgroep fan materiaalûntwikkelders, ûnderwiisbegelieders en dosinten, wurke oan in hiele nije metoadefariant fan Spoar 8 foar groep 3-4. Yn fergeliking mei de ûnderboufariant binne der folslein nije tema's ûntwikkele (acht, en allegear yn fraachfoarm). Dy binne ta stân kaam troch te sjen nei oare taal- en lêsmetoaden yn de oanbelangjende groepen, lykas Veilig leren lezen, sadat dêr maklik by oansletten wurde kin. Ek is de yndieling yn kategoryen krekt wat oars. Sa binne der bygelyks ferhaaltsjes om foar te lêzen en ferhaaltsjes om sels te lêzen. Ek die bliken dat der fanút de praktyk in soad ferlet wie fan 'wurkopdrachten', los fan de taalaktiviteiten. Dêrom binne de kategoryen spultsjes en wurkblêden taheakke. Dêrûnder steane lesmaterialen lykas memory, typfleantúchje en wurdseker, dêr't learlingen ek aktyf mei oan 'e slach kinne. De wurkblêden binne

net bedoeld om digitaal yn te foljen, mar kinne printe wurde.

De wurkblêden befetsje bgl. skriuwooprachten, ferbynoprachten en fragelisten. Foar dizze metoadefariant binne nije taalaktiviteiten ûntwikkele. Aktiviteiten dy't passe by de doelgroep en by de nije tema's, en dy't oanslute by de doelen út it rRF.

Der binne foar alle acht tema's fjouwer taalaktiviteiten makke, dus 32 yn totaal. Dêrby is rekken holden mei in goede ferdieling tusken de ferskillende taaldomeinen fan it rRF. Oan de taalaktiviteiten binne geskikte lesmaterialen keppele, en yn guon gefallen wurdt der gebrûk makke fan oanfoljend materiaal lykas spulkaartsjes, formats, audio of wurkblêden. De taalaktiviteiten binne foar dosinten maklik te finen by de tema's. En ek by dizze metoadefariant kinne de aktiviteiten keazen wurde op basis fan doel, fanút it digitale rRF.

Foar de metoadefariant Spoar 8 – Groep 3/4 is it ûnderdiel Lêslíne ûntwikkele. Yn groep 3/4 begjinne learlingen mei lêzen (ek yn it Nederlânsk). Dosinten misten lesmateriaal om it Frysk lêzen ûnder de knibbel te krijen. It wie bygelyks foar learlingen út groep 5 somtiden in hiele opjefte om de teksten út Spoar 8 lêze te kinnen. Om ek yn it Frysk oandacht te besteegjen oan it begjinnend lêzen, moast der nij materiaal ûntwikkele wurde.

De Lêslíne fan Spoar 8 is in metoade om mei it Frysk technysk lêzen oan 'e slach te gean. Dêrby wurdt derfan útgien dat de learlingen al in begjin makke hawwe mei it technysk lêzen yn it Nederlânsk, sadat de elemintêre lêshanneling al by de learlingen bekend is. De Lêslíne fan Spoar 8 leit de klam op wat de bern al kenne fan it Nederlânsk en biedt fan dêrút de ekstra lûden en letters oan dy't it Frysk ryk is. De learlingen leare de Fryske lûden en letters mei de help fan seis bern en twa bisten dy't yn alle lessen weromkomme. Yn de kontekst fan wat dy bern en bisten meimeitsje, komme de learlingen yn 'e kunde mei de spesifyk Fryske lûden en letters en oefenje se it Frysk lêzen. De digitale omjouwing jout de mooglikheid om mei it digiboerd te wurkjen en de learlingen yndividueel oefenje te litten achter in eigen skerm.

By de opdrachten wurdt fisuele en auditive stipe bean foar learkrêft en learling. De fisuele stipe is wer fan 'e hân fan Aart Cornelissen. Ek Keimpe de Krokodil komt werom; hy jout de bern ynstruksje binnen de Lêslíne. Der is foar keazen om ferbining te kreëarjen mei de sykplaten en ien werkenbere 'styl' te brûken, dat soarget foar gearhing binnen Spoar 8.

De pilot fan dizze metoadefariant hat plakfûn yn de moannen oktober (2018) oant maart (2019). Yn de tuskenlizzende perioade hawwe njoggen skoallen (en dêrmei fjirtjin dosinten) it nije lesmateriaal foar ús test. Dy skoallen hiene as earsten tagong ta it materiaal (dat foar oare skoallen noch net te brûken is) yn ruil foar in oantal feedbackmominten. Neist persoanlike stipe en in lesobservaasje krigen alle dosinten in pilotmap, mei dêryn ferskate feedbackformulieren; û.o. oer de tematyske lessen, de Taalaktiviteiten, de Lêslíne, de Evaluaasjeles en de Ynteraktive sykplaten. De útkomsten binne brûkt as input foar de ferbettering fan de metoade foar de groepen 3 en 4. Op basis fan de feedback is de metoadefariant oanpast en oanfolle. Fan it skoaljier 2019-2020 ôf is dizze metoadefariant yntegraal ûnderdiel fan Spoar 8.

### Spoar 8 midden- en boppebou

Spoar 8 foar de midden- en boppebou is geskikt foar learlingen út groep 5 o/m 8. Yn 2019 binne de lessesearjes fan dizze metoadefariant omboud nei projekten. Wêr't skoallen foarhinne 32 tema's mei 4 lessen hiene, hawwe se no de kar út 32 projekten mei harren eigen nivo-opdrachten en projekt opdrachten. Troch dy lessesearjes yn in projektfoarm te jitten, binne de skoallen frij om in folchoarder te kiezen. De kar foar in projekt kin ôfhinklik wêze fan it tema, mar ek fan it doel fan de einopdracht, en dêrmei passe by de fyzje en ambysjes fan de skoalle.

Mei projekten foar groep 5-8 kinne skoallen wurkje oan wrâldoriïntearjende tema's én de Fryske taal. De ferskillende projekten binne frij yn folchoarder te kiezen en geane oer in ferskaat fan wrâldoriïntearjende tema's. Der is altyd in projekt dat oanslút by tema's dêr't yn de klasse oan wurke wurdt.

Projekten besteane út in grutte talige projektopdracht (Tram of Trein) en nivo-opdrachten op twa differinsjaasnivo's (gjel en blau). Der steane foar elke groep genôch projekten klear om in folslein jierprogramma mei te draaien.

In projektopdracht wurdt altyd oanbean yn twa foarmen: Tram en Trein. De projektopdracht Tram wurdt faak útfierd binnen de skoalle en is wat ienfâldiger te organisearjen, wylst projektopdracht Trein him gauwer bûten de skoalle ôfspylje sil, yn mear taalechte situaasjes. Jouwe de learlingen bygelyks in presintaasje yn de klasse of geane jim mei syn allen op ekskurzje?

Utfierde projektopdrachten wurde automatysk registrearre yn it referinsjeramt Frysk (rrF). Sa hast altyd in aktueel oersjoch fan de taaldoelen dêr'tst oan wurkest.

It útgongspunt yn Projekten is it ûntwikkeljen fan Fryske mûnlige en skriftlike taalfeardichheden yn de kontekst fan betsjuttingsfolle tema's oer de wrâld om ús hinne. Dan wurkest oan wrâldoriïntearjende doelen mei it Frysk as fiertaal en dát neame wy 'funksjonele taalsituaasjes'. Yn de projektopdrachten Tram sil it faak om in funksjonele taalsituaasje yn de skoalle gean, wylst de funksjonele taalsituaasjes yn projektopdrachten Trein mear taalechte situaasjes bûten de skoalle wêze sille.

Yn in projektopdracht is der altyd omtinken foar meardere taaldomeinen tagelyk (ferstean, lêzen, praten en skriuwen). Learlingen kinne dêrom altyd meidwaan op harren eigen nivo. Troch learlingen mei ferskillende taalnivo's bewust mei-inoar gearwurkje te litten, sille se inoar op in natuerlike wize útdaagje om de Fryske taal hieltyd mear en better te brûken.

Mei nivo-opdrachten ferdjipje learlingen harren selsstannich fierder yn it tema fan in projekt. De giele opdrachten binne foar learlingen dy't wat minder thús binne yn de Fryske taal. Mear taalfeardige learlingen kieze foar de blauwe opdrachten. It ferskil sit 'm foaral yn de ferwurking fan de opdracht. Ynstruksjes binne yn it Frysk en Nederlânsk, audiofragmenten en in automatyske fertaalfunksje helpe de learlingen om de opdrachten goed te begripen.

De projekten binne begjin 2020 yn gebrûk naam op de skoallen.

Dosinten hawwe fia in mailing en workshops mear ynfo en tips foar it ynsetten fan de projekten krigen. Yn it ramt fan Lightrail sil der foar projekten (en foar alle oare metoadeûnderdielen) in 'Sprinter' (stappeplan) komme oer de organisaasje, differinsjaasje en didaktyk dêrfan.

Yn 2019 is ek úteinset mei de temateek foar de midden- en boppebou. De tematyske oanpak lykas yn groep 1-4 leit dêroan te'n grûnslach. De metoadevariant projekten sil dêrby ek as basis brûkt wurde; de projektopdrachten wurde oanbean as Taalaktiviteiten. De stypjende lesmaterialen kinne, neist in soad oar boarnemateriaal, oanbean wurde yn de temateek ûnder de ferskillende kategoryen.

Dêrtroch kinne dosinten sels de foar harren geskikte lessen gearstalle, passend by wrâldoriïntearjende tema's. In oare wize fan oanfleanen, mei it boarnemateriaal fan Spoar 8 as basis. Sawol Projekten as de Temateek slute oan by tema's dy't ek brûkt wurde yn oare (Nederlânsk talige) metoaden foar wrâldoriïntaasje.

It kommende jier sille de projekten en de temateek útwreide wurde mei nije projektopdrachten en dêrmei ek taalaktiviteiten. Der is sjoen nei de hiaten yn it referinsjeramt Frysk: oan hokker doelen binne noch gjin projektopdrachten/taalaktiviteiten keppele? Dy útwreiding fan it materiaal passend by de ûntbrekkende doelen betsjut in grutter oanbod foar de skoallen. En dus mear kar, passend by elk taalprofyl.

### Meunstertún

De ûnderdielen stavering, wurdskat en grammatika wurde oanbean fia de game *Meunstertún*.

*Meunstertún* is in saneamde 'serious game', wêrby't de bern de meunsters yn harren Meunstertún fersoargje moatte. Om de meunsters tefreden te hâlden, moatte se opdrachten útfiere. Dy opdrachten hawwe te krijen mei de wurdskat en de stavering fan it Frysk. Elke learling hat in eigen Meunstertún en spilet dus selsstannich en op syn of har eigen nivo. *Meunstertún* makket gebrûk fan adaptive learlinen. Dat hâldt yn dat it programma byhâldt hoe't de learling de opdracht útfiert. In learling dy't langer wurk hat mei in bepaalde oefening of mear muoite hat, krijt mear oefeningen om oan de regel dy't yn dy oefening oan 'e oarder komt te wurkjen. In learling dy't maklik troch de



oefeningen hinne giet, streamt earder troch nei it folgjende ûnderdiel fan de learline.

*Meunstertún* moat op in kompjûter, laptop of tablet spile wurde en hat in fêst plak yn elk tema fan Spoar 8.

De resultatetabel is yn it kader fan performance en redesign optimalisearre. Dosinten hawe dêrtroch goed ynsjoch yn watfoar nivo oft alle learlingen de *Meunstertún* spylje, wichtich y.f.m. it adaptive karakter, en hoe't se de staverings- en wurdskatoefeningen meitsje. Op basis fan de resulaten kin der foar keazen wurde om remediearjend oefenmateriaal klear te setten foar guon learlingen. Fansels is klassikaal wurkjen mei it oefenmateriaal foar de stavering ek mooglik. In winsk foar de takomst is in aparte staveringsline, wêrmei't de teory op in oantreklike wize oanbean wurde kin.

### *Spoar 8 Temateek*

Foar groep 1/2 en groep 3/4 bestiet al in temateek yn *Spoar 8*, mar ek de temateek foar de groepen 5-8 kriget foarm. Mei dizze metoadefariant kinne dosinten sels harren lessen gearstalle passend by wrâldoriïntearjende tema's, lykas de saakfakken. Der wurdt in grut ferskaat oan lesmateriaal digitalisearre; tink oan ferskes, filmkes, ynformative teksten, ynstruksjeteksten, kaarten, tips om der op út ensfh. By it ûntwikkeljen fan de metoadefariant Projekten is ek fuort rekken holden mei de Temateek foar de hegere groepen. De projektopdrachten wurde tagelyk ek oanbean as taalaktiviteiten. Net yn de struktuer fan in Projekt (mei nivo-opdrachten), mar as grutte opdracht passend by it rrf, dêr't dosinten sels harren les omhinne meitsje kinne troch gaadlik materiaal út de temateek te sykjen.

Ek biedt dizze fariant in soad mooglikheden om kulturele projekten en útstapkes yn de provinsje te keppeljen oan it lesmateriaal. Om it tekoart oan nijsgjirrich materiaal passend by de saakfakken oan te foljen en dêr bypassende aktiviteiten by te betinken, wolle wy graach de gearwurking sykje mei kulturele ynstellingen.

Mei ynstellingen lykas it Fries Museum, it Histoarysk Sintrum Ljouwert en Tryater wolle wy yn de kommende jierren sjen oft wy yn de temateek teksten of audiofisueel materiaal brûke kinne dy't oanslute by de aktiviteiten fan de kulturele ynstellingen. Sa kin dat materiaal op skoalle brûkt wurde yn kombinaasje mei in besite oan de kulturele ynstelling.

De oanpak by dizze fariant is yn de taaldidaktyk noch in hiele nije wize fan wurkjen. Der is noch net in soad bekend oer sa'n oanpak en der binne noch mar in pear praktykfoarbylden te finen. Foar in lytse taal lykas it Frysk en dan ek noch foar de meartalige kontekst dêr't wy yn sitte, is dat in moaie útdaging. It resultaat fan dat projekt is dat binnen *Spoar 8* de groepen 5-8 de mooglikheid krije om oan te jaan hoe't se it Frysk jaan wolle; mei folslein útskreaune projekten dy't stap foar stap folge wurde kinne, of mei mear frijheid troch sels materiaal út de temateek by in taalaktiviteit te kiezen. In oare wize fan oanfleanen, mei it boarnemateriaal fan Spoar 8 as basis. Sawol Projekten as de Temateek slút oan by tema's dy't ek brûkt wurde yn oare (Nederlânsktalige) metoaden foar wrâldoriïntaasje.

Sa as sein sille de projekten en de temateek útwreide wurde mei nije taalaktiviteiten en passend boarnemateriaal. Alle gear oanslutend op de hiaten út it rrf, sadat der mear kar is en oanbod passend by alle taalprofilen.

### *Spoar 8 Spesjaal ûnderwiis*

Foar dizze nije doelgroep fan Spoar 8 (en Searje 36) is it lânskip yn kaart brocht; wat binne de typen skoallen, hoe grut is de doelgroep en wêr leit it ferlet? Op basis fan dat foarûndersyk wurdt in metoadepagina ynrochte dy't spesifyk foar dizze doelgroep bedoeld is. Al it gaadlike materiaal fan beide metoaden wurdt sammele en op in oantreklike wize presintearre.

Yn eardere kommunikaasje mei de provinsje is oanjûn dat in grut diel fan 2019 brûkt is om de user interface en user experience te ferbetterjen en te fernijen. Dy fersimpeling fan it systeem is in earste stap yn it oanbieden fan de omjouwing oan dizze nije doelgroep, júst om't dêr ferlet fan goed tagonklik materiaal is. Mar fansels biedt it de brûkers fan no ek in stik gebrûksgemak.

Om't de nije doelgroepen noch nea gebrûk makke hawwe fan ús Fryske materiaal en dêr noch gjin ferwachtingen binne, hawwe wy yn oerlis besletten om dêr de prioriteit te lizzen, mei as gefolch dat

it ûntwikkeljen fan in nije metoadefariant wat minder fluch giet.

Dochs kinne we melde dat de metoadefariant al yn ûntwikkeling is en der kontakten mei ferskillende lanlike ûnderwiispartijen lizze om te sjen hoe't we foar dizze doelgroep eigen, wierskynlik fysyk, lesmateriaal biede kinne as tafoeging op de gearstalde digitale fariant.

### Spoar 8 Lightrail

De doelstelling fan dit projekt is om te kommen ta in passende metoadefariant binnen Spoar 8 foar dosinten dy't fan hûs út net Frysktalich binne, gjin foech hawwe foar it Frysk en harren ûnwis fiele by it lesjaan yn it Frysk en fan it Frysk.

Yn oerlis mei de provinsje is dit projekt ein 2019 fan start gien, om't der earst tiid en romte naam is om oan de performance, brûkersfreonlikheid en user interface/aktualiteit fan it besteande lesmateriaal te wurkjen. Yn de útwurking hat bliken dien dat júst de oanpassingen yn it ramt fan de brûkersfreonlikheid bydrage oan de doelstelling fan dit projekt.

Foar alle metoadefarianten is yn 2019 wurke oan detaillearre ynformaasjegidsen en sil yn 2020 fierder wurke wurde oan 'e hân fan 'Sprinters'. Dy saneamde sprinters binne stappeplannen per metoadefariant dy't help biede by de organisaasje en it ynsetten fan de ûnderdielen fan Spoar 8. Sa wurdt der djipper yngien op de didaktyk, de organisaasje- en differinsjaasjefoarmen en wurdt yn in hantlieding útlein hoe't dosinten it materiaal klearsette, begeliede en evaluatearje kinne.

Boppedat wurdt der konstant wurke oan it tafoegjen fan oersettingen en audio (sawol Frysk- as Nederlânsktalich) oan al it besteande en nije lesmateriaal. Dêrtroch kinne dosinten dy't harren net feardich genôch fiele gebrûk meitsje fan in audioferzje dy't it materiaal foarlêst oan de learlingen. Dat de ynstruksjes twatalich makke wurde, hat as doel dat elkenien dermei út 'e fuotten kin, en dêrby binne de omskriuwingen fan it lesmateriaal gjin opdracht op harsels.

Fanút it redesign wurdt dêrneist neitocht oer technyske helpmiddels, sa as it maklik yn kontakt stean mei de helpdesk en digitale hantliedingen, bygelyks yn de foarm fan in 'overlay'.

### **1.2.3. Fuortset ûnderwiis**

Searje 36 hat him ûntwikkele ta in metoade foar it folsleine fuortset ûnderwiis. Njonken de lesserige fan 36 lessen yn seis tema's foar klasse 1 (der is in fariant foar it vmbo en ien foar havo/vwo) is der in oanbod oan projekten foar klasse 2 makke. Dat pakket bestiet út in tal praktyske projekten (Doch!) dy't ynsette op in spesifyk domein fan it taallearen. In projekt fan Doch! liedt ta in einprodukt en stelt foar in grut part ek gearwurking sintraal. Alle projekten fan Doch! binne keppele oan de doelen út it referinsjeramt Frysk (rrF). Dêrtroch kin de kar foar in projekt makke wurde op basis fan it tema, mar ek op basis fan de doelen dêr't oan wurke wurdt. Op dy wize is der foar elke skoalle, likefolle watfoar profyl en fyzje oft dy hat wat it Frysk oanbelanget, in passend oanbod. It materiaal fan Lear! is makke om selsstannich oan de taalfeardigens troch te wurkjen, bygelyks troch it spyljen fan de adaptive staveringsgame Twastriid en de filmkes fan Taalskets (sjoch fierder).

### Klasse 3

Yn 2019 is der in ferfolch makke mei Searje 36 – klasse 3. Ek yn klasse 3 wurdt wurke lykas hjirboppe beskreaun, mei materiaal en projekten dy't minder útgeane fan klassifikaasje, mar mear fan subjektifikaasje en sosjalisjaasje. Foaropsteld, de projekten yn klasse 2 binne ek yn klasse 3 noch goed te brûken. Fansels kin der dan stranger mei kritearia omgien wurde.

Dêrneist binne der nije projekten skreaun, dy't hjirûnder koart taljochte wurde:

- *De Keet*  
De learlingen wurkje oan harren hark- en sjochfeardigens mei dit projekt, dat oan de telefyzjesearje De Keet hinget. By elk fan de tsien ôfleveringen binne fragen makke, dy't net

allinnich in berop dogge op it besjen fan de searje, mar ek freegje nei de miening fan de learling, it eigen ynsjoch. Nei ôfrin skriuwe de learlingen in resinsje by de searje en slute se it projekt ôf mei in klassikaal stellingespul.

- *Praat mar Frysk*  
Op guon skoallen wurdt it 'taaldoarp' brûkt as toetsingswize foar de mûnlinge feardichheden by Nederlânsk en Moderne Frjemde Talen. In dosint Frysk, dy't op it stuit ek dielnimmer is fan ús wurkgroepen, hat dêr in Fryske fariant op betocht. Dat materiaal hawwe wy ynset yn in nij projekt. By Praat mar Frysk oefenje de learlingen mei it fieren fan petearkes yn ferskate settings (fan dokter oant terras oant yn it hotel). Dêrnei wurkje sy in kusus út. It einprodukt fan it projekt is in filmke, op lokaasje, fan harren selsbetochte en -útfierde petear.
- *It Feest*  
De learlingen meie in feest organisearje! Nei in ynliedingsfilmke mei Freark de Swetser yn de haadrol geane se oan de slach mei ferskillende skriuwopdrachten dy't te krijen hawwe mei it op poaten setten fan in goed feest. Sy oefenje harren skriuwfeardigens yn in e-mail oan in muzikale act, in formele brief oan de gemeente en in ynformele útnûging foar alle gasten. Mar... nei't der in nijsberjocht binnenkomt oer Freark en de moarn nei syn feest, is it oan de learlingen om te betinken wat der allegear bard is. Dat dogge sy oan 'e hân fan oefeningen kreatyf skriuwen en it meitsjen fan in eigen koart ferhaal.
- *De Lêsklup*  
Om de lêsefeardigens te befoarderjen is yn klasse 2 it projekt De Lêsklup oprjochte. Foar klasse 3 is it oanbod oanfolle mei de folgjende boeken:
  - Sex to the Max; it LêsNo-boek fan 2019.
  - Krús fan de Hollanner; it earste LêsNo-boek út 2015.
  - Dy iene foto; in 10-ferhalebondel foar de jongerein (der wurde trije keazen).

It ûnderdiel Lear! bestiet foar klasse 3 út in protte nij materiaal, njonken inkelde saken dy't út klasse 2 meikommen binne. Taalskets en Twastriid binne noch hieltyd goed te brûken, benammen omdat Twastriid him (adaptyf) oanpast oan, en meigroeit mei, de learling.

Nij dit jier binne in trijetal hark- en sjoechoetsen (Skript, Hyls en De Reade Skries) en in digitale ferzje fan it learboekje De Stipe. 'Taaleigen; leskes yn idioom' nimt in dûk yn homonimen en ynterferinsjes, siswizen en útdrukkingen. Der binne 25 lessen beskikber.

Ek binne der 20 filmkes makke dy't djipper en praktysker yngeane op de Fryske stavering. De 'Fryske útlisfilmkes' binne makke troch Ans Wallinga en yn Searje 36 te besjen én gelyk te ferwurkjen.

### Doch! it sa

Om de projekten fan Doch! krêft by te setten, mar ek om learlingen (en dosinten) op wei te helpen binne der acht saneamde tutorials makke, filmkes dy't útlizze hoe't wat moat of tips jouwe foar in suksesfol produkt. De rige 'Doch! it sa' leit út hoe't in learling de saak oanfleane kin op it mêd fan:

- ✓ In artikel skriuwe
- ✓ In diskusje fiere
- ✓ In eksposysje hâlde
- ✓ In ferhaal skriuwe
- ✓ In filmke meitsje
- ✓ In gedicht skriuwe
- ✓ In presintaasje jaan
- ✓ In resinsje skriuwe

De filmkes binne taheakke oan de projekten dy't mei soksoarte produkten wurkje (by it materiaal út alle klassen fan Searje 36), mar se binne ek as folsleine rige te finen.

### Taalskets!

Oer folsleine rigen sprutsen: Taalskets! is yn 2019 ôfrûne en bestiet út 14 filmkes oer de Fryske stavering. By elke ôflevering is in poster makke en de dosinten dy't gebrûk meitsje fan Searje 36 hawwe de posters op skoalle krigen.

Yn jannewaris 2020 komt Taalskets 15 út, as kroan op it wurk (letterlik en figuerlik). Yn dy lêste ôflevering wurde noch in protte lytse regelsjes útlein. Ek sil der yn 2020 mear dien wurde mei Taalskets op it mêd fan social media.

### Vmbo-4

Yn it neijier fan 2019 is der in begjin makke mei it ferfolch op klasse 3, en tagelyk it kompleet meitsjen fan it oanbod foar it folsleine fuortset ûnderwiis.

De learlingen fan vmbo klasse 4 sille harren eineksamen dwaan. Dêr wurkje se fansels al oan yn klasse 3, mei bygelyks de taalfeardigens en de hark- en sjochtoetsen út Lear!. Dêrneist sille der in tal nije projekten beskikber komme foar klasse 4, dêr't de earste stappen foar set binne.

Sa sil der in eksamentraining komme, dy't nei it sintraal eksamen ta wurket. De lêsfeardigens stiet dêryn sintraal, mei al syn aspekten: lêsstrategyen, tekstferbannen, -soarten en -foarmen, mar ek byldspraak en sitearjen.

Op it mêd fan fiksje is it projekt Boekpromo yn ûntwikkeling. Learlingen kieze in berneboek en organisearje in boekpromoasje op in basisskoalle. Dêrfoar ferdjippe sy harren yn de berneliteratuer. Mei it each op LOB (loopbaanoriëntatie) wurdt der in wiidweidich projekt opsetten dêr't it staaizeplak in wichtige rol yn kriget.

Om de mûnlinge taalfeardigens te oefenjen wurdt der wurke oan in toanielprojekt, dat ymprovisaasje en it wurkjen oan in fêststeand stik kombinearret.

### Twadde Faze

De twadde faze start yn klasse 4 en beslacht twa (havo) of trije jier (vwo). Oan 'e ein sil der foar harren ek in eineksamen lêsfeardigens wêze. In tal saken dy't hjirboppe al neamd binne, komme likegoed foar yn de twadde faze:

Sa sil der in eksamentraining komme, dy't nei it sintraal eksamen ta wurket. De lêsfeardigens stiet dêryn sintraal, mei al syn aspekten: lêsstrategyen, tekstferbannen, -soarten en -foarmen, mar ek byldspraak en sitearjen.

Mei it each op LOB (loopbaanoriëntatie) wurdt der in wiidweidich projekt opsetten dêr't it staaizeplak in wichtige rol yn kriget.

Om de mûnlinge taalfeardigens te oefenjen wurdt der wurke oan in toanielprojekt, dat ymprovisaasje en it wurkjen oan in fêststeand stik kombinearret.

Dêrneist sil der foar de twadde faze in ûnderdiel Literatuer wêze. Yn gearwurking mei Salang't de beam bloeit (in projekt fan Tresoar by it boek mei deselde namme) wurdt der oan ferskate finsters wurke.

Nij foar de twadde faze, njonken Doch! en Lear!, is it wurkjen oan ûndersyksfeardichheden (wurktitel: Sykje it út!). De learlingen wurkje oan in (of in kombinaasje fan meardere) ûnderwerp(en) dat falt ûnder ien fan dizze trije pylders: De Fryske taal, De Fryske sporten of De Fryske natuer.

De pakketten foar klasse 4 fan it vmbo én de twadde faze sille yn it neijier fan 2020 beskikber wêze foar de brûkers fan Searje 36.

## 1.2.4. Middelber beropsûnderwiis

### Frysk yn it beropsûnderwiis

De trochgeande learline Frysk dy't wy mei-inoar ûntwikkelje, kriget binnen it beropsûnderwiis plak yn it takomstich berop fan in soad studinten. Dêrmei is it beropsûnderwiis dé ideale fiedingsboaiem foar Frysk yn de ferskate ekonomyske sektoaren.

In soad fan dy studinten bliuwe nammentlik yn Fryslân wenjen en binne dêrmei bepalend foar it gebrûk fan it Frysk op de wurkflier, mar ek foar it gebrûk fan it Frysk yn it deistich libben, bgl. by muzyk- en sportferienigingen.

Yn 'e mande mei de ferskate partners bringe wy it (winske) plak fan it Frysk yn de oanbelangjende sektoaren yn kaart en oan 'e hân dêrfan jouwe wy stal oan it ûnderwiisoanbod foar de studinten. Tagelyk biede wy konkrete en relevante opdrachten dy't soargje dat it Frysk yn it oanbelangjende wurkfjild mear brûkt en better sichtber wurdt, mar foaral ek op de agenda komt. Ek ferbetterje wy de hâlding foar it Frysk oer. Sadat it byld fan it Frysk ûnder jongeren en harren begelieders positiver wurdt en de mooglikheden dy't it Frysk biedt mear foar it fuotljocht komme. Op dy wize stimme we fraach en oanbod sterk opinoar ôf en beynfloedzje de produkten en de aktiviteiten sawol it (berops)ûnderwiis as de oanbelangjende sektoaren.

Wy wolle studinten it Frysk oanbiede yn in ynspirearjende en relevante beropskontekst: dêrby wolle wy it ûnderwiis en de beropspraktyk mei-inoar ferbine troch tûk gebrûk te meitsjen fan it Frysk.

Studinten dogge sa ûnderfining op mei de mearwearde fan de Fryske taal, fergrutsje harren eigen taalfeardichheden en soargje foar mear sichtberens en kreative tapassingen fan de Fryske taal yn de beropsomjouwing, en bringe it Frysk fanút skoalle nei de mienskip.

De ynstellingen dy't no benammen dwaande binne mei it Frysk yn it beropsûnderwiis binne ROC Friese Poort, ROC Friesland College en ROC Nordwin College. Dêrby giet it yn skoaljier 2019-2020 oant en mei febrewaris om sa'n 600 studinten dy't it kardiel Frysk folgje by ien fan de trije ynstellingen foar middelber beropsûnderwiis.

Dêrneist wurkje wy ek oan:

- In nij generyk eksamen wêrmei't we in ûntbrekkend stikje yn de trochgeande learline trochûntwikkelje;
- In ûndersyk om it belang fan it Frysk en meartaligens binnen soarch en ûnderwiis yn byld te bringen;
- Programma's yn it fêste programma fan ferskate beropsopliedingen oangeande de (mear)wearde fan it Frysk en meartaligens;
- In fêst oanbod foar Frysk binnen de lanlike pilot Ruimte voor de regio;
- Ynnovative praktykrjochte projekten binnen it taalûnderwiis op ROC's.

Stadichoan wurdt de fokus ek ferbrede nei it heger beropsûnderwiis. Dat bart yn 'e mande mei benammen NHL Stenden. Mar ek oare ynstellingen hawwe ús omtinken. Lykas Hogeschool Windesheim, yn ferbân mei harren oplieding sjoernalistyk.

### Untwikkeling kardiel Frysk

Fan it skoaljier 2016-2017 ôf hawwe mbû-studinten de ferplichting om elk learjier ien kardiel te folgjen. Dêrby hawwe opliedingen de kar út tûzenen kardielen, wêrby't de spesifike opliedingen in seleksje oanbiede oan harren studinten, dy't út dy seleksje ien of mear kardielen kieze moatte. It kin dêrby gean om it poatbekapjen fan de kij, selsstannich ûndernimmerskip, om in ferfolchtrajekt nei de pabû (dêrmei sit harren programma folslein fol), mar ek om it kardiel Frysk.

Kardielen foarmje mei-inoar sa'n 15 prosint fan de totale mbû-oplieding. Ien kardiel bestiet dan ek út sa'n 240 stúdzjebelêstingsoeren. It oantal oeren is yndikatyf en omfettet in kombinaasje fan begelate ûnderwiistiid (bot), beropspraktykfoarming (bpf) en selsstúdzje.

Studinten binne ferplicht om diel te nimmen oan it systeem fan kardielen en fan it skoaljier 2020-2021 ôf telt it behelle resultaat fan de kardielen mei foar it beheljen fan it diploma.

Foar kardielen kinne kosten by studinten yn rekken brocht wurde. De hichte fan dat bedrach fariearret sterk. Oant en mei it skoaljier 2019-2020 hawwe mbû-studinten fergees gebrûk meitsje kinnen fan de digitale learomjouwing wêryn't de basisline Frysk oanbean wurdt.

### *Basisline*

In part fan it kardiell Frysk wurdt oanbean fia de digitale learomjouwing. Yn dat systeem steane ûnderwilens 4 x 10 lessen fan sa'n oardeloere de les. Dosinten kinne de lessen foar harren studinten klearsette, mar ek oanpassingen en oanfollingen meitsje op it programma. Sa stiet der in stevige basis foar it kardiell Frysk. De basisline is generyk fan opset en sa ek ynsetber yn de folle breedte binnen it mbû. Tusken 1 jannewaris 2019 en 31 desimber 2019 hawwe 559 minsken gebrûk makke fan it oanbod op mbu.edufrysk.nl. Yn totaal gong it om 468 nije oanmeldingen yn it kalinderjier 2019.

### *Praktyk*

It praktykpart freget op dit stuit it measte omtinken, om't alle ynstellingen en alle opliedingen fan de oanbelangjende ynstellingen in oare wurkwize hawwe. Fansels freget ek elke beropssektor om syn eigen oanpak. Dochs besykje wy ek hjir safolle as mooglik in generyk oanbod te ûntwikkeljen. Under it kopke ynnovaasje steane ferskate farianten omskreaun.

### *Sertifisearring*

De eksaminearring fan it Frysk binnen it beropsûnderwiis is in útdaging. Krekt om't njonken de taalbehearsking ek de tapassing yn de praktyk sa wichtich is. Om der wol foar te soargjen dat der ien oersichtlik pakket leit, wurkje wy no oan generike eksamens op A1, A2 en B1-nivo, dêr't studinten oan dielnimme kinne as se foldogge oan de praktykstjoerde kritearia. Studinten dy't oant no ta dielnimme oan it kardiell Frysk, folbringe harren trajekt ek mei in eksamen. Allinne is dat eksamen earder ûntwikkele en mear taspitst op de soarchsituaasje en koenen alle studinten dêroan dielnimme.

### *Undersyk Frysk binnen de beropssektoaren*

Kommunikative feardigens kriget in soad omtinken binnen it fêste ûnderwiisoanbod fan it mbû. Dat is logysk, omdat kommunikaasje tige wichtich is yn allerhande ekonomyske sektoaren dêr't de ROC's studinten foar opliede. Tagelyk bliuwe in soad mbû-studinten nei harren oplieding wurksom yn de provinsje. It liket dan ek fanselssprekkend dat dy takomstige professionals yn harren oplieding én berop yn oanrekking komme sille mei de ferskillende (streek)talen yn Fryslân. Wat krekt it ferlet is fan wurkjouwers en kliïnten/klanten oangeande de behearsking fan dy (streek)talen is noch net alhiel dúdlik. Om studinten better ta te rieden op harren takomstich berop hawwe skoallen ynsicht nedich yn wat de kliïnten/klanten wolle of nedich binne yn praktyksituaasjes. Yn 2019 hawwe wy dwaande west mei de tarieding fan ûndersiken by ROC Friese Poort en ROC Friesland College. Dy ûndersiken sille yn it skoaljier 2020-2021 útfierd wurde.

### *Ekonomyske sektoaren*

Yn opdracht fan de provinsje Fryslân wurket E&E-advys oan in ûndersyk nei de ekonomyske wearde fan it Frysk. De útkomsten fan dat ûndersyk sille mids 2020 presintearre wurde en kinne soargje foar it tûker brûken fan de Fryske taal yn it bedriuwslibben. Oan 'e hân fan ferskate petearen oer fraachstelling, fergelykbere ûndersiken, strategy en partners foar ferfolchpetear hawwe wy op in tal mominten stipe jûn oan de ûndersikers.

### *Ferlet Frysk binnen soarchopliedingen NHL Stenden*

Ein 2019 is der yn oparbeidzjen mei it lektoraat Meertaligheid & Geletterdheid wurke oan in projektplan om de rol fan it Frysk en meertaligens yn de soarchsektor op it hbû en it wurkfjild yn

byld te bringen. De doelstellingen binne it analysearjen fan de behoeften fan it wurkfjild yn de soarchsektor oangeande it gebrûk fan it Frysk en de oare talen, it ynventarisearjen fan de ûnderfiningen mei it Frysk fan meiwurkers yn de soarch mei in migraasje-eftergrûn en it yntegrearjen fan de Fryske taal yn it ramt fan de brede meartaligens yn de provinsje Fryslân yn de soarchopliedingen op it hbû, spesifyk foar net-Frysktalige studinten en studinten mei in migraasje-eftergrûn.

Ynearsten sil it lektoraat dwaande mei de útfiering fan it projekt. Begjin 2021 sille de folsleine resultaten fan it projekt bekend wêze. Fanút de Afûk sille wy stipe jaan oan it projekt en mooglik yn de rin fan it projekt wurkje oan de realisaasje fan in programma foar de soarchopliedingen by NHL Stenden.

### *It Frysk as ûnderdiel fan it fêste programma*

#### *Onderwijs en Pedagogiek*

Studinten fan de opliedingen ta pedagogisch medewerker kinderopvang, gespecialiseerd pedagogisch medewerker en onderwijsassistent binne de takomstige professionals yn de berne-opfang en it ûnderwiis. Guon sille by bernedeiferbliuwen oan it wurk, oaren (eventueel fia in ferfolchoplieding) yn it primêr ûnderwiis. It is dan ek tige wichtich dat krekt dy groep studinten op 'e hichte is fan de mearwearde fan meartalich grutbringen fan bern, de situaasje yn Fryslân en it oanbod op it mêd fan de Fryske taal. Dêrom wurkje wy yn oparbeidzjen mei de partners fan de Tomke-wurkgroep oan in trainingsprogramma dy't idealiter twa kear jiers oanbean wurde sil binnen it wurkplak pedagogyk by ROC Friesland College (in potinsjeel fan sa'n 400 studinten jiers). As it programma oanslucht en suksesfol is, wolle we dat fansels ek oanbiede oan ROC Friese Poort. De earste opset fan it programma bestiet út seis mominten fan sa'n oardeloere mei omtinken foar meartaligens (Cedin), (foar)lêzen (Boeken fan Fryslân), situaasje yn Fryslân (NHL Stenden), belied en wurkwize yn Fryslân (SFBO), materialen (Afûk) en talige aktiviteiten en ynteraksje (Fers). In earste lytse pilot (sa'n 40 studinten) sil om maaie 2020 hinne útfierd wurde. Fierder binne der binnen itselde domein ferkennende petearen om it Frysk in fêst plak te jaan binnen it fak programmearjen yn it ûnderwiis en by it nij te ûntwikkeljen kardiell 'mear muzyk yn de klasse'.

#### *Commercie en dienstverlening*

Mei de sektor Commercie en Dienstverlening by ROC Friesland College hat in earste ferkennend petear west oer it plak fan it Frysk en meartaligens yn harren opliedingen. Sy steane dêr hiel posityf yn en sjogge seker mearwearde foar it Frysk yn de ferskillende sektoaren dêr't binnen wurke wurdt (in breed ferskaat fan û.o. toerisme, wellness en hoareka oant kommersjele tsjinstferliening, bakery en kommunikaasje). Sa binne der mooglikheden om mei-inoar in programma te ûntwikkeljen foar de beropssektor, mar fansels ek om yn it programma fan de studinten mear romte te meitsjen foar it Frysk.

De workshop Gastfrij Frysk foar hoareka en toerisme soe in goede basis biede kinne. Sa ûntdekke dielnimmers wat harren bedriuw en regio bysûnder makket en leare sy hoe't se dat oerbringe kinne op harren gasten, relaasjes en kunde. De workshop Gastfrij Frysk is mear as in workshop Gasthearskip. Dielnimmers leare om opnij te sjen nei de eigenheid fan it bedriuw, de kultuer, de taal, de streek en de eigen identiteit en om dat op in natuerlike, autentike wize oer te bringen op harren gasten. De útdaging is no om de goede minsken binnen de opliedingen te finen dy't dêrmei fierder kinne.

### *Ynnovaasje*

#### *Anno N. vs. skoalbern*

'Anno N. vs. skoalbern' is in edukatyf en talich escaperoomspul foar alle groepen yn it basisûnderwiis, mei ûntwikkele én útfierd troch mbû-studinten. It is in aktiviteitprogramma, geskikt

foar de hiele basisskoalle. It ferhaal en de fideo's wurde yn trije nivo's oanbean; ûnder-, midden- en boppebou. De bybehearrende opdrachten wurde ûntwikkele troch de Afûk en trochûntwikkele troch studinten. Anno N. vs. skoalbern kin selsstannich útfierd wurde troch basisskoallen, mar kin ek begelaat wurde troch studinten.

It aktiviteiteprogramma omfettet trije fêste mominten fan ûngefear ien oere. Dy mominten falle yn ien wike op trije achterienfolgjende dagen. Elk momint wurdt ynlaat én ôfsletten mei in fideo út in nijsútstjoering. De earste twa dagen wurdt it programma yn de eigen klasse útfierd en op dei trije folget de grutte ûntknoping. Hjir moat it wurk, de opdrachten en de antwurden fan alle klassen by inoar komme om ien mienskiplike puzel op te lossen om de skoalle definityf út de greep fan Anno N. te hâlden.

#### Ferhaalline

As Anno N. op in dei út de finzenis ûntsnipt, ûntstiet der grutte panyk. Ut wraak foar syn ferfelende skoaltiid beslút hy alle skoallen yn Nederlân te hacken. Alle Nederlânske basisskoallen wurde fuortdaliks 'op slot' setten. Anno N. hackt ynearsten de digibuorden, set dêrnei it boartersguod achter slot en grendel en slút ta eintsjebeslút ek noch de direkteur op yn it lytste hokje fan skoalle. De learlingen kinne mei-inoar Anno N. ferslaan en der sa foar soargje dat hy wer yn de finzenis opsletten wurde sil. Trije dagen achterinoar moatte de learlingen de hacks fan Anno N. oplosse om de skoalle en harsels te befrijen en sa te bewizen dat pesten liede kin ta misdied en dat gearwurking soarget foar frijheid.

It folsleine ferhaal spilet him ôf binnen in live-útstjoering fan de telefyzje. De reporter op lokaasje fertelt oer de aktuele ûntwikkelingen en hâldt ynterviews mei belutsenen. De presintator praat de boel oaninoar en de eksperts lizze op temanivo it barren út. Anno N. brekt hieltyd wer yn.

#### Untwikkelprogramma foar studinten

Binnen it kardiell Frysk (by ROC Friesland College) wurket in groep studinten oan it programma, om oan 'e ein útfiering te jaan op ien fan de dielnimmende basisskoallen. Oan 'e hân fan workshops fan de professionals fan Afûk, Friesland Boeit en Spellekijn krije de studinten ynformaasje oer it ûntwikkeljen fan spultsjes en opdrachten op it goede nivo. Underwilens bringe se ien of meardere besites oan de basisskoalle en wurkje se harren programma mei escaperomeftige opdrachten út. Dêrby meitsje se gebrûk fan it besteande programma en helje dêr saken út en/of folje oan mei har eigen ideeën.

Yn de ûntwikkeling fan it programma foar studinten binne we ek yn oerlis mei de fertsjintwurdigers fan it excellentieprogramma en it mentorprogramma foar in goede gearwurking. Dat is benammen om't it projekt soarget foar in krityske blik nei de wize fan taaloanbod yn it ûnderwiis, en in fernijende wurkwise presintearret oan studinten, dy't se sels ek noch tapasse sille. It programma stiet ek op de radar by ROC Friese Poort en de pabû en sil dêr mooglik ek in rol spylje yn it ûnderwiis. By de earste pilots hawwe fan 20 studinten de kar makke om te wurkjen oan it programma.

#### LêsNo

As ynliding foar studinten en as ôfsluting foar de learlingen fan de boppebou binne der plannen yn ûntwikkeling foar in lêsprjekt nei foarbyld fan LêsNo foar it fuortset ûnderwiis. Dit projekt soe brûkt wurde kinne as tarieding op in fergelykber lêsbefoarderingsprojekt foar it basisûnderwiis.

Yn it ferhaal sjocht Anno werom op syn lêste jier op de basisskoalle, mei de kennis en libbensûnderfining dy't er yn lettere jierren opdien hat. Sa besiket Anno ynsjoch te krijen yn wêrom't er pest is, om mei dy wiisheid himsels en oaren derfoar te behoedzjen om dêr fierder ûnder lije te moatten.

It projekt sil, krekt lykas by LêsNo, begelaat wurde mei lê- en lesmateriaal. Yn dit gefal sil der ek omtinken wêze foar pestgedrach yn de klasse en mooglik gearwurke wurde mei de stichting 'Jij bent het waard'. Sy hawwe ferskate projekten rinnen yn it ûnderwiis, wêrby't se bgl. ek jongeren dy't



saakkundich binne en ûnderfining hawwe mei pestgedrach de klasse yn bringe foar in breed petear.

### *Griene flochrige*

Ek by Nordwin yn Ljouwert wurdt it kardiël no oanbean foar studinten op it nivo 3/4. Ek by dy groep is de praktykkomponent tige wichtich. De grutte útdaging sit him yn it feit dat fan de rûchwei 25 studinten de measten ôfkomstich binne fan oare opliedingen. Om harren by de les te hâlden en inoar (en oaren) op 'e hichte te bringen fan harren eigen berop, litte wy harren staaasje fêstlizze yn ferskate fideo's. Op dy wize wurdt it gebrûk fan it Frysk yn de ferskillende sektoaren ynsichtlik makke foar oare studinten (dy't dêrnei it kardiël Frysk ek kieze kinne), mar ek foar oare minsken dy't affiniteit hawwe mei de sektor.

De fideo's binne leechdrompelig, altyd yn it Frysk en learsum. De fideo's jouwe in byld fan Fryslân troch de eagen fan de Fryske flogger, mei in fokus op de Fryske taal en natuer, en jouwe ús de mooglikheid om efkes binnen te sjen yn it takomstich wurkfjild fan de studinten fan it Nordwin College. Om goed oan te sluten by de doelgroep sille de fideo's yn flochstyl opnommen wurde. Elke fideo sjocht der rûchwei sa út:

1. In flogger giet by in studint fan it Nordwin College lâns op syn/har staaजेbedriuw.
2. It bedriuw en it wurkplak wurde koart yntrodusearre.
3. Ferskate Fryske wurden dy't wichtich binne yn it bedriuw wurde spesifyk beneamd en krije in útlis yn de fideo.

Dêrby is it fansels wichtich dat de studinten sels safolle mooglik it ferhaal fertelle.

Yn totaal sille der ûngefear 10 flochfideo's fan maksimaal 5-6 minuten makke en online publisearre wurde, dy't foar elkenien tagonklik binne fia de ferskate sosjale media. De fideo's wurde fansels ek opnommen yn it lesmateriaal en wurde oanfolle mei ynstruksjes om sels in flochfideo op te nimmen. Sa kinne ek oare opliedingen gebrûk meitsje fan de wurkwize en studinten oan it floggen sette binnen it kardiël Frysk. Mar dizze rige flochs soarget fansels ek foar in moai 'portret' fan de griene sektor yn Fryslân. Dêrby wurdt de Fryske taal yn de sektor presintearre. It sichtber meitsjen fan it wurkfjild en it plak fan it Frysk dêryn soarget foar bewustwêzen fan de wearde fan it Frysk binnen it middelber beropsûnderwiis. De wurkwize soarget bygelyks foar mear ynsicht by studinten, wat mooglik gefolgen hat foar de kar om wol of net foar it Frysk te kiezen. De fideo's sille ek liede ta mear ynsicht oer it belang fan it Frysk yn harren beropssektor by dosinten, management en direksje fan it Nordwin College. It tinken oer en it bepraten fan it plak fan it Frysk yn harren opliedingen wurdt mei help fan de fideo's stimulearre.

Oan de earste rige flochs sille sa'n 25 studinten meiwurkje. De tarieding hat west en de opnamen kinne yn de maitiid fan 2020 plakfine.

### *Fryske taal op it BPV-plak*

Ek by ROC Friesland College is praktykstjoerd learen tige wichtich, mar ek in flinke útdaging as it giet om it ûnderwiis yn de moderne frjemde talen en it Frysk. Dy lessen wurde nammentlik krekt lykas by it Nordwin College benammen oanbean yn kombinearre groepen. De maksimaal 32 studinten per groep komme meastentiids fan sa'n 8 ferskillende opliedingen. Om de studinten safolle mooglik regy te jaan oer harren eigen learen, kinne se kieze út twa opdrachten: Anno N. vs. skoalbern en de praktykopdracht op it eigen BPV-plak.

Oan 'e hân fan de lêste opdracht wurkje de studinten eksplisyt oan de praktyske wurdskat oangeande harren wurk- of staaजेplak. Tagelyk tinke de studinten bewust nei oer it plak en op hokker wize oft sy it Frysk ynsette kinne yn harren berop.

De earste pilot soarge foar in hiel soad ferskillende ideeën. Sa kamen de studinten û.o. mei plannen om mear Frysktalige muzyk te brûken by bewegingsaktiviteiten yn de âldereinsoarch, ferbettere kommunikaasje tusken Frysk- en oarstalige sjauffeurs, Frysktalige soarchleefplannen, Frysktalige bebuording by in grutte bakkerijketen, Fryske menukaarten yn it restaurant fan in grut hotel en Frysktalige buorden mei regels fan sportfjilden en -terreinen.

By dy earste groepen betsjutte it benammen dat we mei-inoar sochten nei in goede wurkwize en it stal jaan fan goede begelieding by it ûntwikkeljen fan harren projektplannen. Yn 2020 wolle wy der ek op ta dat wy studinten mear stipe biede by de realisearring fan harren plannen. Op dy wize soargje wy derfoar dat de ideeën fan de studinten kâns fan slagjen krije, sadat it Frysk mear en better brûkt wurde sil yn it bedriuw én dat de ideeën sa soargje kinne foar mear ynspiraasje foar it tûk brûken fan it Frysk yn de spesifike beropssektor.

Yn de ûntwikkeling fan it programma foar studinten binne we ek yn oerlis mei de fertsjintwurdigers fan it excellentieprogramma en it mentorprogramma foar in goede gearwurking. Dat is benammen om't it projekt soarget foar in krityske hâlding nei taalgebrûk yn it berop en om't it studinten stimulearret om sels harren eigen opfettingen om te setten yn ideeën en dy te realisearjen.

Oant no ta binne der sa'n 40 studinten dy't wurke hawwe oan it Frysk op har eigen BPV.

### *Tegelsetten yn it Frysk*

De gedachte om twa kardielen te kombinearjen ta ien, soarget op meardere plakken foar nijsgjirrige petearen. Allinne de boukundige oplieding fan ROC Friese Poort yn Drachten is op dit stuit dwaande mei in kombinearre kardiël. Dêr kombinearje sy it Frysk mei it tegelsetten. De kombinaasje soarget foar in soad oanrin en belangstelling. Net allinne fan studinten, mar ek fan oare (benammen technyk)opliedingen yn Drachten.

De opset fan it kardiël is eins hiel simpel en oersichtlik, mar ek hiel effektyf. De studinten folgje yn de oanrin fan in spesjale projektlike blokoeren Frysk. Yn de projektlike krije se les oer it tegelsetten en moatte sy ek oan 'e slach. Tusken troch moatte der ferskate presintaasjes jûn wurde. Dat dogge se yn it Frysk. As de projektlike ôfrûn is, folgje der opnij in tal blokoeren Frysk en der wurdt ôfsletten mei in eksamen.

De tarieding fan it kardiël is yn folle gong en studinten kinne har ynskriuwe fan jannewaris 2020 ôf.

### *Nijkommers*

Yn 'e mande mei ROC Friesland College en Vluchtelingenwerk binne we dwaande mei de tarieding fan in oanbod foar nijkommers. Dêrby wurdt der in workshop Frysk oanbean oan nijkommers dy't dwaande binne mei harren ynboargeringskursus, of dy krekt ôfrûne hawwe. Tagelyk krije doarpsgenoaten en/of kollega's in workshop oer 'hoe om te gean mei nijkommers', wêrby't de klam leit op taalgebrûk en kultuerferskillen en -oerienkomsten. De workshop wurdt mienskiplik ôfsletten. Der wurdt oan it programma wurke op fersyk fan twa gemeenten fanwege de nije wet- en regeljouwing.

### *Lanlike ûntwikkelingen: Ruimte voor de regio*

Dit lanlike projekt freget in gearwurking tusken studinten, dosinten en bedriuwen. Mei-inoar wurkje sy oan in nije regionalisearre beropsoplieding. Dat hâldt yn dat 25% fan de folsleine oplieding in oare – regionale – ynfolling krije sil. Op dit stuit binne der ferskate opliedingen dwaande om stal te jaan oan dy ûntwikkelingen. Dêrby rint ROC Friesland College lanlik foarop en ek by ROC Friese Poort is in soad beweging. De praktykrûte Verzorgende IG is de earste oplieding dy't al in nij programma oanbiedt oan studinten. De oare opliedingen binne dwaande mei de tarieding en de ûntwikkeling fan it programma.

Yn de praktykrûte fan de oplieding ta Verzorgende IG betsjut dat dat in grut part fan de ûnderwiistiid yn rjochte wurdt mei fjouwer nije pylders: persoanlik liederskip/profilearring, kwaliteitsûndersyk, ynnovaasje en Frysk. By it lêste ûnderdiel sil û.o. omtinken wêze foar de Fryske taal en kultuer, mar ek foar laaggeletterdheid en de resinte skiednis. Yn oparbeidzjen mei it team fan ROC Friesland College en ROC Friese Poort wurkje wy dat programma út, wylst de kollega's by ROC Friesland College ek fuortdaliks útfiering jouwe oan it programma. Nei alle ferwachting sil ROC Friese Poort takom skoaljier begjinne mei it oanbieden fan it programma.

Yn it skoaljier 2019-2020 is begûn mei it programma binnen Verzorgende IG, op ferskate lokaasjes sille yn totaal sa'n 75 studinten dielnimme oan it programma. It programma fan 3 jier bestiet út sa'n 12 wiken op jierbasis foar Frysk, skiednis, kultuer en laaggeletterdheid. Studinten dy't in oplieding fan 4 jier folgje, krije ek noch in grutte einopdracht. De ferhâlding yn de oplieding wurdt ûngefear sa: 60% kwaliteitsdossier, 40% ruimte voor de regio (wêrfan't 15% bestiet út kardielen en 25% út in nij programma mei omtinken foar de 4 neamde ûnderdielen).

### 1.2.5. Evaluaasjesysteem Frysk *Grip*

Yn 2014 hat de provinsje Fryslân stipe tasein foar it ûntwikkeljen fan in breed evaluaasjesysteem Fryske taal. Dat evaluaasjesysteem, *Grip*, jout skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân fan it skoaljier 2016-2017 ôf de mooglikheid om gebrûk te meitsjen fan ferskillende ynstruminten om de taalûntwikkeling fan harren learlingen te folgjen. Dit binne de ferskillende ûnderdielen fan *Grip*:

#### Begripend lêzen toetsen

De Begripend lêzen toetsen mjitte by de learlingen it begripen fan Fryske teksten op harren eigen nivo. Der binne toetsen foar groep 5 p.û. oant en mei klasse 1 f.û. Alle jierren kin in toets ôfnommen wurde, wêrfan't de resultaten yn it folchsystem fan *Grip* komme. De toetsen wurde noarmearre ûnder learlingen yn Fryslân en jouwe ynsjoch yn wêr't de learling stiet op it mêd fan lêsbegryp. De toetsen binne digitaal en wurde automatysk troch de kompjûter neisjoen.

#### De Frisiatoetsen

De saneamde *Frisiatoets* is in digitaal ôf te nimmen toets dy't de taalkennis fan it Frysk op it mêd fan idioom, syntaksis, morfology en semantyk mjit. De toets wurdt brûkt om it taalkennisnivo fan learlingen fêst te stellen en kin brûkt wurde as ynstaptoets en as folchynstrumint.

#### De Observaasje ynstruminten

Mei de *Observaasje ynstruminten* kin de ûntwikkeling fan de mûnlinge taalfeardichheid en skriuwfeardichheid fan learlingen folge wurde. Learkrêften kinne harren learlingen folgje op wei nei de 'folsleine' behearsking fan in sjenre yn in meartalige situaasje. Foar it p.û. giet it om ynstruminten foar sjenres lykas: in neifertelling, in oerlis-learpetear, in diskusje, in fraachpetear en in brief. Foar it f.û. giet it om sjenres lykas: in diskusje, in presintaasje, in mûnlinge redenaasje, in ferslach, in ynstruksje, in resinsje en in kranteberjocht.

#### De Metoadebûne evaluaasjes

De *Metoadebûne evaluaasjes* foar it primêr ûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis binne ûnderdiel fan de learlinen en materialen fan de metoaden Frysk, Spoar 8 en Searje 36. It binne benammen formative evaluaasjes dy't geskikt binne foar op ûntwikkeling rjochte wurkjen, wêrby't de útkomsten fan de evaluaasjes learlingen en dosinten stypje en stjoere yn harren lear- en ûnderwiisproses. Foar de midden- en boppebou fan it primêr ûnderwiis kinne learlingen nei in einopdracht harrensels bygelyks evaluatearje op it mêd fan skriuwfeardichheid en it hâlden fan in presintaasje. Yn it fuortset ûnderwiis beoardielje learlingen harren eigen skriuwfeardichheid. Mear tradisjonele metoadetoetsen binne ûnderdiel fan Searje 36.

Ferskate lesmaterialen fan de metoaden binne keppele oan it *referinsjeramt Frysk (rrF)*. Yn it *rrF* wurdt koart en bûnich beskreaun wat taallearders op de nivo's A1 oant en mei C1 kenne en kinne moatte wat de feardichheden Yn petear, Harkjen, Sprekken, Lêzen en Skriuwen oanbelanget. De ferbining mei it lesmateriaal fan Spoar 8 is yn it systeem ferwurke. Learkrêften kinne dêrtroch doelfêster wurkje oan harren doelen foar it Frysk.

De opdrachten binnen twa ynteraktive games (*Meunstertún* foar it primêr ûnderwiis en *Twastriid*

foar it fuortset ûnderwiis) funksjonearje ek fuortdaliks as evaluaasjeinstruminten. De *Meunstertún* is in edukative game foar learlingen fan de groepen 5 o/m 8. Learlingen wurkje dêr op harren eigen nivo oan wurdskat, stavering en grammatika. Foar de *Meunstertún* is de resultatepagina en it remediearjend staveringsmateriaal optimalisearre. De learkrêft hat ynsjoch yn de resultaten fan de learlingen yn har eigen *Meunstertún* en kin begelieding jaan wêr't dat nedich is. De *Meunstertún* hat by alle nivo's passend *Oefenmateriaal Stavering*.

De learkrêft kin dat oefenmateriaal foar in yndividuele learling klearsette, mar it kin ek foar in hiele groep brûkt wurde.

Sûnt 2019 kinne brûkers fan Searje 36 de taalgame *Twastriid* brûke. *Twastriid* sit grôtfol mei oefeningen op it mêd fan de Fryske stavering. De game lit learlingen wurkje oan 14 ûnderdielen fan de Fryske stavering. Dy ûnderdielen binne yndield yn 16 nivo's. Om't *Twastriid* in adaptive taalgame is, wurket elke learling op syn/har eigen nivo. De dosint kin mei de resultatepagina sjen op hokker nivo oft learlingen wurkje yn *Twastriid* en hoe't de taalopdrachten makke wurde. Mochten learlingen muoite hawwe mei guon opdrachten, dan kin de dosint by dat ûnderdiel ekstra begelieding oanbiede. Ek dêr kin in dosint remediearjend materiaal klearsette, foar in yndividuele learling of foar in hiele klasse, as er sjocht dat in learling wat ekstra útlis nedich hat: *Twastriid Ekstra*. Oan 'e hân fan Taalskets!-filmkes wurdt der earst in dúdlike útlis jûn oer in staveringsregel, dêrnei kin de learling nochris oefenje mei de ferskate *Twastriid Ekstra*-taalopdrachten, oant hy of sy it staveringsdoel goed ûnder de knibbel hat. Ek it lesmateriaal fan Searje 36 foar de twadde klasse fan it f.û. hat in keppeling mei *Grip*. Der is in keppeling makke tusken de projekten en de evaluaasjeinstruminten. By de ferskate projekten is fêststeld oan hokker feardichheden wurke wurdt en op hokker nivo dat bart. Fan alle ûnderdielen yn in projekt is omskreaun ûnder hokker domein (*rrF*) de opdracht falt, op hokker nivo (*rrF*) dêroan wurke wurdt, hokker ik-kin-bewearing (*rrF*) behelle wurdt en hokker *Observaasjeinstrumint* gaadlik is by de beoardieling.

Mei it ûntwikkeljen fan de nije metoadefariant fan Spoar 8 foar de groepen 3 en 4 binne der foar dy doelgroep ek nije *Grip*-evaluaasjes ûntwikkele. De acht evaluaasjes binne keppele oan de lêste les fan in ûnderdiel. De learling kin yn de 'Dit kin ik al!'-lessen sjen litte wat er al kin. De evaluaasjes hawwe deselde opset as de lessen fan de Lêsline, wêrtroch't de opdrachten de learlingen bekend foarkomme sille. Yn de evaluaasjes komme ferskate soarten opdrachten oan bar, lykas ferbyn-oefeningen en klank-teken-fragen. Yn de 'Dit kin ik al lêze!'-lessen kin de learling oan 'e hân fan lêsofdrachten hearre litte hoe goed oft er al Frysk lêze kin. Dy evaluaasjeles jout de learkrêft ynsjoch yn de klank-teken-behearsking fan de learling. De learkrêft kin mei in skoareformulier byhâlde oft de ferklanking fan de tekens goed giet en de skoares sels ynfolje yn Spoar 8. De evaluaasjes jouwe de learkrêft ynsjoch yn it behearskingsnivo fan de learlingen.

Foar it hânjittich ynfoljen fan skoares fan learlingen hawwe wy in nije funksjonaliteit ûntwikkele. Sa is it no foar learkrêften mooglik om by elke les sels in skoare yn te foljen, dy't toand wurdt yn de resultatetabel. Ek kin de learkrêft in koarte tekst ynfolje as feedback foar de learling, bygelyks 'goed dien hear!'.

Krekt as foar de groepen 1 en 2 binne ek foar de groepen 3 en 4 Taalaktiviteiten ûntwikkele. It binne 32 nije Taalaktiviteiten, passend by de acht tema's fan de metoadefariant foar de groepen 3 en 4. In Taalaktiviteit is in oerkoepeljende aktiviteit, passend by in tema. Yn de foarm fan Taalaktiviteiten wurde allegearre ideeën jûn om mei de learlingen oan de Fryske taal te wurkjen. Dy metoadebûne Taalaktiviteiten binne keppele oan de taaldoelen fan it *rrF*. Learkrêften kinne doelfêst wurkje troch lessen klear te setten út it *rrF* wei. Sy kieze foar de ûnderbou in Taalaktiviteit en foar de midden- en boppebou in einopdracht, passend by it doel dêr't se oan wurkje wolle. As learkrêften de lessen klearsette foar harren learlingen, wurdt it doel automatysk ôffinke yn harren *rrF*. Dêrtroch kinne learkrêften ienfâldich sjen oan watfoar doelen oft sy al wurke hawwe en oan watfoar doelen oft sy noch wurkje kinne mei harren learlingen. Der sitte mear as hûndert Taalaktiviteiten yn de

ûnderboufariant, dy't allegearre keppele binne oan de taaldoelen fan it *rrF* en ferskate *Observaasjeinstruminten* fan *Grip*.

De brûkersfreonlikheid fan de metoaden is in wichtich ûnderdiel en hat in soad oandacht hân. Der is ûndersocht wat wol/net goed funksjonearre en ferbettering nedich hie. Dêrnei is in soad wurk fersetten om de metoaden te ferbetterjen. Ek foar *Grip* is ynsetten op de brûkersfreonlikheid fan de *Evaluaasjeinstruminten* en benammen de ynsjoch yn de resultaten fan de ferskate evaluaasjes. Yn gearwurking mei learkrêften en eksperts fan Cedin, it Lektoraat Meertaligheid en Geletterdheid en Taal & Digitaal hawwe der ferskate wurksesjes west, wêrby't de fokus lei op it ferbetterjen fan de resultatetabellen. Yn de fernijde resultatetabellen is in filteropsje tafoege, dy't it mooglik makket om yn alle resultaten te filterjen op bygelyks in *Metoadebûne*- of in *Metoade-ûnôfhinklike evaluaasje*. Dêrneist wurdt der standert in foarfiltering dien foar de learkrêft, sadat dy altyd earst ynsjoch hat yn syn/har eigen klasse fan dat learjier. De resultatetabellen hawwe, krekt lykas it *rrF*, ek in ynformaasjefak krigen. It doel dêrfan is om as metoaden- en toetsmakers de learkrêften en dosinten ynformaasje te jaan oer it produkt en oer hoe't sy de data út de tabel ynterpretearje kinne. It ynladen fan it *rrF* is ferbettere, sadat de learkrêft no fuortendaliks ynsjoch hat yn de data en dêr net al te lang op hoecht te wachtsjen.

#### *rrF foar bern*

Yn gearwurking mei Cedin is in *referinsjeramt Frysk foar bern* ûntwikkele. Yn dat ramt binne alle doelen op de fiif domeinen yn bernetaal útlein. Om it *rrF* noch brûkersfreonliker foar bern te meitsjen, hawwe wy foarbylden tafoege. Yn 2020 sil dat *rrF* digitaal makke wurde, keppele wurde oan de lesmaterialen en it portfolio yn Spoar 8 en Searje 36, en test wurde troch learlingen yn in pilot.

#### *WOW Meartalich kongres*

Yn 2019 hat de Afûk wer dielnaam oan it WOW Meartalich kongres. Us oandiel wie rjochte op de nije ûntwikkelingen yn Spoar 8 en Searje 36 en it ynspirearjen en ynformearjen fan learkrêften, en hat in soad learkrêften oanlutsen.

## 2. TAALPROMOASJE

Doel: it ferbetterjen fan de maatskiplike posysje fan de Fryske taal yn wurd en skrift. It Frysk fierder ûntwikkelje troch de mooglikheden om yn de Fryske taal aktyf oan de mienskip mei te dwaan te fergrutsjen.

### 2.1. Stipepunt

It Stipepunt wie ynearsten noch in min of mear op himsels steand ûnderdiel fan de Afûk. Troch de jierren hinne binne de ferskillende organisaasjeûnderdielen hieltyd mear opinoar ôfstimd en is de Afûk as organisaasje yn syn gehiel mear it stipepunt foar de Fryske taal wurden. Dêrby binne de oarspronklike taken op it mêd fan de kursussen en de útjouwerij ek hieltyd mear yn dy fan it Stipepunt yntegrearre. Dat jildt bygelyks foar de bedriuwskursussen Frysk en it ûntwikkeljen en útjaan fan learmiddels foar it ûnderwiis. It Stipepunt hat troch de jierren hinne by tal fan gearwurkingsprojekten de rol fan koördinator krigen, lykas by Tomke, GemeentenenFrysk, Frysk yn 'e Soarch, Frysk yn it rjochtsferkear, *heit&mem*, Frysk yn 'e reklame, Frysk en toerisme, Frysk yn 'e musea, de Fryske Kanon en de algemiene promoasjekampanje PraatmarFrysk. Dy rol past by it Stipepunt en wurdt troch de gearwurkingspartners ek akseptearre. De Afûk as gehiel hat him dêrneffens ek fierder ûntwikkele ta in fleksibele projektorganisaasje dy't it provinsjale taalbelied útfiert, mar sels ek wach is op nije kânsen yn it fjild en dêr op in iepen en konstruktive wize mei de provinsje oer kommunisearret.

It Stipepunt kin it taalbelied fan (ûnderdielen fan) de oerheid en de rjochterlike macht op grûn fan de oanrekommandaasjes fan DINGtiid/Orgaan foar de Fryske taal útwurkje, sadanich dat ien en oar oan 'e iene kant mei de Wet gebrûk Fryske taal strykt en oan 'e oare kant mei it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden, en ek sadanich dat it praktysk útfierber is. De oare aktiviteiten fan it Stipepunt, foarsafier't dy in relaasje hawwe mei de Wet gebrûk Fryske taal, wurde ek ôfstimd mei DINGtiid/Orgaan foar de Fryske taal en de taalskipper (provinsje Fryslân). De befiningen fan dat orgaan bepale (mei) de aktiviteiten fan it Stipepunt.

De aktiviteiten dy't wy yn 2019 nei de ferskillende doelgroepen ta ûndernommen hawwe, wurde hjirûnder beskreaun.

### 2.2. GemeentenenFrysk

Mei GemeentenenFrysk jouwe wy ynhâldlike stipe oan it ûntwikkeljen en útfieren fan taalbelied, spesifike stipe oangeande de weryndielingen en in krêftige ympuls oan it taalbelied yn Fryslân. Meastentiids dogge wy dat oan 'e hân fan it menusysteem, dat in goede ferlikingsbasis biedt foar oerlis mei gemeenten. Dêrby geane wy út fan de mienskip yn in meartalige omjouwing.

Wat wy dogge:

*platfoarm biede foar útwikseling en ynspiraasje  
organisearjen fan stúdzje en útwikselingsgearkomsten  
opsetten/inisjearjen/útfieren fan nije projekten  
ôfhanneljen fan telefoanyske en skriftlike fragen fan gemeenten  
kontakten mei de provinsje  
wurkbesiten regelje en tariede  
wurkbesiten bringe  
neisoarch wurkbesiten  
beänderjen algemiene fragen oer provinsjaal en/of gemeentlik belied*

Yn 2019 binne wurkbesiten ôflein en hat der op oare wizen (persoanlik, telefoanysk of fia e-mail) kontakt west mei de folgjende gemeenten: *Achtkarspelen, Waadhoeke, Dantumadiel, Noardeast-Fryslân, Eaststellingwerf, De Fryske Marren, Harns, It Hearrenfean, Ljouwert, Opsterlân, Smellingerlân, Súdwest-Fryslân en Tytsjerksteradiel.*

Struktureel kontakt mei gemeenten is fan belang om in aktueel byld te krijen fan de stân fan saken yn dy gemeenten. Troch sa'n aktueel byld kin der adekwaat reagearre wurde op saken dy't omtinken freegje. Dat kinne beliedsoanpassingen en útfieringsaken wêze, nije taalbeliedsnota's, mar it kin ek te krijen hawwe mei gruttere tema's, lykas hjirnei beskreaun wurdt.

#### Website

Yn 2019 is úteinset mei in nije opset fan de website fan Gemeenten en Frysk. Dy website sil om ende by april 2020 klear wêze. Op fersyk fan de beliedsamtners Frysk en meartaligens sil de website in platfoarm wêze foar ynformaasje en ynspiraasje oer taal en taalbelied.

#### Twitter

Mei help fan Twitter kin Gemeenten en Frysk minsken flot ynformearje oer nije produkten foar gemeenten op it mêd fan taalbelied, mar ek oer de nijste ûntwikkelingen by oare gemeenten op datselde mêd. Op 31 desimber 2019 hie @gemeentenenfrysk 690 folgers.

#### Nijsbrief

De nijsbrief fan Gemeenten en Frysk is yn 2019 ien kear ferskynd. Mei de nije website sil de nijsbrief fernijd wurde en in breder ynformearjend karakter krije.

#### Amtlike oerlizen

Yn 2019 is it strukturele oerlis mei beliedsamtners fan de ferskillende gemeenten fuortset. De sesjes wurde posityf wurdearre en soargje foar mear kontakt en oerlis tusken beliedsamtners Frysk. Dêrby soargje se foar de mooglikheid om ynformaasje te sammeljen/presintearjen, mar ek om mei-inoar in tal saken op te pakken. It Frysk yn it sosjaal domein is in ûnderwerp dat yn de oerlizen bepraat is en dat yn gearwurking mei Frysk yn 'e soarch fierder útwurke wurdt.

Njonken de beliedsamtners fan de gemeenten wurde ek amtners fan Ynlânske Saken en de provinsje útnûge en fertsjintwurdigers fan DINGtiid. Yn 2019 is it oerlis trije kear holden.

#### Bestjoerlik oerlis Mei-inoar foar it Frysk

Yn 2019 is op inisjatyf fan de provinsje it bestjoerlik oerlis 'Mei-inoar foar it Frysk' yn gong set. Bestjoerders fan de Fryske gemeenten en oare oerheidsinstellingen dy't ûnder de taalwet falle hawwe yn 2019 twa kear mei-inoar om 'e tafel sitten om de ambysjes foar it Frysk op bestjoerlik nivo te bepraten. Fanút Gemeenten en Frysk is op beide gearkomsten in oersjoch jûn fan de stân fan saken oangeande it taalbelied by de Fryske gemeenten.

### Taalbeliedsmakker

De ynfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal hat in soad gemeenten yn beweging set. Alle gemeenten dy't ûnder dy wet falle, hawwe in taalbeliedsnota. De Taalbeliedsmakker is in systeem dat oan 'e hân fan fragen en antwurden in konseptbeliedsplan ûntwikkelet. De basis foar it systeem leit yn it bekende menusysteem, dat basearre is op it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (yn wurking yn Nederlân sûnt 1998). De fragen binne ûnderferdielt yn seis tema's: bestjoer, ûnderwiis, soarch, kultuer, media en bedriuwslibben, rekreaasje en toerisme. De fragen geane oer wetlike taken, mar ek oer oanfollingen op ferplichtingen, lykas Frysk/meartaligens yn de WMO en de trochgeande learline.

De Taalbeliedsmakker is yn 2019 by hast alle gemeenten brûkt dy't op dat stuit dwaande wiene mei it opstellen fan nij taalbelied.

### Model taalferoarding

Op inisjatyf fan de beliedsamtners Frysk is yn 2016 in nij model taalferoarding yn gebrûk nommen. Dat model is taheakke oan de Taalbeliedsmakker. Yn it model is romte foar differinsjaasje. It model is yn 2019 brûkt troch alle gemeenten dy't yn dat jier in taalferoarding fêststeld hawwe.

### Akten boargersaken

Yn 'e mande mei de Nederlandse Vereniging voor Burgerzaken (NVVB) is wurke oan in oersetting fan it folsleine modelleboek dat brûkt wurdt troch alle ôfdielingen boargersaken fan de gemeenten yn Nederlân. De pakketten fan de trije partijen dy't digitale systemen oanbiede oan gemeenten binne yn 2017 oanfolle mei Fryske modellen. Op dy wize soargje wy derfoar dat yn alle Fryske gemeenten Frysktalige akten te brûken binne en dat de modellen dy't dêrûnder lizze gelyk binne. Yn 2019 is dêr nochris omtinken oan jûn.

### Waadhoeke

Ein 2018 is it nije taalbelied fan Waadhoeke fêststeld en is dêr in taalplatfoarm oan keppele dat soargje moat foar mear útwikseling en gearwurking tusken de talepartners yn de gemeente. De Afûk is fanút it projekt GemeentenenFrysk partner yn dat taleplatfoarm. Yn gearwurking mei oare partijen hat de Afûk ûnder oaren meiwurke oan it ferbetterjen fan de foarljochting oan oansteande âlders.

### Ljouwert

Ljouwerteradiel en in part fan Littenseradiel binne yn 2018 opgien yn de gemeente Ljouwert. Under lieding fan de gemeente Ljouwert en mei stipe fan GemeentenenFrysk is yn 2016 úteinset mei in nije taalbeliedsnota en in feroarding dy't rjocht docht oan de taalsituaasje yn Ljouwert en de doarpen dy't út de gemeenten Littenseradiel en Ljouwerteradiel wei by Ljouwert kommen binne. Dat taalbeliedsplan is besprutsen yn de gemeenteried fan Ljouwert en der is in wurkgroep ynsteld dy't advys jaan mei oan de ried fan Ljouwert oer it taalbeliedsplan fan de gemeente. GemeentenenFrysk is as foarsitter belutsen by dy wurkgroep. Yn 2019 hat de wurkgroep it advys oanbean oan de ried. Yn 2020 wurdt dat bepraat en wurdt neitocht oer it opheffen of de nije taak fan de wurkgroep.

### Smellingerlân

Yn Smellingerlân hat de FNP in inisjatyfútstel taalbelied dien. Dat útstel hat it ien en oar yn gong setten binnen de gemeente. Mei stipe fan GemeentenenFrysk is wurke oan in nij taalbeliedsplan dat yn 2019 foarlein is oan de gemeenteried fan Smellingerlân. It taalbelied is fêststeld en de gemeente is úteinset mei de útfiering dêrfan.

### Undersyk Frysk by gemeenten

DINGtiid hat it inisjatyf naam om in ûndersyk út te fieren nei it brûken en befoarderjen fan it Frysk by gemeenten. Doel is om yn kaart te bringen oft de ambysjes dy't yn de taalbeliedsplannen steane ek



wiermakke wurde. Fanút it projekt Gemeenten en Frysk is meitocht oer de oanpak fan it ûndersyk en it opstellen fan de fragelist. De resultaten fan it ûndersyk wurde yn 2020 publisearre.

#### Meldkeamer

Yn gearwurking mei DINGtiid hat der in petear west mei de direksje fan de meldkeamer oer it brûken fan it Frysk. Mei harren binne ôfspraken makke om yn 2020 fierder te praten oer konkrete aksjes, sa as in workshop taalbewustwêzen of in ynformaasjekampanje oer taal.

### **2.3. Oersetburo**

#### Rou-, trou- en berteteksten

Der wurdt troch partikulieren en ek troch ûndernimmers in soad gebrûk makke fan help by it oersetten fan rou-, trou- en berteteksten.

Op de website fan de Afûk stiet in ferwizing nei foarbylden op de site fan heit&mem.

Trou- en routeksten, bertegedichten en wurden fan treast wurde fergees oersetten.

#### Pilot NDC Media

Mei de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad binne wy oerienkommen dat wy, yn 'e foarm fan in pilot, Frysktalige stikken foar dy kranten neisjogge. De pilot hat rûn yn it neijier fan 2019 en sil yn 2020 evaluearre wurde. Wykliks wurde der sa'n 5 stikken korrizjearre en soms oerset. Foar de korreksje is in poule yn it libben roppen om yn dy behoefte te foarsjen. It doel is dat de sjoernalisten fan beide kranten geandewei sels op it nivo komme dat sy geef Frysk skriuwe kinne. Dêrby wurdt sjoen oft wy dat yn 'e foarm fan in projekt, ynklusyf kursus/oplieding, fierder stal jaan kinne.

#### Fries Museum, Princessehof

Yn it Fries Museum hat it Frysk in sichtber plak. Foar ferskate eksposysjes yn it Fries Museum en it Princessehof binne Fryske oersettingen makke, lykas bygelyks foar de tentoanstellingen en projekten Neo Matloga, Viglius en Vikingen.

#### Provinsje en gemeenten

Regelmjittich wurde op fersyk fan de provinsje of in gemeente brieven of stikken yn 'e foarm fan kadernota's, profylsketsen, nûgingen of begruttingen yn it Frysk oersetten.

#### Tresoar

Foar de tentoanstellingen yn Tresoar binne begeliedende teksten yn it Frysk oersetten, yn 2019 bygelyks dy fan de tentoanstelling JanMurk de Vries yn Obe en Utopia.

#### Bedriuwen

It brûken fan de taal fan de klant fergruttet de klantfredenheid, fersterket de identiteit as Frysk bedriuw en is in goede klantebiner. Wy krije oanfragen binnen om teksten yn it Frysk oer te setten fan advokaten en útstjoerburo's oant begraffenisûndernimmers en ynstânsjes dy't har mei ynformaasje foarsjenning foar âlderen dwaande hâlde.

#### Boeken en boekewikegeskink

Fierder wurde romans en berneboeken korrizjearre of oersetten mei help fan it oersetburo fan de Afûk. Sa setten wy yn 2019 ûnder oaren it ferhaal 'Godfried vermist' oer fan Maarten Spanjer foar de foarlêslunch en korrizjearren wy it boekewikegeskink, dat skreaun waard troch Willem Schoorstra.



## 2.4. Frysk yn it rjochtsferkear

Yn de Wet gebrûk Fryske taal stiet ûnder oaren dat elkenien yn Fryslân yn it Frysk it wurd fiere mei yn de rjochtbank. De ôfrûne jierren hat bliken dien dat der in tekoart is oan tolken Frysk. Op dit stuit is der mar ien beëdige tolk. Yn 2019 hat der in oerlis plakfûn mei de provinsje Fryslân, DINGtiid en in fertsjintwurdiger fanút de advokatuer oer it Frysk yn it rjochtsferkear. Dêrneist hat de Afûk ûnder de tolken en oare belangstellenden yn Fryslân en omstreken in ynventarisasaasje holden wa't tolk Frysk wurde wol. Dêr die út bliken dat der genôch belangstelling is. De provinsje ûndersiket de mooglikheden om harren in oplieding oan te bieden.

## 2.5. Taal yn 'e soarch

Doel: it stimulearjen en fasilitearjen fan it brûken fan de memmetaal yn de soarch.

### Website friesindezorg.frl

De website [friesindezorg.frl](http://friesindezorg.frl) is yn 2019 online gien. Dy nije website biedt ynformaasje oer it belang fan taal yn de soarch, goeie foarbylden fan soarchorganisaasjes yn binnen- en bûtenlân, mar ek tips, produkten en kursus- en workshopoanbod foar it befoarderjen fan it brûken fan de memmetaal yn de soarch.

Yn de earste helte fan 2019 is mei 'Belibje it wer' noch ynset op nijsbrieven foar 'Dat wie doe sa'. De twadde helte fan dat jier binne der gjin nijsbrieven ferstjoerd, mar is keazen foar streekrjochte kommunikaasje mei soarchoanbieders oer nij oanbod fan online kursussen. Dat oanbod is by ferskate organisaasjes fia yntranet en ynterne nijsbrieven ûnder de oandacht brocht. mailchimp: 278 nijsbriefabonnees, twa nijsbrieven ferstjoerd yn 2019

### Digitale kursus Fries in de zorg

Yn 2019 is de digitale yntroduksjekursus Fries in de zorg online set. Dy kursus biedt in earste yntroduksje fan it Frysk foar minsken dy't de taal noch net (goed) ferstean kinne. De kursus is makke foar soarchprofessionals, de ûnderwerpen hawwe te krijen mei sûnens, previnsje en it liif. De kursus wurdt fergees oanbean. Yn 2019 hawwe der sa'n 250 minsken harren ynskreaun foar de kursus.

### Workshop taalbewustwêzen

Yn gearwurking mei Annewiep Bloem is der in workshop taalbewustwêzen ûntwikkele foar soarchorganisaasjes en gemeenten. De workshop is yn 2019 twa kear holden, by de GGD en de gemeente Waadhoeke.

### Serie Taal in de zorg

Yn 2015 is úteinset mei in rige artikels oer minsken yn de soarch – profesjoneel en partikulier – en it belang fan taal. De artikels wurde fergees oanbean oan soarchrelatearre media yn Fryslân en Nederlân. Ferskate media pakke de artikels ek op. De tydskriften en nijsbrieven fan de soarchoanbieders nimme de artikels ek op. Sa'n twa moanne nei it fersprieden nei de media wurde de artikels ek fia de eigen website en social media nei bûten brocht. It doel fan de searje is om beliedsmakkers en minsken op de wurkfliet bewust te meitsjen fan taal en taalgebrûk. Yn 2019 binne twa nije artikels útkommen en in bedriuwfilmke fan Praat mar Frysk yn gearwurking mei [11huisartsen.frl](http://11huisartsen.frl).

### 11huisartsen.frl

De provinsje Fryslân en de Friese Huisartsen Vereniging hawwe de kampanje 11huisartsen.frl opsetten om mear húsdokters nei Fryslân te heljen. De Afûk is talepartner yn it projekt en soarget foar goede ynformaasje en foarbylden oer it belang fan taal yn de soarch. Yn 2019 is de digitale kursus Fries in de zorg tagelyk mei it reguliere kursus- en workshopoanbod foar húsdokters en oar soarchpersoneel fia 11huisartsen.frl ûnder de oandacht brocht.

### Wolwêzen

Der is in begjin makke mei de ynformaasjekampanje Frysk yn 'e soarch foar soarchprofessionals yn it sosjaal domein. Yn dy kampanje wurdt mei de Fryske gemeenten gearwurke oan in better taalbewustwêzen ûnder professionals. De kampanje sil yn 2020 úteinsette.

### Underwiis

Der is kontakt lein mei de opliedingshaden fan Social Work en Verpleegkunde en it Lektoraat Meartaligens fan NHL Stenden yn Ljouwert om te praten oer de rol fan taal binnen de soarchopliedingen. Der hat in ferkennend petear west oer in mooglike gearwurking foar ûndersyk en oanbod taalbewustwêzen.

Mei de Friese Poort is in gearwurking fûn yn it projekt 'Belibje it wer'. Troch de studinten aktyf mei it tema Taal yn 'e soarch oan it wurk te setten, ferbetteret it bewustwêzen fan it belang fan taal yn 'e soarch.

By it mbû soarch en wolwêzen wurdt it Frysk as karfak oanbean. Foar de praktykoplieding oan it Friesland College is it fak 'Friese context' fan start gien. Foar in perioade fan acht wiken stiet de resinte Fryske skiednis, kultuer en taal sintraal yn dat fak. De Afûk tinkt fanút 'Dat wie doe sa' mei by de ynfolging fan dat lesprogramma. Mear ynformaasje oer Frysk yn it mbû is te finen yn it haadstik ûnderwiis.

### Taal en soarchtechnology

Yn opdracht fan de provinsje Fryslân wurdt der in ynventarisasje útfierd ûnder soarchorganisaasjes nei besteande digitale helpmiddels yn de soarch en wurdt it ferlet yn kaart brocht. De ynventarisasje is ein 2019 úteinset en wurdt yn de maitiid fan 2020 oplevere.

### Ynternasjonaa

De Fryske Akademy wurket mei ynternasjonale partners oan it COMBI-projekt. Dat projekt ûntwikkelet ynnovative lesmetoaden foar taaldosinten yn twatalige regio's, rjochte op it ferbetterjen fan de kommunikaasjekompetinsjes fan soarchmeiwurkers of studinten mei in migraasje-eftergrûn. Fanút it projekt Frysk yn 'e soarch hawwe wy yn 2017 in presintaasje jûn op ien fan de projektgearkomsten en yn 2018 hawwe wy noch twa petearen hân mei in meiwurker fan de Fryske Akademy oer it projekt en de gearwurking mei de Fryske soarchpartners en opliedingen. It projekt is yn 2019 oplevere.

## **2.6. Alderein: Dat wie doe sa**

Om aktiviteitebegelieders fan passend Frysktalich materiaal te foarsjen, is it projekt 'Dat wie doe sa' ûntwikkele. It oanbod yn dat projekt bestiet út ferhalen, petearen, ferskes, foto's en tips dy't aktiviteitebegelieders (AB'ers), frijwilligers, mantelsoargers én professionals hantrekken jouwe om mei de âlderein te praten oer dingen dy't se werkenne (reminisinsje). Oer de ynhâld kin de âlderein op nivo meiprate, want it giet oer dingen dy't se noch hiel goed witte. Sa telle se wer mei en dat stimulearret it wolwêzen.

[www.datwiedoesa.nl](http://www.datwiedoesa.nl)

'Dat wie doe sa' biedt in protte materialen út it ferline dy't geskikt binne foar reminisinsje: ferhalen, muzyk, fideo's ensafuorthinne. It aanbod bestiet út werkenber materiaal, ôfkomstich út de regio en yn de taal fan de regio. It materiaal dat 'Dat wie doe sa' oanbiedt, is net allinnich geskikt foar partikulieren, mar ek foar professionals yn 'e soarch. Sa is it foar bygelyks demintearjenden posityf om oer harren libben te fertellen. Op [www.datwiedoesa.nl](http://www.datwiedoesa.nl) steane ferhalen, advizen, tips, nije gaadlike boektitels en aktiviteiten.

### Belibje it wer

Under de namme 'Belibje it wer' hat de Afûk yn gearwurking mei ROC Friese Poort, Leppehiem en Hof & Hiem in searje temakoffers ûntwikkele, rjochte op reminisinsje. De koffers kinne ynset wurde by aktiviteiten yn de âldereinsoarch en it wolwêzen en kinne brûkt wurde om ferhalen en oantinkens op te heljen. Yn 2017 is in gastles jûn oan studinten fan de Friese Poort. Sa'n fyftich studinten hawwe yn oktober en novimber wurke oan 'Belibje it wer', troch in ynstruksjekaart, in materialelist en in workshopprogramma foar de ferskillende tema's te meitsjen. Yn 2018 hawwe de oanbelangjende professionals de ynstruksjekaarten ôfmakke en it materiaal sammele. De presintaasje hat begjin 2019 plakfûn.

### Workshop Dat wie doe sa

Yn 2017 is spesjaal foar frijwilligers en aktiviteitebegelieders yn de âldereinsoarch in nije workshop ûntwikkele. Yn de workshop wurdt omtinken jûn oan it belang fan taal yn 'e soarch en wurdt op praktyske wize it 'Dat wie doe sa'-materiaal ûnder de oandacht brocht. De workshop 'Dat wie doe sa' is yn 2019 holden by Talmahiem yn Balk en yn 'e foarm fan 'Belibje it wer' by Bennemastate yn Hurdegaryp en Leppehiem yn Akkrum.

### Foarlêslunch

Op freed 4 oktober waard foar de fiifde kear de foarlêslunch holden. Skriuwer fan it ferhaal wie Maarten Spanjer. Fanút 'Dat wie doe sa' is dat ferhaal wer oerset yn it Frysk. It Fryske foarlêsfarhaal is oanbean oan alle oanbieders fan de foarlêslunch.

Op 17 oktober is der yn gearwurking mei Abbingahiem in Fryske foarlêslunch organisearre. Boargemaster Buma fan Ljouwert hat it Fryske ferhaal foarlêzen oan in groep bewenners fan Abbingahiem.

## **2.7. (Takomstige) âlden mei jonge bern: *heit&mem***

*Heit&mem* hat in grut berik ûnder (oansteande) âlden yn Fryslân. Mei *heit&mem* wolle wy: (oankommende) âlden bewust meitsje fan de meartalige omjouwing en de kânsen mei in meartalige ûntwikkeling fan harren bern;

(oankommende) âlden stimulearje om harren bern meartalich grut te bringen en dêr hantrekken foar biede;

(oankommende) âlden stimulearje om mear Frysk te lêzen én foar te lêzen.

De crossmediale oanpak bringt mei dat (oansteande) âlden al by de swangerskip mei *heit&mem* yn 'e kunde komme, mar ek as sy harren bern oanjouwe by it gemeente- of stedhûs. Fansels wol *heit&mem* ek by de fierdere ûntwikkeling fan bern in betroubere partner wêze foar de âlden.

### *heit&mem*-magazine (sjoch ek 1.2.1.)

Krekt lykas it jier dêrfoar binne der yn 2019 wer trije nûmers fan *heit&mem* útbrocht. Twa nûmers binne útbrocht op de reguliere wize en mei de ynhâld dy't minsken fan ús ferwachtsje kinne. De fokus leit dêrby op âlden mei bern fan 4-12 jier, mar ek âlden mei lytse poppen, de oppas en pake en beppe wurde net ferjitten. De fersprieding fan dy twa nûmers ferrûn rûnom yn Fryslân fia

basisskoallen, pjutteboartersplakken en konsultaasjeburo's, guon Fryske sikehuzen, biblioteken, boekhannels, gemeenten en oare iepenbiere ynstellingen. In list mei ferspriedingsplakken stiet op [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl). Elkenien wurdt fan it ferskinen fan in nij nûmer op 'e hichte brocht fia de digitale nijsbrief fan *heit&mem*.

oplaach *heit&mem* nr. 01: 40.000 eksimplaren

oplaach *heit&mem* nr. 02: 40.000 eksimplaren

Fanwegen it 10-jierrich bestean fan *heit&mem* yn 2019 is in spesjale kado-edysje makke yn in oplaach fan 3.000 stiks, dy't ûnder oaren by de biblioteken fan Fryslân te krijen wie. Ek wie der op 9 novimber in jubileumfeest foar heiten en memmen, mei nijsgjirrige standsjes en workshops oer û.o. foarlêzen. Der wiene sa'n 150 besikers op it jubileumfeest, dy't allegear in 'goodybag' meikrigen mei ynformaasjemateriaal en fansels de spesjale kado-edysje fan *heit&mem*.

#### De lytse heit&mem (sjoch ek 1.2.1.)

Neist de twa reguliere nûmers fan *heit&mem* waard yn 2019 alwer foar de sechsde kear in spesjale edysje foar jonge âlden útbrocht. Yn dy saneamde *lytse heit&mem*, eksklusyf makke foar it Taalkado, steane alderhande artikels dy't nijsgjirrich binne foar âlden dy't krekt in lytse poppe hawwe. Fansels is dat ek in nûmer dat wiidweidich omtinken jout oan de (mear)talige ûntwikkeling fan bern.

oplaach *de lytse heit&mem*: 6.000 eksimplaren

#### www.heitenmem.nl (sjoch ek 1.2.1.)

It tal besikers fan de website [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl) wie yn 2019: 228.710. Dy besikers wiene troch de bank 2,16 minuten op de site oanwêzich. It gie dêrby om 192.307 unike besikers.

Foar de promoasje fan it blêd *heit&mem* en de dêroan keppele website [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl) wurdt gebrûk makke fan social media. Oan *heit&mem* is in Facebookpagina keppele mei 10.426 folgers en in Instagram-account mei 1.626 folgers.

#### heit&mem-panel (sjoch ek 1.2.1.)

Om âlden te stypjen by de (mear)talige ûntwikkeling fan harren bern is it wichtich om de goede ynformaasje te hawwen. De ynformaasjeoarsjenning oangeande meartalige opfieding is op dit stuit nammentlik foar in grut part basearre op ynternasjonale ûndersiken. Om te soargjen dat der (noch) mear relevante ynformaasje foarhannen is, hawwe wy yn 'e mande mei it SFBO in *heit&mem*-panel organisearre. Alden helpe, fia in boartlik ûndersykje mei harren bern, mei oan noch mear gegevens oer de taalûntwikkeling yn in meartalige kontekst. Yn 2019 diene âlden fan goed 750 bern mei oan it panel. Sy beäntwurden in jierlikse fragelist en testen taalaktiviteiten út.

#### Kreamtaskes (sjoch ek 1.2.1.)

De *heit&mem* wurdt ek ferspraat fia de kreamtaskes by de kreammerken fan ferskate Fryske sikehuzen.

#### Echofotolistje

Sikehuzen, ferloskundigepraktiken en echoburo's diele de fotolistjes út oan takomstige âlden. It fotolistje kinne de âlden brûke om de echo fan de lytse poppe goed yn te bewarjen en in moai plakje te jaan yn 'e hûs, mar biedt harren ek fiif fragen oangeande (mear)talich grutbringen, dêr't takomstige âlden yn de swangerskip al oer neitinke kinne.

Yn 2019 binne der 800 echofotolistjes ferspraat ûnder ferloskundigepraktiken en dêrneist binne se noch taheakke oan de kreamtaskes.

#### Taalkado (sjoch ek 1.2.1.)

Yn 2016 is it Taaltaske transformearre nei it Taalkado: yn Fryslân krije bern ommers in taal kado! It Taalkado hat mei syn frisse, moderne 'look' itselde doel en boadskip as it eardere Taaltaske. By de

oanjerfte fan de berte fan harren bern krije âlden by de Fryske gemeenten it Taalkado oerhandige, mei dêryn ynformaasje oer it meartalich grutbringen fan harren bern. It Taalkado wurdt gearstald troch de Afûk en de provinsje Fryslân en wurdt troch de provinsje bekostige. Yn 2019 waarden 6.290 Taalkado's ûnder de gemeenten ferspraat. Dêrneist is yn 2019 ek wurke oan it nije Taalkado, dat m.y.f. 2020 ferspraat wurdt. Dêr hat in nij oanbestegingstrajekt foar west fan de Provinsje. Ein 2019 ha wy te hearren krigen dat it nije Taalkado ek wer oan ús gund wurdt.

## 2.8. PraatmarFrysk-kampanje

### Doelen

Friezen bewust meitsje fan harren eigen taal en identiteit en de mearwearde fan harren meartaligens.

Drompels weinimme om it Frysk te brûken yn benammen it bedriuwslibben (winkels) en by de oerheden.

It fergrutsjen fan de (permaninte) sichtberheid fan meartaligens (en/of it Frysk) yn it iepenbiere libben, benammen it bedriuwslibben, hoareka en toerisme, soarch en gemeenten.

Emansipaasje fan it Frysk en syn brûkers.

### Utgongspunten

Om in taal te brûken en te ûnderhâlden is it belangryk dat in persoan syn hiele libben lang dy taal op ferskillende plakken en manieren heart en ûnder eagen kriget.

De bernejierren en de pubertiid wurde sjoen as de krúsjale perioade om in positive hâlding en posityf gedrach te ûntwikkeljen foar in minderheidstaal oer en om te bepalen oft de taal brûkt en trochjûn wurdt. Frysk op skoalle is dêrfoar net genôch. De taal moat yn in bredere sosjaal-maatskiplike kontekst op in oansprekkende wize te sjen en te hearren wêze.

### Gearwurkje, ferbiningen lizze en ambassadeurs

Binnen de kampanje steane gearwurkjen en it lizzen fan ferbiningen sintraal. Wy binne altyd op syk nei ynteressante en nuttige partners. Op dit stuit is it sa dat wy foar in soad organisaasjes en bedriuwen in oantreklike partner binne om mei gear te wurkjen. Wy hawwe in grut berik, witte hoe't wy ús doelgroepen oansprekke moatte en bringe in soad ekspertize en entûsjasme mei. Foar ús leit de útdaging der ek yn om just mei dy partijen gear te wurkjen dy't minder foar de hân lizze en dêr't it Frysk noch net in fanselssprekkendheid is, wylst it dat yn ús eagen wol wêze moatte soe.

Wy hawwe de ôfrûne perioade mei tal fan organisaasjes, bedriuwen en partikulieren gearwurke en dy gearwurkingsferbannen ûnderhâlde wy fansels ek. Fierder hawwe wy besocht om safolle mooglik ferbiningen te lizzen mei projekten en produkten dy't mei troch de Afûk útfierd wurde.

### Algemiene kampanjematerialen

Yn 2019 wiene de neikommende materialen beskikber foar de kampanje:

- PraatmarFrysk talerútstikker
- PraatmarFrysk boomerangkaarten
- PraatmarFrysk buttons en pins
- PraatmarFrysk posters
- Opblaaslippen (beheind)
- Balybuordsjes
- Mei ik wol oer-stikker
- Dit is in moai plak om te tútsjen-stikker
- PraatmarFrysk-stikker

De materialen kinne fia ús website fergees besteld wurde yn beheinde oantallen en mei in motivaasje. Foar spesjale aksjes en projekten kinne gruttere oantallen besteld/brûkt wurde. Ek dit jier is it materiaal wer nei tal fan bedriuwen, partikulieren, organisaasjes, ferieningen en skoallen ferstjoerd.

## **Aktiviteiten**

### *Frysk Alle Dagen*

Yn oktober 2017 binne wy úteinset mei #FryskAlleDagen, in kampanje om ús mienskip en oaren fia ús social media it Frysk aktiver brûke te litten yn it deistich libben, troch harren trije kear wyks geregeld lytse opdrachtsjes te jaan en troch ynformaasje oer beskikbere (online) middels, ûnderdiel fan de kampanje foar taalhelp.frl. De dielname oan de kampanje is grut. Der is in soad ynteraksje. Mei elke opdracht binne sa'n 500-5.000 minsken op ien of oare wize dwaande.

### *Netwurk taalbuddys/LISTEN/Twatalige konversaasjes*

Yn 2018 hawwe wy dwaande west mei de tarieding fan in grutter projekt oangeande 'linguistic assertiveness', dat Frysktaligen en minsken dy't it Frysk faker brûke/better leare wolle hânfetten jout om it Frysk faker te brûken, mei selsfertrouwen en op in freonlike wize. It projekt, ûnder de wurktitel LISTEN, is yn 2019 yntsjinne foar in Erasmus Plus-bydrage en wurdt mei ferskate oare ynternasjonale partners útfierd, sadat der tagelyk ek in útwikseling fan good practices plakfynt. De oanfraach is yn july 2019 honorearre. De earste ynternasjonale partnerbyienkomst wie yn oktober yn Valencia. Begjin 2020 sille de earste trainingen oer taalassertiviteit jûn wurde oan de partners. Yn it foarjier fan 2019 hawwe wy twa pilot-sesjes organisearre oer dit ûnderwerp om dêr ûnderfiningen mei op te dwaan, keppele oan in lyts ûndersyk y.g.m. de RuG.

Yn it neijier fan 2019 binne wy úteinset mei it opsetten fan dy trainingen yn Fryslân. Ien en oar sil yn 2020 fierder útfierd wurde. De taalassertiviteitstrainingen wurde in wichtich ûnderdiel fan de PraatmarFrysk-kampanje en sille breed útset wurde foar ferskate doelgroepen: partikulieren, ferieningen, oerheden, ûnderwiis, bedriuwslibben. Foar de trainingen sille profesjonele trainers oplaat wurde en ek frijwilligers.

### *Social media*

Om de ferdjipping en it omtinken foar it brûken fan it Frysk mear hannen en fuotten te jaan op social media, stie yn 2019 geregeld 'Frysk Alle Dagen' sintraal. Mei 'Frysk Alle Dagen' wolle wy ús folgers stimulearje om it Frysk te brûken en jouwe wy harren dêrfoar lytse opdrachten ta ynspiraasje. Dêrneist hawwe wy yn it neijier fan 2019 ekstra omtinken jûn oan de podcast 'Boekekast' fan Boeken fan Fryslân. De 'Frysk op 'e Dyk'-aksje wint hieltyd mear oan populariteit. Wy krije hieltyd mear foto's fan ús folgers tastjoerd mei Fryske teksten yn 'e publike romte. Dêrneist is der alle wiken omtinken foar poëzij en Frisismen.

### *PraatmarFrysk app*

De Wat Wurd It-app is yn 2015 yntegrearre yn de nije PraatmarFrysk-app. Yn 2019 hawwe wy alle funksjes op 'e nij besjoen en yn 2020 sil de app oanpast/fernijd/ferbettere wurde. De PraatmarFrysk-app is yn 2019 troch 1.673 Android-brûkers en 514 iOS-brûkers download.

### *WhatsApp*

Sûnt augustus 2014 is PraatmarFrysk ek te berikken fia WhatsApp. Alle wiken komme fia dy app fragen binnen oer de kampanje en it Frysk en wurde tips oan ús jûn foar 'Frysk op 'e dyk' of wurde der foto's stjoerd.

### *PraatmarFrysk kroechkwis*



De PraatmarFrysk-kroechkwis is yn 2019 holden op:

18 oktober: 's Lands Welvaren, Wergea, 20 teams (100 dielnimmers), 120+ man yn totaal

30 novimber: 't Hert, De Jouwer, 24 teams (120 dielnimmers), 150+ man yn totaal

Presintaasje: Habtamu de Hoop, prizesponsoring troch de kroegen sels, Weidenaar woarst, Afûk, Sonnema en Van der Eems drukkerij.

### Organisaasje en promoasje Lyts Diktee

PraatmarFrysk die yn 2019 mei oan de organisaasje en promoasje fan it Lyts Diktee. Der diene 300 learlingen fan groep 8 mei oan de foarrondes. Skriuwster Lida Dykstra skreau it diktee en hat it ek foarlêzen. Oan it diktee sels diene 22 learlingen fan 10 ferskillende skoallen mei.

### Mailing 'It Frysk wurket, ek foar jo bedriuw!'

Op hokker wize soe in klant it leafst oansprutsen wurde? Fansels, yn syn eigen memmetaal!

Mear as de helte fan de ynwenners fan Fryslân hat it Frysk as memmetaal en 98% fan de ynwenners kin it Frysk ferstean. Sawat elkenien dus. Dêrom sizze wy: Praat mar Frysk.

Mei dy yntrotekst is der yn 'e hjerst fan 2019 in grutte mailing ferstjoerd nei goed 4.000 bedriuwen yn Fryslân. Njonken ynformaasje oer it Frysk biedt de folder tips en tricks oer hoe't bedriuwen troch tûk gebrûk te meitsjen fan de Fryske taal profyt fan it Frysk hawwe kinne.

### Undersyk E&E-advys

Yn opdracht fan de provinsje Fryslân wurket E&E-advys oan in ûndersyk nei de ekonomyske wearde fan it Frysk. De útkomsten fan dat ûndersyk sille mids 2020 presintearre wurde en kinne soargje foar it tûker brûken fan de Fryske taal yn it bedriuwslibben. Oan 'e hân fan ferskate petearen oer fraachstelling, fergelykbere ûndersiken, strategy en partners foar ferfolchpetear hawwe wy op in tal mominten stipe jûn oan de ûndersikers.

### Pilot sichtberens yn de supermerken

Yn 2019 binne wy start mei it sichtber meitsjen fan it Frysk by supermerken.

Yn desimber binne de earste twa winkels presintearre dêr't it Frysk in prominint plak ynnimt. De earste fariant is dy fan Alles ûnder ien dak yn Eastermar: alle skapbuorden binne ferfongen troch ientalige Fryske bebuording. Dêrby giet it om de eigen uteringen fan de winkel en net om de bebuording dy't heart by in lanlike aanbieder (bgl. geldmaatje), of aksje (bgl. fan Pickwick).

By de twadde, de Albert Heijn yn Damwâld, wurde Nederlânsk en Frysk njonkeninoar brûkt. Op it iene boerd stiet de Nederlânske tekst, by de oare de Fryske tekst en by de measte skapbuorden steane beide talen ûnderinoar op de buorden.

Yn 2020 sil noch in tal winkels folgje. Doel is om ferskillende winkels op ferskillende soarten lokaasjes (toeristysk of net, tal ynwenners) te ferfryskjen. Sa kinne wy ek sjen watfoar oanpak it bêste past by watfoar winkel en lokaasje.

### Kardiel Frysk mbû

Njonken de teoretyske feardichheden kriget de beropspraktyk fan de studinten ek in soad omtinken.

By de studinten dy't it kardiel folgje by ROC Friesland College betsjut dat dat studinten de opdracht krije om harren BPV (staaasjeplak) yn kaart te bringen oan 'e hân fan in plattegrûn. Fia dy plattegrûn sjogge de studinten nei de (mear)wearde fan it Frysk yn harren berop en op hokker wize oft it gebrûk fan it Frysk soargje kin foar bettere resultaten. Dêrby kin it gean om hegere omset, bettere tsjinstferliening, mar bgl. ek om kwalitatyf bettere soarch en ûnderwiis. De studinten meitsje, ûnder begelieding, dêrby harren eigen kar en wurkje harren ideeën út ta in projektplan. De earste pilot soarge foar in hiel soad ferskillende ideeën.

Sa kamen de studinten û.o. mei plannen om mear Frysktalige muzyk te brûken by bewegingsaktiviteiten yn de âldereinsoarch, ferbettere kommunikaasje tusken Frysk- en oarstalige sjauffeurs, Frysktalige soarchleefplannen, Frysktalige bebuording by in grutte bakkerijketen, Fryske

menukaarten yn it restaurant fan in grut hotel en Frysktalige buorden mei regels fan sportfjilden en -terreinen.

By dy earste groepen betsjutte it benammen dat wy mei-inoar sochten nei in goede wurkwise en it stal jaan fan goede begelieding by it ûntwikkeljen fan harren projektplannen. Yn 2020 wolle wy der ek op ta dat wy studinten mear stipe biede by de realisearring fan harren plannen.

### Bedriuwfilmkes

Der is in tal bedriuwfilmkes makke by:

Supermerken Damwâld en Eastermar

Húsdokter Tsjummearum

Levvel-konsortium Ofslútdyk

Wetterskip Fryslân

### Taalpraatsje Muzyk yn Bedriuw

Om de twa wiken fersoargje wy tongersdeitemoarns in taalpraatsje yn it programma Muzyk yn Bedriuw. It praatsje giet oer ús aktiviteiten, dingen dy't wy tsjinkomme op social media, taalûndersiken, nije produkten ensfh.

### LearmarFrysk.nl - Blinder of Blunder

De 'Beter Spellen'-site fan Fryslân, mei alle wiken twa kear in nije opjefte.

Ein 2019 wie it tal abonnees 1.800

### Stimmebank

De stimmebank wurdt geregeld rieplachte en ynset by it ynsprekken fan benammen apps en reklames.

### LinkedIn

PraatmarFrysk hat in LinkedIn-groep dy't foaral rjochte is op Frysk yn bedriuw. Dêr wurdt geregeld in nij berjocht op pleatst oer it brûken fan it Frysk of foarbylden fan hoe't bedriuwen mei de taal omgeane. Tal leden LinkedIn-groep: 239.

### Frysk op 'e dyk

Sels mei in goede sichtberens kinne dingen soms sa fanselsprekkend wêze datst se net iens mear sjochst. Dat jildt ek foar it Frysk yn Fryslân. Om dat wat al sichtber is foar it fuotljocht te heljen, wolle wy safolle mooglik 'Frysk op 'e dyk' sammelje en sjen litte. Dat dogge wy sels, mar wy roppe ek de mienskip op om ús dêrby te helpen.

Der stiene ein 2019 1.207 foto's op de Tumblr-site. De foto's binne ek fia ús social media-kanalen ferspraat.

### Guerilja-buorde-aksje Droegeham

Yn maart hawwe wy wer allegear fleurige Fryske buorden pleatst yn in doarp yn Fryslân. Nei Terherne wie no Droegeham oan bar.

### Ynternasjonale Mediaplatform foar lytse talen

Yn 'e mande mei partners yn Baskelân wurdt wurke oan it krijen fan draachflak en it bouwen fan in audiofisueel netwurk foar omroppen en producers yn lytse taleregions – S(h)are – om sa ta heechwaardige produksjes te kommen, fan inoars ynfastruktuer, kennis en ûnderfining gebrûk te meitsjen en ek om te sjen oft wy regionale kulturele fenomenen in ynternasjonale podium jaan kinne. Yn dat ramt hawwe wy yn oktober op in kongres yn Edinburgh oer lytse talen en media west. Dêr hawwe wy it multymediale programma om LêsNo hinne presintearre yn 'e mande mei Omrop Fryslân. Der binne goede kontakten lein mei BBC Alba, EitB (Baskyske omrop), TG4 (Ierlân).

By de General Assembly fan ELEN, dêr't de Afûk lid fan is, is mei op inisjatyf fan ús in mediawurkgroep gearstald. Op dit stuit wurdt ûndersocht hoe't wy mei-inoar gearwurkje kinne om benammen foar bern ta mear oanbod te kommen.

#### Kampanje Fryske taalhelpmiddels Taalhelp.frl

Wy hawwe yn 2019 in ferfolchkampanje opset en útfierd om de digitale taalhelpmiddels better bekend te meitsjen. Ien en oar is bard yn gearwurking mei BWH en Omrop Fryslân. De website taalhelp.frl is promoate op ús social media-kanalen en dêrneist noch apart de helpmiddels dy't op taalhelp.frl te finen binne, mei spots dy't makke binne troch Omrop Fryslân.

#### Friesland Free Tour

Sûnt 2016 is de Afûk ek ûnderdiel fan de Friesland Free Tour, dy't elke freedtemidde om 15.00 oere oanbean wurdt oan toeristen en belangstellenden. Dielnimmers komme mear te witten oer it Frysk en Fryslân en leare ek in pear wurdjes Frysk. Under de dielnimmers sitte in soad bûtenlânske gasten.

Sjoch ek op: <http://www.aguidetoleeuwarden.nl/fryslantour/>.

#### Fierder

- Is yn it neijier fan 2019 it bijepakt tekene troch de Afûk, mei de PraatmarFrysk-kampanje as oanlieding. Yn 2019 binne der plannen makke foar aktiviteiten y.g.m. Silence of the bees en de gemeente Waadhoeke. Dy wurde yn 2020 útfierd.
- Wurdt der as ferfolch op it Tosta-projekt en ferskate gearwurkingen yn Talepaviljoen MeM no mei itselde netwurk wurke oan in teatrale produksje oer taal foar Galway2020. Taryeding 2018-2019, útwurking en útfiering 2020.
- Hat Mirjam Vellinga yn 'e maitiid fan 2019 op de International Conference of Minority Languages in presintaasje jûn oer twatalige konversaasjes, yn 'e mande mei Guillem Belmar fan de RuG. En Mirjam Vellinga wie foarsitter fan in panel oer Social Media en lytse talen.
- Hawwe wy fanút PraatmarFrysk it inisjatyf nommen ta it útjaan fan 'Leer je hond Fries'.
- Wiene wy mediapartner foar Unesco Year of Indigenous Languages.
- Hawwe wy ynformaasje jûn oer it Frysk foar de partners oan CoLing, in ynternasjonaal útwikselingsprojekt dêr't de Fryske Akademy en RuG (University Campus) partners yn binne.

### **Oersjoch sifers website en social media**

#### Website

Yn 2019:

Tal besiken: 6.842

Tal besikers: 6.766

Troch feroare algoritmen fan Facebook en Twitter binne communities lykas PraatmarFrysk minder sichtber wurden. Dêrneist is it algemien gebrûk fan Facebook en Twitter ek ôfnommen. Instagram sit dêrfoaroer yn 'e lift. Ien en oar hat ek direkt ynfloed op ús socialmediakanalen. It tal freonen/folgers is nettsjinsteande dy ûntwikkelingen stabyl bleaun.

#### Twitter

Ein 2019 hiene wy 13.281 folgers.

#### Facebook

PraatmarFrysk hat ek in Facebook-pagina. Ein 2019 hiene wy 22.909 freonen.

### Instagram

PraatmarFrysk hie ein 2019 goed 1.765 folgers op Instagram.

### YouTube

Yn 2019 hie ús YouTube-kanaal 19.026 views en 21.000 sjochminuten. Dus alle moannen waard ús kanaal sa'n 1.600 kear besocht en waard der trochinoar 30 oeren yn 'e moanne nei ús filmkes sjoen.

## **2.9. Legacy Lân fan Taal en Ynternasjonalisearing**

### Proeftún Meartaligens

De Afûk is PRIO foar Fryslân foar de Proeftún Meartaligens yn it ramt fan We the North. Yn 2019 hawwe dêr ferskate petearen en byienkomsten oer west. Dêrneist hawwe wy wurke oan in nij plan foar in Talekaravaan foar de proeftún yn 'e mande mei Explore the North. Ien en oar soe yn 2020-2021 syn beslach krije moatte.

### City of Literature

Ein 2018 begûn in tal minsken yn Ljouwert nei te tinken oer de mooglikheid om UNESCO City of Literature te wurden - in logyske fokus en stap nei it suksesfolle Lân fan taal. De oanfraach is fersoarge troch Ernst Bruinsma (Afûk), Marleen Nagtegaal (Explore the North) en Claudia Woolgar, mei help fan Sytse Jansma (skriuwer/Tryater) en Anne Graswinckel (KEK).

Sy krigen help fan de wichtichste spilers yn it fjild fan de taal en literatuer yn Fryslân: meiwurkers fan Lân fan taal, de organisaasje fan Kulturele Haadstêd, de gemeente Ljouwert, de provinsje Fryslân en de taal- en literêre organisaasjes.

Dy partijen hawwe elkoar moete yn groepssesjes en oare wurksesjes, pratend oer it ferline, it no en de takomst fan literatuer yn Fryslân. De nasjonale organisaasjes CPNB & it Nederlands Letterenfonds waarden ek rieplachte. Yn in ferfolch waard praat mei in gruttere groep minsken dêromhinne: útjouwers, boekhannels, skoallen, biblioteken en kulturele ynstellingen. Plenêre sesjes waarden brûkt om ideeën te testen en te ferrykjen, lytsere sesjes waarden brûkt om plannen te ferdjipjen.

Op 31 oktober 2019 is bekend makke dat Ljouwert 'UNESCO City of Literature' wurden is.

### Ynternasjonale talenetwurken en projekten

De Afûk is yn 2019 lid wurden fan it NPLD en hat dêrta de General Assembly yn Toulouse bywenne. Dêrneist is de Afûk partner fan it ECCA-projekt, in projekt dat binnen it NPLD ta stân kommen is en dat learlingen fan it fuortset ûnderwiis better bekend meitsje moat mei de European Charter for Regional and Minority Languages.

De Afûk is lid fan ELEN en hat op de General Assembly it inisjatyf nommen ta in mediawurkgroep. Mirjam Vellinga is yn 2019 beneamd ta lid fan it Steering Committee (sjoch ek 3.8).

De Afûk is partner yn it Erasmus+ LISTEN-projekt oer taalassertiviteit (sjoch ek by 3.8 Praat mar Frysk). It projekt rint fan 2019-2021. Partners: Universitat de Valencia, ELEN, Conradh na Gaeilge, Consiglio Nazionale Delle Ricerche, IAITH: Welsh centre for language planning, Universitatea Sapientia Din Municipiul Clujnapoca.

De Afûk is partner/mei-oanfreger yn in Creative Europe-projekt (oanfraach) oangeande de promoasje fan literêre útjeften yn in lytse taal. Utslach wurdt yn de maitiid fan 2020 ferwachte.

De Afûk is partner yn Óró, in taleprojekt/-produksje yn it ramt fan Galway 2020, mei partners/dielnimmers út Ierlân, Skotlân, Wales, Cornwall en Baskelân. Utfiering fan it projekt fynt yn 2020 plak.

### 3. Kultueroerdracht

Doel: nij perspektyf biede foar it oanbod, de ôfset en de produksje fan Fryske literatuer en it lêzen fan Fryske literatuer stimulearje.

#### Aksjes

It útjaan fan Frysktalige boeken

It foarmjaan fan it projekt Boeken fan Fryslân oangeande de promoasje en ferkeap fan Fryske boeken

It stimulearjen fan it oanskaffen en lêzen fan Frysktalige boeken yn it fuortset ûnderwiis

It útjaan fan it algemien-kultureel opinyblêd *de Moanne*.

#### Utjeften

De Afûk is útjouwer fan Fryske boeken en learmiddels foar de kursussen en it hiele ûnderwiisfjild. Njonken de reguliere útjeften foar de kursussen hawwe wy yn 2018 yn totaal 30 útjeften fersoarge, wêrfan sechstjin berneboeken (ynklusyf printeboeken) en jeugdboeken, sân útjeften mei literêre fiksje en sân mei non-fiksje. Fan dy 30 boeken gie it seis kear om in werprintinge.

Yn 2019 krige de útjouwerij prachtige berjochten oer guon skriuwers. De Tomkeboekjes krigen om te begjinnen de Simke Kloostermanpriis takend, Baukje Zijlstra krige de Douwe Tammingapriis en Aggie van der Meer krige de Gysbert Japicxpriis. In moai earbetoan foar dy skriuwers en in moaie erkenning foar de meiwurkers fan de útjouwerij.

It earste eksimplaar fan it *Graet Hylper Wordebook*, yn 'e mande mei de Fryske Akademy, waard ein maart yn Hylpen yn ûntfangst nommen troch deputearre Sietske Poepjes.

It boek *Sipke sil sile/Sipke gaat zeilen* ferskynde yn it Frysk en it Nederlânsk en waard útjûn as Gouden Boekje, yn 'e mande mei Uitgeverij Rubinstein. By in spesjale presintaasje yn it Woudagemaal (gastfrou Hilda Boesjes), krige skûtsjekipper Albert Visser fan De Lemmer it earste eksimplaar oerlange.

Twa oare bysûndere meartalige projekten wienen yn 2019 de cd *Y* mei alderhande tekstboekjes fan Wiebe Kaspers en syn band en *It deiboek* fan Janny van der Molen, wêryn't it iene haadstik yn it Frysk skreaun is en it oare yn it Nederlânsk. Dat jeugdboek ferskynde yn it ramt fan it Domela-jier. It nije diel mei foarlêsfêrhalen, *It Grutte Foarlêsboek II*, in útjefte wêryn't wy skriuwers en yllustratoaren debutearje litte, waard yn novimber yn ûntfangst naam troch Aart Staartjes.

Foar en yn 'e mande mei Tresoar makken wy boeken oer Ids Willemsma, Viglius van Aytta en Anne Wadman en foar it HCL in útjefte mei wurk fan fotograaf W.H. Kuipers.

Fierder waard *It spûskskip* fan Lida Dykstra presintearre op it WOW Meartalich kongres fan Cedin (juni), it stripalbum *Fete* fan Skelte Braaksma waard presintearre yn it Admiraliteitshûs yn Dokkum, in dichtbondel en in roman fan Janneke Spoelstra waarden presintearre yn it doarpshûs fan Hijum.

### Boekwinkel

Yn 2019 is de winkel fierder gien mei syn aktiviteiten en mei de webshop. Der wurde hieltyd faker boekpresintaasjes yn de winkel organisearre.

- Yn maaie is de game 'Twastriid' lansearre yn de winkel, troch ús ûnderwiisteam.
- Op 8 juny hat heit&mem in foarlêsmoarn organisearre. Gerda van der Wijk lies foar út it boek *Fan de lytse mol, dy't witte wol wa't him op 'e kop skiten hat*, Rienke Weidenaar song in pear ferskes en spile op har gitaar en de bern hawwe droltsjes fan klaai makke foar op de moltsjes dy't Stephan Berger tekene hie.
- Op 8 septimber liet de Afûk by UITinHUIS sjen wat er yn 'e hûs hat. De winkel wie de hiele middei iepen foar it publyk. Dêrneist wienen der spultsjes foar bern, in scrabble yn it Frysk, de lytskes waarden foarlêzen en fansels wie Tomke der om mei elkenien op 'e foto te gean.
- Yn oktober krigen reedrydster Heather Bergsma en har hûn Yuki op bistedei it earste eksimplaar oanbean fan *Leer je hond Fries*.

### Boeken fan Fryslân

Mei Boeken fan Fryslân besiket de Afûk yn gearwurking mei oare Fryske útjouwers de ferkeap en it lêzen fan Fryske boeken te befoarderjen, mei:

#### *Alternative ferkeappunten*

Der binne yn 2019 yn Fryslân 30 alternative ferkeappunten fan Fryske boeken organisearre (merken, diskettes ensfh.).

#### *Ferkeap oan skoallen*

Der binne yn 2019 yn totaal 23 boekekasten nei skoallen brocht. Uteinlik hawwe 18 skoallen boeken besteld.

#### *De Sutelaksje*

Der is yn 2019 op 14 plakken sutele mei boeken.

#### *It Boekewikegeskink*

Yn it ramt fan de Nationale Boekenweek is yn 2019 it nasjonale boekewikegeskink fan Jan Siebelink oerset nei it Frysk troch Jetske Bilker. De Fryske edysje ferskynde yn in oplaach fan 6000 eksimplaren. Yn de Boekewike koenen klanten kieze tusken de Frysktalige en de Nederlânsktalige edysje as geskink. Op de literêre jûn yn de eardere synagoge (no Saco Velt) – te gast wienen Jan Siebelink en Jetske Bilker – mei in ekstra programma mei de Dichter fan Fryslân en de Dichter des Vaderlands, kamen sa'n 125 minsken ôf. De presintaasje wie yn hannen fan Asing Walthaus.

Willem Schoorstra skreau it *Frysk boekewikegeskink Rosmos*, in útjefte fan Het Nieuwe Kanaal. De oplage wie 1000 eksimplaren en dy wienen oan it begjin fan de boekewike al útferkocht. Dy aksje krige in flitsende start yn Neushoorn, mei in grut feest (in lytse 300 besikers) en deputearre Sietske Poepjes dy't it earste eksimplaar yn ûntfangst naam. Willem Schoorstra hat yn maart 2019 seis optredens yn de provinsje fersoarge en yn septimber en novimber nochris twa.

#### *Podcasts*

Der binne yn 2019 sechstjin podcasts makke, yn gearwurking mei Omrop Fryslân en Praat mar Frysk. De seleksje fan auteurs en fragminten is dien troch Elske Schotanus en Paul van Dijk. Dizze auteurs binne selektearre: Janneke Spoelstra, Willem Schoorstra, Aggie van der Meer, Hein Jaap Hilarides, Elske Schotanus, Nyk de Vries, Ale S. van Zandbergen, Sipke de Schiffart, Anders Rozendal, Geert Nauta, Koos Tiemersma, Anne Feddema, Hylkje Goïnga, Sietse de Vries, Durk van der Ploeg en Baukje Zijlstra. Yn totaal binne de fragminten 1719 kear belústere. (Stân fan saken 6 febrewaris 2020). Sjoch ek: <https://www.omropfryslan.nl/boekekast>

### *De Berneboeke-ambassadeur*

Op 19 juny is op it WOW Meartalich kongres fan Cedin bekend makke dat Lida Dykstra mei yngong fan 1 jannewaris de Berneboeke-ambassadeur (BBA) wurde soe. Yn de hjerst fan 2019 is Lida Dykstra mei de tarieding op dizze funksje úteinset. Se hat tsien lesbrieven by tsien berneboeken ûntwikkele en har programma fierder útwurke. Der is in prosedure opset sadat skoallen en biblioteken harren oanmelde kinne en der is in begjin makke mei in eigen webside foar de BBA. Op [www.berneboekeambassadeur.fr](http://www.berneboekeambassadeur.fr) is mear ynformaasje te finen.

### *De Christeljike Bilbiotheek voor Blinden en Slechtienden*

Mei de Christeljike Bilbiotheek voor Blinden en Slechtienden hat de Afûk nije ôfspraken makke:

1. Boeken fan Fryslân helpt de CBB mei suggestjes foar titels en helpt de kwaliteit fan stimtesten te beoardieljen;
  2. Boeken fan Fryslân jout 1500 euro subysydje oan de CBB.
- Yn 2019 binne 13 boeken beskikber steld foar minsken mei in fisuele beheining.

### *Dichter fan Fryslân*

De begelieding fan de Dichter fan Fryslân, Eeltsje Hettinga. Alle 14 gedichten en publikaasjes yn 2019 binne trijetalich publisearre op de webside fan Dichter fan Fryslân ([www.dichterfanfryslan.nl](http://www.dichterfanfryslan.nl)) en op de Facebookside fan it projekt. De DfF hat rûnom optredens fersoarge op fersyk fan de provinsje (yn Brussel bygelyks) en oare organisaasjes. Der is in poëzystien troch him fersoarge foar de frijwilligers fan 2018 (by de Blokhuispoort), hy wie by Panorama Nederland yn de Kanselarij, by in iepening yn Melklokaal, by de iepening fan de Nationale Boekenweek mei Jan Siebelink mei in oersetwedstriid en hy hat twa boeken publisearre: ien mei oersettingen fan de Russyske dichter Boris Ryzji (yn gearwurking mei Melklokaal) en ien mei gedichten fan himsels (útjefte troch Willem Winters / Perio). Yn novimber naam Eeltsje Hettinga ôfskie op in moaie byienkomst yn de Stadskas fan Explore the North en is de nije Dichter fan Fryslân ynstallearre: Nyk de Vries.

### Lêsbefoarderingsprojekt LêsNo

LêsNo is in lêsbefoarderingsprojekt foar bern yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. It projekt is op inisjatyf fan it Platfoarm Lêsbefoarderings Frysk ta stân kaam en is in gearwurking fan

Bilbiotheekservice Fryslân, Cedin en de Afûk. Doelstelling:

- opdwaan fan in positive lêsunderfining mei in Frysk boek
- fergrutsjen fan de lêsfeardigens yn de Fryske taal
- opbouwen fan in jierlikse tradysje om – binnen in multymediaal lêsbefoarderingsprojekt – yn skoalferbân in boek te lêzen
- gearwurking stimulearje tusken partijen dy't belutsen binne by lêsbefoarderings Frysk
- stimulearjen fan boekútjeften foar de jongerein yn it Frysk

It stribjen is om jierliks minimaal 24.500 learlingen te berikken, ferdield oer minimaal 14 skoalokaasjes.

Dit jier stie by it LêsNo-projekt it boek *Sex to the Max* sintraal. Foar it boek is oan Bart Kingma de opdracht jûn om in ferhaal te skriuwen dat yn it ferlingde lei fan in nije flochsearje fan Omrop Fryslân (Halbe-Piter Claus). In pear skoallen woenen leaver net mei it boek wurkje en dy hawwe in titel út in eardere edysje fan LêsNo krigen. Uteinlik hawwe hast 3000 learlingen, ferdield oer 124 klassen en 22 skoallen, meidien oan LêsNo 2019.

Dêrneist hawwe 1345 learlingen mei in boek fan in eardere edysje fan LêsNo wurke. Dat alternatyf is bean omdat net alle leararen mei it boek wurkje woenen of koenen. In oar alternatyf wie dat mei it boek wurke is yn hegere klassen.

Posityf oan de weromhâldendheid fan guon leararen wie dat learlingen sels om it boek frege hawwe neidat Jennifer harren yn de floch op de mooglikheid wiisd hie dat se it boek fergees krije koenen. Dat wienen 260 jongeren. En in oare positive ûntwikkeling is dat dizze fernijde foarm fan lêsbefoarding goed beoardiele is troch in tal lanlike partijen. Yn 2021 krijt it projekt (flochsearje en in boek) neist de Fryske edysje ek in Nederlânske edysje.

### de Moanne

De Afûk hat yn 2019 yn opdracht fan Stichting de Moanne sân útjeften fan it algemien-kultureel opinyblêd *de Moanne* fersoarge. Dêrneist krigen de abonnees fan Tresoar in spesjale útjeftje oer 'Other Words' kado, mei bydragen fan it literêr Europeesk gearwurkingsprojekt Other Words. Neist de papieren útjeftje waard ek de webside fan *de Moanne* aktyf ûnderholden ([www.demoanne.nl](http://www.demoanne.nl)) mei aktuele bydragen. Fierder waard der oparbeide mei Explore the North. *De Moanne* wie ta beslút aktyf op Facebook en Twitter.



## Begrutting 2020

### **Baten**

Doelsubsydzje oerheden	1.602.618
Algemiene subsydzje provinsje	498.980
Oare subsydzje	365.000
Eigen ynkomsten	892.949
<b>Som fan de baten</b>	<b>3.359.547</b>

### **Lêsten**

Direkte kosten	1.610.810
Leankosten	1.460.752
Húsfêstingkosten	82.553
Burokosten	69.000
Organisaasjekosten	93.000
Ôfskriuwing	38.000
<b>Som fan de lêsten</b>	<b>3.354.116</b>

Saldo foar finansjele baten en lêsten 5.432

Saldo finansjele baten en lêsten

Saldo fan baten en lêsten 5.432

## Jierrekken 2019

## Balâns op 31 desimber 2019

Nei resultaatferwurking

Alle bedraggen binne yn euro's

<b>Activa</b>	<b>2019</b>	<b>2018</b>
<b>Fêste aktiva</b>		
Ymmateriele fêste aktiva	38.278	11.250
Materiële fêste aktiva	<u>84.182</u>	<u>62.686</u>
	<b>122.460</b>	<b>73.936</b>
<b>Flotsjende aktiva</b>		
Foarrieden	215.313	198.514
Foarderingen en oerrinnende aktiva	405.233	340.418
Likide middels	<u>1.016.330</u>	<u>937.362</u>
	<b>1.636.876</b>	<b>1.476.294</b>
<hr/>		
<b>TOTALE AKTIVA</b>	<b>1.759.337</b>	<b>1.550.230</b>
<hr/>		
<b>Passiva</b>	<b>2019</b>	<b>2018</b>
<b>Reserves en Fûnsen</b>		
Fermogen algemien	611.176-	644.711-
Fermogen útjouwerij	<u>1.381.658</u>	<u>1.434.520</u>
	<b>770.482</b>	<b>789.809</b>
Foarsjenningen	39.236	37.282
Koartrinnende skulden en oerrinnende passiva	949.618	723.140
<hr/>		
<b>TOTAAL PASSIVA</b>	<b>1.759.337</b>	<b>1.550.230</b>

## Steat fan baten en lêsten

In fierdere taljochting fan de baten en lêsten wurde taljochte yn it haadstik "Taljochting op de steat fan baten en lêsten". De nûmers dy't foar de ûnderdielen steane ferwize nei de spesifikaasjes yn fierdere haadstikken.

	2019 Werklik	2019 Begrutting	2018 Werklik
<b>Baten</b>			
Subsydzjes	1.902.416	2.295.906	2.429.674
Eigen ynkomen	<u>980.493</u>	<u>1.047.707</u>	<u>1.082.232</u>
<b>Totale baten</b>	<b>2.882.909</b>	<b>3.343.613</b>	<b>3.511.906</b>
<b>Lêsten</b>			
Direkte kosten	1.242.567	1.321.700	1.883.430
Direkte leankosten	1.189.030	1.327.159	999.037
Yndirekte leankosten	161.516	304.834	259.973
Oare personielskosten	45.438	66.998	48.968
Húsfestingskosten	85.040	87.037	83.240
Burokosten	51.622	73.000	75.596
Organisaasjekosten	116.516	152.000	131.779
Ofskriuwing	8.671	<u>26.100</u>	6.951
Bankkosten	<u>1.837</u>		<u>2.756</u>
<b>Totale lêsten</b>	<b>2.902.236</b>	<b>3.358.828</b>	<b>3.491.729</b>
<b>Bestimming saldo fan baten en lêsten</b>	<b>-19.327</b>	<b>-15.215</b>	<b>20.177</b>
Reserves			
Algemien	33.535		24.613
Kultueroerdracht	<u>-52.862</u>		<u>-4.436</u>
<b>Eksploitaasjeresultaat</b>	<b>-19.327</b>	<b>-15.215</b>	<b>20.177</b>

## Taljochting op de jierrekken

Algemien

### **Aktiviteiten**

De stichting Afûk hat as doel de kennis en it brûken fan de Fryske taal, de belangstelling foar Fryslân en de kultuer fan Fryslân te befoarderjen. De Afûk is statutêr fêstige oan de Bûterhoeke 3, 8911 DH Ljouwert, en ynskreaun yn it hannelsregister ûnder nûmer 41000904.

De jierrekken is opsteld neffens de bepalingen fan Rjochtline C1 Lytse Organisaasjes sûnder winsteachmerk fan de Ried foar de Jierferslachjouwing. De wurdearring fan aktiva en passiva en de bepaling fan it resultaat fine plak op basis fan histoaryske kosten, of it moat wêze dat dat oars oanjûn is. De neamde bedraggen binne yn euro's, of it moat wêze dat dat oars oanjûn is. Baten en lêsten wurde tarekkene oan it jier dêr't se op fan tapassing binne. Winsten wurde allinne opnommen foarsafier't se op de balânsdatum realisearre binne.

### **Rûzingen**

By tapassing fan de grûnslaggen en regels foar it opstellen fan de jierrekken foarmet de direksje fan de Afûk him ferskillende oardielen en docht dy rûzingen dy't essinsjeel wêze kinne foar de yn de jierrekken opnommen bedraggen. As dat foar it jaan fan it ynsjoch needsaaklik is, is de aard fan dy oardielen en rûzingen, ynklusyf de bybehearrende ûnderbouwing, opnommen by de taljochting op de oanbelangjende jierrekkenposten.

## Algemeine grûnslaggen foar de opstelling fan de jierrekken

### **Stelselwizigingen**

Mei yngong fan 2018 hat der in stelselwizing plakfûn. Dat hat te krijen mei it tapassen fan Rjochtline C1 Lytse Organisaasjes sûnder winsteachmerk fan de Ried foar de Jierferslachjouwing. Oant en mei 2017 binne eigen grûnslaggen tapast. Mei yngong fan boekjier 2018 wurdt C1 tapast. Dat is dien sadat de brûker fan de jierrekken ienfâldiger ynsjoch kriget yn de sifers en sadat wy oanslute by in opsteld ramt.

### **Grûnslaggen WNT**

Foar de útfiering fan de Wet noarmearring besoldigjen topfunksjonarissen yn de (semy-)publike sektor (WNT) hat de stichting him holden oan de Beliedsregel tapassing WNT en dy hantearre as noarmramt by it opmeitsjen fan dizze jierrekken.

### ***Ymmateriële fêste aktiva***

De ymmateriële fêste aktiva wurde wurdearre op it bedrach fan de bestege kosten, fermindere mei de kumulative ôfskriuwingen en foarsafier fan tapassing mei bysûndere weardeferminderingen. De jierlikse ôfskriuwingen bedrage in fêst persintaazje fan de bestege kosten, sa't neier spesifisearre is yn de taljochting op de balâns. De ekonomyske libbensdoer en de ôfskriuwingsmetoade wurde oan 'e ein fan elk boekjier opnij beoardiele.

### ***Materiële fêste aktiva***

De materiële fêste aktiva wurde wurdearre op oanskafpriis, fermindere mei de kumulative ôfskriuwingen en foarsafier fan tapassing mei bysûndere weardeferminderingen. De ôfskriuwingen wurde basearre op de rûsde ekonomyske libbensdoer en wurde berekkene op basis fan in fêst persintaazje fan de oanskafpriis, rekken hâldend mei in eventuele residuwearde. Yn it jier fan it yn gebrûk nimmen wurdt it ôfskriuwingspersintaazje tapast oer it folsleine jier.

### ***Foarrieden***

Foarrieden wurde wurdearre tsjin kostpriis of legere opbringstwearde. Dy legere opbringstwearde wurdt bepaald troch yndividuele beoardieling fan de foarrieden. De legere opbringstwearde wurdt fêststeld op basis fan ferkeappriis minus koarting of op basis fan de ferwachte ferkeappriis. De ferwachte ferkeappriis wurdt bepaald troch de ferkeappriis ôf te wurdearjen.

### ***Foarderingen***

De foarderingen wurde by earste ferwurking opnommen tsjin de reële wearde en dêrnei wurdearre tsjin de amortisearre kostpriis. De reële wearde en de amortisearre kostpriis binne gelyk oan de nominale wearde. Needsaaklik achte foarsjenningen foar it risiko fan net-ynbarberheid wurde yn mindering brocht. Dy foarsjenningen wurde bepaald op grûn fan in yndividuele beoardieling fan de foarderingen.

### ***Likide middels***

Likide middels besteane út kas, banktegoeden en deposito's mei in rintiid koarter as tolve moanne. Rekken-koerantskulden by banken binne opnommen ûnder skulden oan kredytnstellingen, ûnder koartrinnende skulden. Likide middels wurde wurdearre tsjin nominale wearde.

### ***Foarsjenningen***

In foarsjenning wurdt foarme foar ferplichtingen dêr't it wierskynlik fan is dat se berêden wurde sille en dêr't de omfang reedlikerwize fan te taksearjen is. De omfang fan de foarsjenning wurdt bepaald troch de bêste skatting fan de bedraggen dy't needsaaklik binne om de oanbelangjende ferplichtingen en ferliezen op de balânsdatum te berêden. Foarsjenningen wurde wurdearre tsjin nominale wearde. De rintiid fan de foarsjenning is 1 o/m 36 moannen.

## **Skulden**

De oerrinnende passiva en oare skulden wurde wurdearre tsjin nominale wearde, wêrby't foarsafier nedich foarsjenningen oanhâlden wurde.

## Grûnslaggen foar de berekkening fan it resultaat

Foar de posten dy't ynbegrepen binne yn it bedriuwresultaat, jildt dat winsten nommen wurde foarsafier't dy yn it boekjier realisearre binne en dat mei ferliezen en risiko's rekken hâlden wurdt foarsafier't dy ûntstien binne foar de ein fan it boekjier.

## **Subsydzjes**

De subsydzjebaten en subsydzjelêsten wurde tarekkene oan de ferslachperioade dêr't dy op slane, útgeande fan histoaryske kosten. Subsydzjeferliezen wurde ferantwurde as se foarsjenber binne, subsydzjebaten wurde ferantwurde as se realisearre binne.

## **Eigen ynkomsten**

Under eigen ynkomsten wurdt ferstien: de opbringst fan de yn it ferslachjier levere waar en fan de tsjinsten dy't ferliend binne, ûnder ôftrek fan koartingen en de belastingen dy't oer de omset heft binne. Opbringsten dy't fuortkomme út de ferkeap fan waar wurde ferantwurde op it momint dat alle belangrike rjochten, ekonomyske foardielen en ek alle belangrike risiko's oergien binne op de keaper.

De kostpriis fan dy waar wurdt oan deselde perioade tarekkene. Opbringsten fan tsjinsten wurde opnommen nei rato fan hoe't de tsjinsten ferliend binne, basearre op de kosten dy't oant de balânsdatum yn it ramt fan de tsjinstferliening makke binne yn ferhâlding ta de rûsde kosten fan de totale te leverjen tsjinstferliening. De kostpriis fan dy tsjinsten wurdt oan deselde perioade tarekkene.

## **Lêsten**

Yn it foarste plak wurde foarsafier't dat mooglik is de direkte kosten tarekkene oan de projekten.

De lêsten dy't net streekrjocht tarekkene wurde kinne, kosten persoanen (yndirekt en algemien), húsfêsting, kantoar, algemien en ôfskriuwingen, wurde tabedield op basis fan de werklik bestege oeren fan it persoanen oan de aktiviteiten, sa't blykt út de slutende oerregistraasje fan meiwurkers.

## Grûnslaggen foar de opstelling fan it kasstreamoersjoch

It kasstreamoersjoch wurdt opsteld neffens de yndirekte metoade.

## Untwikkelingen nei balânsdatum

Mei yngong fan 13 maart 2020 binne der lanlike maatregels fan krêft yn ferbân mei it koroanafirus dy't fansels ek de Afûk reitsje. Dat hat gefolgen foar al ús eksterne aktiviteiten, iepeningstiden en berikberens. Alle kursussen binne stopsetten. De Afûk-winkel is ticht, mar de websjop bliuwt wol iepen. De meiwurkers wurkje safolle as mooglik thús en kinne dêr oer it algemien goed trochwurkje oan de projekten. De situaasje is wat onwis, ek omdat wy net witte hoe lang it krekt noch duorje sil, mar it ferwachte ferlies fan ynkkomsten by de winkel en de kursussen bringt de kontinuïteit fan de organisaasje net yn gefaar. De provinsje hat ek oanjûn kûlant te wêzen by de ôfrekking fan de subsydzjes.

## Net út de balâns blikende ferplichtingen

### **Húsfestingskosten**

Op 12 febrewaris 2004 is in hieroerienkomst sletten mei Tresoar foar de doer fan 5 jier, yngeande 21 april 2004. De oerienkomst wurdt hieltyd mei 5 jier ferlinge. It hierbedrach foar 2020 bedraacht € 87.400 ynklusyf servicekosten.

### **Kopiearkosten**

Der is in hieroerienkomst sletten mei Ricoh foar de doer fan 7 jier, m.y.f. 22 maaie 2015. It bedrach foar 2020 is € 3.130.

### **ICT-kosten**

Op 1 maart 2011 is in ICT-oerienkomst sletten mei Tresoar foar de doer fan 5 jier, foar it behear fan 26 wurkplakken. It bedrach foar 2020 is € 21.000.



## Taljochting op de steat fan baten en lêsten

### Algemiën

Yn 2019 slút de steat fan baten en lêsten mei in saldo fan € - 19.327. Begrutte wie in resultaat fan - € 15.215. De baten falle € 460.704 leger út as begrutte wie. Dat komt trochdat der minder subsidiabele kosten makke binne as ferwachte wie. De eigen ynkkomsten komme mei € 980.493 in stik heger út as ferwachte. Dat hat te krijen mei de groei yn de omset fan de kursussen en eksamens. De legere subsidiabele kosten binne werom te finen yn de legere útjeften yn de direkte kosten (€ 79.133,-) en personielskosten (€ 303.000,-) as begrutte wie. Dat komt trochdat de yndirekte kosten leger útfallen binne. It hat der ek mei te krijen dat de direksje en it management mear tiid yn projekten stutsen hawwe.

### Ynkkomsten

Trochdat der minder kosten makke binne dêr't subsydzje oan tarekkene wurde moat, binne de ynkkomsten út subsydzjes ek leger. Yn de begrutting is der net in ûnderskied makke yn "oare subsydzjes" en "algemiene subsydzje". De taljochting op de eigen ynkkomsten steane yn it tabblêd "eigen ynkkomsten taljochting".

### Kosten

De oarsaak fan de legere kosten yn ferliking mei de begrutting leit benammen by trije projekten (Deltaplan, Grip en Stipepunt) en de útjouwerij. Foar Deltaplan en Grip jildt dat yn de begrutting hegere personielskosten opnaam binne omdat de formaasje fan it team by it opstellen fan de oanfraach oars wie. Dy binne yn realiteit mei it besteande team leger útfallen. De begrutting fan de direkte kosten is fjouwer jier lyn al makke en brûkt foar de begrutting 2019. It wie destiids lestich yn te skatten hoe't de gearwurking en de kosten fan eksterne partijen wêze soenen. By stipepunt siet de ôfwiking yn de gearkomsten dy't pland binne mar net trochgien binne en in nije webside dy't makke wurde soe mar dy't nei 2020 trochskood is (fanwege kreamferlof en de planning fan de makkers fan de webside). De kosten fan de útjouwerij binne ôfwikend omdat der minder oeren makke binne as begrutte en de oeren yn de begrutting oars ferdiel wienen.

### Overheadkosten

Personielskosten: yn de begrutting is in bedrach fan € 20.000 opnommen foar trainingen; fan dit bedrach is mar € 10.000 opmakke.

Húsfestingskosten: gjin bysûnderheden.

Burokosten: der binne yn de begrutting € 60.000 oan kosten foar de automatisearing rekkene; dêr binne werklik mar € 40.000 oan kosten foar makke.

Organisaasjekosten: yn de begrutting binne € 54.600 oan kosten opnommen foar publisiteit, yn werklikheid is der in lytse € 7.000 útjûn.

Bankkosten en ôfskriuwingen: der is begrutte dat de webside mei € 13.286 ôfskreaun wurde soe; yn werklikheid wie dat € 2.250.

Trochdat der yn de begrutting rom rekkene is foar de útjeften binne in protte kosten leger útfallen.

### **De neikommende subsydzjebetingsten binne fan tapassing:**

- It projekt te realisearjen neffens de oanfraach en de wizigingen dy't by de oanfraach goedkard binne;
- It de provinsje skriftlik te melden sa gau as it yn 'e reden leit dat it projekt net, net op 'e tiid of net hielendal realisearre wurde sil. Wy hearre de provinsje ek fuortendaliks skriftlik berjocht te stjoeren as wy net folslein oan de ferplichtingen foldwaan kinne dy't oan de subsydzje ferbûn binne;
- Deputearre Steaten beoardielje dan oft de melde wiziging fan dy gefolgen wêze sil dat de beskikking oanpast wurdt;
- As it meispilet foar de realisaasje fan de produkten/aktiviteiten oan de nedige fergunningen en frijstellingen foldien te hawwen en ús te hâlden oan de regels dy't ferbûn binne oan dy fergunningen en frijstellingen;
- In administraasje te fieren dy't op sa'n wize ynrjochte is dat dêryn op elk momint de rjochten en ferplichtingen dy't foar de fêststelling fan belang binne en ek de kosten en opbringsten neisjoen wurde kinne;
- De stikken dy't te krijen hawwe mei de subsydzjeferliening op syn minst fiif jier nei deitekening fan de beskikking te bewarjen;
- Us te hâlden oan de wize fan bestjoeren lykas fêstlein yn de Governance Code Cultuur;
- Oangeande it subsidiearre projekt de skriftlike kommunikaasjemiddels dy't rjochte binne op it publyk alteast foar in part op te stellen yn it Frysk;
- Yn publikaasjes oer de subsidiearre projekten oan te jaan dat dy mei mooglik makke binne troch in bydrage fan de provinsje Fryslân.
- Foar 1 juny fan it oanbelangjende jier 2018, 2019 en 2020 in tuskenrapportaaazje yn te tsjinjen.
- Jo bringe alle jierren oan de provinsje ferslach út oer hoefolle publikaasjes, dêr't de lêste fiif jier subsydzje foar ûntfongen is, úteinlik ferkocht binne.

De algemiene subsidzje provinsje bestiet út strukturele en ynsidintele subsidzje. De oare subsidzjeposten binne ynsidinteel. ûndersteand is in oersjoch opnaam per doel hoefolle en hokfoar subsidzje ûntfongen is. De presintaasje wykt ôf fan ferline jier om foar it oersjoch de strukturele en ynsidintele subsidzje apart te neamen.

De subsidzjeôfrekkeningen dy't opnommen binne yn de jierrekken, binne noch net goedkard troch de provinsje.

Naam	Kosten oeren	Oare direkte kosten	Totale kosten	Subsydzje provinsje	Oare subsidzje	Oare subsidzje provinsje	Eigen Ynkomsten	Totale opbringsten	Finansjeel resultaat
Edukaasje	277.151	158.095	435.246	315.911	30.570	0	113.353	459.833	24.587
Stipepunt	148.184	25.866	174.050	154.313	0	0	23.751	178.063	4.013
<b>Tuskentelling algemiene subsidzje (struktureel)</b>	<b>425.335</b>	<b>183.961</b>	<b>609.296</b>	<b>470.223</b>	<b>30.570</b>	<b>0</b>	<b>137.104</b>	<b>637.897</b>	<b>28.601</b>
Frysk yn de soarch	50.753	6.694	57.447	56.678	0	0	769	57.447	0
Praat mar Frysk	79.737	16.979	96.716	95.840	0	0	876	96.716	0
Heit & Mem	58.339	49.726	108.064	81.250	0	0	36.588	117.838	9.774
<b>Tuskentelling algemiene subsidzje (ynsidinteel)</b>	<b>188.828</b>	<b>73.399</b>	<b>262.228</b>	<b>233.769</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>38.233</b>	<b>272.001</b>	<b>9.774</b>
<b>Totaal algemiene subsidzje provinsje</b>	<b>614.163</b>	<b>257.360</b>	<b>871.524</b>	<b>703.992</b>	<b>30.570</b>	<b>0</b>	<b>175.336</b>	<b>909.898</b>	<b>38.374</b>
Foarskoalsk + Tomke	108.232	128.743	236.975	211.385	0	0	28.412	239.797	2.822
Deltaplan/ Underwiis	420.758	189.136	609.894	609.894	0	0	0	609.894	0
Grip	71.733	22.030	93.763	93.763	0	0	0	93.763	0
Dichter fan fryslân	17.433	0	17.443	0	0	0	0	0	-17.443
Boeken fan fryslân	56.622	151.316	207.938	188.668	0	0	22.127	210.795	2.857
<b>Totaal doelsubsidzje oerheden</b>	<b>674.788</b>	<b>491.224</b>	<b>1.166.012</b>	<b>1.103.710</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>50.539</b>	<b>1.154.249</b>	<b>-11.764</b>
Oerset buro	16.343	5.906	22.249	0	0	0	17.694	17.694	-4.555
Utjouwerij	196.698	287.878	484.576	0	42.145	22.000	499.298	563.443	78.867
Holi-Frysk	590	18.719	19.309	0	0	0	18.719	18.719	-590
Obe	5.912	0	5.912	0	0	0	3.396	3.396	-2.516
Winkel	151.174	181.480	332.654	0	0	0	215.512	215.512	-117.143
<b>Totaal</b>	<b>1.643.326</b>	<b>1.236.661</b>	<b>2.902.236</b>	<b>1.807.702</b>	<b>72.715</b>	<b>22.000</b>	<b>980.493</b>	<b>2.882.909</b>	<b>-19.327</b>

## WNT

Beleanning en Wet Noarmearring besoldigjen Topfunksjonarissen publike en semy-publike sektor (WNT)

Op 1 jannewaris 2014 is de Wet Noarmearring besoldigjen Topfunksjonarissen publike en semy-publike sektor (WNT) yngien. Dizze ferantwurding is opsteld op grûn fan it algemiene WNT-maksimum sa't dat op Stifting Afûk fan tapassing is.

It maksimum foar besoldigjen yn 2019 foar Stifting Afûk is € 194.000,- (2018 € 187.000,-). Dat tapaslike WNT-maksimum per persoan of funksje is berekkene nei rato fan de omfang (en foar topfunksjonarissen ek de duer) fan it tsjinstferbân, wêrby't foar de berekking de omfang fan it tsjinstferbân nea grutter wêze kin as 1,0 fte. Utsûndering dêrop is it WNT-maksimum foar de leden fan it bestjoer.

### **Beleanning**

#### **Topfunksjonarissen**

De beleanning fan de topfunksjonarissen fan Stifting Afûk is yn 2019 folslein yn oerienstimming mei de WNT.

Om ynsjoch te jaan yn de ûntwikkeling fan de beleanning fan de topfunksjonarissen wurdt in tabel toand. De tabel jout de beleanning wer sa't dy op grûn fan de prestaasjes oer it jier fêststeld is. De tabel folget de beleanningskomponenten lykas oanjûn yn de WNT.

	2019	2018
<b>Namme</b>	<b>K.J. Eekma</b>	
<b>Funksje</b>	<b>Direkteur</b>	
Doer tsjinstferbân	1/1-31/1	
Omfang tsjinstferbân yn fte	1,0 fte	
Eardere topfunksjonaris	nee	
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee	
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksom	ja	
<b>looncode</b>		
1000 - Bruto lean	1.578	
3020 - Beleste km-fergoeding	66	
3142 - Bydrage syktekosten	10	
6709 - Pensjoenpreemje	0	
6713 - AP-preemje WJ	0	
7740 - IKB	<u>317</u>	
Totaal besoldiging	<u><b>1.971</b></u>	
Tapaslik WNT-maksimum	187.000	

	2019	2018
<b>Namme</b>	<b>A.T. de Jager A.T. de Jager</b>	
<b>Funksje</b>	<b>Direkteur    Direkteur</b>	
Doer tsjinstferbân	1/1-31/12	1/2-31/12
Omfang tsjinstferbân yn fte	1,0 fte	1,0 fte
Eardere topfunksjonaris	nee	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksom	ja	ja
<b>looncode</b>		
1000 - Bruto lean	81.732	73.458
3020 - Beleste km-fergoeding	316	158
3142 - Bydrage syktekosten	120	110
6709 - Pensjoenpreemje	9.854	8.960
6713 - AP-preemje WJ	442	464
7740 - IKB	<u>14.073</u>	<u>12.651</u>
Totaal besoldiging	<u><b>106.538</b></u>	<u><b>95.801</b></u>
Tapaslik WNT-maksimum	194.000	187.000

2019

<b>Namme</b>	<b>A.H. Wester</b>
<b>Funksje</b>	<b>Bestjoerslid</b>
	<b>Skriuwer</b>
Doer tsjinstferbân	1/3-31/12
Omfang tsjinstferbân yn fte	n.f.t.
Eardere topfunksjonaris	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum	ja

**looncode**

1000 - Bruto lean	
3020 - Beleste km-fergoeding	
3142 - Bydrage syktekosten	
6709 - Pensjoenpreemje	
6713 - AP-preemje WJ	
7740 - IKB	
	<hr/>
	375
Totaal besoldiging	<hr/> <hr/>
	<b>375</b>
Tapaslik WNT-maksimum	19.400

2019

<b>Namme</b>	<b>L.J. Gebben</b>
<b>Funksje</b>	<b>Bestjoerslid</b>
	<b>Foarsitter</b>
Doer tsjinstferbân	1/3-31/12
Omfang tsjinstferbân yn fte	n.f.t.
Eardere topfunksjonaris	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum	ja

**looncode**

1000 - Bruto lean	
3020 - Beleste km-fergoeding	
3142 - Bydrage syktekosten	
6709 - Pensjoenpreemje	
6713 - AP-preemje WJ	
7740 - IKB	
	<hr/>
	-
Totaal besoldiging	<hr/> <hr/>
	-
Tapaslik WNT-maksimum	29.100

	2019	2018
<b>Namme</b>	<b>E. ter Keurs</b>	<b>E. ter Keurs</b>
<b>Funksje</b>	<b>Bestjoerslid</b>	<b>Bestjoerslid</b>
Doer tsjinstferbân	1/1-28/2	1/1-31/12
Omfang tsjinstferbân yn fte	n.f.t.	n.f.t.
Eardere topfunksjonaris	nee	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum	ja	ja
<b>looncode</b>		
5231 - fakaasjejild	-	300
Totaal besoldiging	-	<b>300</b>
Tapaslik WNT-maksimum	29.100	28.050

	2019	2018
<b>Namme</b>	<b>G. Duursma</b>	<b>G. Duursma</b>
<b>Funksje</b>	<b>Bestjoerslid</b>	<b>Bestjoerslid</b>
Doer tsjinstferbân	1/1-28/2	1/1-31/12
Omfang tsjinstferbân yn fte	n.f.t.	n.f.t.
Eardere topfunksjonaris	nee	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum	ja	ja
<b>looncode</b>		
5231 - fakaasjejild	-	300
Totaal besoldiging	-	<b>300</b>
Tapaslik WNT-maksimum	19.400	18.700

	2019	2018
<b>Namme</b>		<b>W. Sierksma</b>
<b>Funksje</b>		<b>Bestjoerslid</b>
Doer tsjinstferbân		1/1-31/3
Omfang tsjinstferbân yn fte		n.f.t.
Eardere topfunksjonaris		nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking		nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum		ja
<b>looncode</b>		
5231 - fakaasjeild		<u>75</u>
Totaal besoldiging		<u><u>75</u></u>
Tapaslik WNT-maksimum		18.700

	2019	2018
<b>Namme</b>		<b>A. Toering</b>
<b>Funksje</b>		<b>Bestjoerslid</b>
Doer tsjinstferbân	1/1-31/12	1/1-31/3
Omfang tsjinstferbân yn fte	n.f.t.	n.f.t.
Eardere topfunksjonaris	nee	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum	ja	ja
<b>looncode</b>		
5231 - fakaasjeild	<u>375</u>	<u>300</u>
Totaal besoldiging	<u><u>375</u></u>	<u><u>300</u></u>
Tapaslik WNT-maksimum	19.400	18.700



	2019	2018
<b>Namme</b>	<b>T. v.d. Goot</b>	<b>T. v.d. Goot</b>
<b>Funksje</b>	<b>Bestjoerslid</b>	<b>Bestjoerslid</b>
Doer tsjinstferbân	1/1-31/12	1/1 -31/12
Omfang tsjinstferbân yn fte	n.f.t.	n.f.t.
Eardere topfunksjonaris	nee	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum	ja	ja
<b>looncode</b>		
5231 - fakaasjeild	300	300
Totaal besoldiging	<b>300</b>	<b>300</b>
Tapaslik WNT-maksimum	19.400	18.700

	2019	2018
<b>Namme</b>	<b>N. Hornstra</b>	<b>N. Hornstra</b>
<b>Funksje</b>	<b>Bestjoerslid</b>	<b>Bestjoerslid</b>
	<b>Ponghâlder</b>	
Doer tsjinstferbân	1/1-31/12	1/4-31/12
Omfang tsjinstferbân yn fte	n.f.t.	n.f.t.
Eardere topfunksjonaris	nee	nee
(Fiktyf) tsjinstbetrekking	nee	nee
Sa net, langer dan 6 moanne binnen 18 moanne wurksum	ja	ja
<b>looncode</b>		
5231 - fakaasjeild	375	225
Totaal besoldiging	<b>375</b>	<b>225</b>
Tapaslik WNT-maksimum	19.400	18.700